



## Oan ús Leden!

Kin it yen sims net wêze eft de skimer al mar fierder oer ús lan-  
nen skout, eft ús folts al mar djipper yn 'e dodde rekket? Skierens  
krûpt oer 't huverjende gea, dûnkrens dûkt del om ús earmtlike  
wenten, ûnwennich waren de wyn troch it rydboskjende beamte en  
ûnljich gjalpet de rein oer 'e neakene fjilden.

Dat is de hjerst, dat is de nacht, dat is de dea.

Is 't ek sa mei ús biweging?

Né, sizze jim, trijeris né, harkje nei ús dichters, sjuch nei ús  
sjongers, lístrje nei ús sprekkers. Hwet in seafol folk by ús priis-  
sjongen, hwet in fieling by it fortolkjen fen ús prinslike lieten.

Jimme ha gelyk, der is folle dat moed jowt.

En dochs kin yn kâlde hjerstjounen, as ik sa iensum yn ús lytse  
wente mids de forsutere lânnen my ta mimerjen jow, it my sa drô-  
vich om 't herte wirde. Binne wy den de lêste fen 'e Mohikanen?  
scoe 'k hast mei ien fen myn frjeonen freegje wolle.

Binammen yn 'e lêste dagen takket it ôf. It Ald Selskip hat hûs-  
festing socht by in partikuliere ûndernimming, Kalma mei syn  
efteroankommers hawwe der in wakkerjen kropjen aan om hjar  
bytsje lûd in lyts keppeltsje minsken aan 't gefoel to bringen, Fol-  
kertsma syn *moanneskrift* tsjûget ien- ef twakear yn 't jier en binne  
wysels ek net oan 't efterútboerkjen? Wis al, ús foaroanmannen  
dogge hjar bêst, der binne dy't nacht en dei for ús saek iverje, mar  
it liket eft ús Christenfolk soks net acht jowt, alteast net op dy  
wearde skat, dêr't it rjuchtlik oanspraek op meitsje kin.

It keppeltsje skriuwers mient it earnstich mei syn wirk. Yn  
eigen tael jowt it it inerlikste fen syn wêzen, wol dat dwaen yn 'e  
suverste en keinste foarmen. En dat mei manmoedigens.

Dêrom scoe 'k oan al ús ledén forsiikje wolle: dwaen jim bêst,

om dit jier ta in jier fen bitsjutnis for Fryslân to meitsjen. Helje de Fryske psalmen op, lit eigen lieten riizje ta Gods eare. Skerpje de bern yn det se leaten fen in âlde stamme binne, jow jim nei bûtenút net oars as in echte Fries dat dwaen mei. Stypje ek ús Selskip, binammen mei nije ledien ef tiidskriftlêzers oan to bringen. 't Giet yn it tiidskrift om it heechhâlden fen 'e Christenfryske litteratuer, lit merke det Christen-Fryslân dat weardearret. Lit elk him opjaen ta de hichten fen idealisme en poëzije lyk ús dichters en skriuwers dy útteikenje.

Yette dit: In goed frjeon stjûrt my in lystke mei tsien nije ledien, dy't er yn in lyts hoartsje tiid for ús biweging woun hat. Sjuch, dat is de wei dy't it op moat As elk selskipslid him sa ekris to war stelde dit jier, hwet koene wy den in moaije sprong dwaen. Den wierne wy sâmar op in twa-trije tûzen.

Us skriuwers en dichters wolle it heechste en it djipste dat yn hjar libbet en trillet mei Christlike earnst en kulturéle bisnienens op it alter fen it heitelân dellizze, lit den ek elk Christenfries dat weardearje, en iverje om de saek fen Fryslân yn eigen lân net langer ûnbikend bliuwe toitten.

Wy komme nou alle almenaksmoannen mei 16 siden út, den is 't mei gauwens 24, noch Ijeaver wolle wy mei 32 yn 't Ijocht komme. Ta segen en heil fen it lyts lântsje dat wy sa great Ijeavje.

A. M. WYBENGA.

## Op Help út.

Hwa wol my helpe?

Al in jier ef trije, mooglik ek wol langer arbeidzje ik oan in lyst fen Fryske Plantenammen. Myn doel is de hiele Fryske Flora to bineamen. In soarte fen útstel to dwaen ta it fêststellen fen in offisiële namme for elke plant, dy't mooglik yn Fryslân foun wirde kin yn ús tiid.

Hûnderten folksbineamingen haw ik al. Sims wol tsien for deselde plant. Mar ek greate heappen planten haw ik wol yn 't Latyn en yn it Hollânsk noteare, mar dêr't my net in Fryske namme fen bikend is.

Hwa wol my yn dit stik fen saken helpe?

Ik scoe graech opjefte hawwe fen plantenammen út alle oarden fen Fryslân,

En dat net allinne.

Troch dit skriuwen siikje ik yn kontakt to kommen mei Ijue, dy't hwet forstân fen planten hawwe, en ek determinearje kinne.

As 't sa útkomt scoe ik den dizze persoanen hwet freegje kinne oangeande it foarkommen fen in plant op hjar doarp ef by hjar stêd. Ef ek my in plant ta to stjûren, dy't ik mei bikende eagen net ken.

Nochris, hwa wol my helpe?

Dokkum.

S. E. WENDELAAR BONGA.

U.S. Hwa wit in fryske namme for Conifereae. (Naaldboomen)?

## De tsien Fammen.

„Nou lit ús gean yn wite klean  
Ta blanks fen nochlikheit,  
Hy komt mei Ijocht fen fakkelskyn  
Oer 't berchtmeyne syn breid.”

Hy bliuwt yet hwet, hy toevet hwet  
Op d' âlderlike groun,  
Yn stille oertinking sterket hy  
Him for de willestoun.

„It fjild wirdt skier, ús each wirdt swier,  
De slomme lûkt oer 't lân,  
Wy jowe ús del, wy hâlde wol  
Us lampen by de hân.”

En stijrepracht yn wijde nacht  
Jownt frede oan 't swijsum gea;  
En swiete slûmer pattet sêft  
De froede fammelea.

Yn middernacht tsjin de earste wacht  
By 't lústerwird fen 't krûd,  
Giet jubelskal oer berg en dal  
Mei noegjend-lokjend lûd:

„De breidgeman, de breidgeman  
Yn rykforwielen klean  
Komt froalik op: lit elk mei sier  
Him nou tomiette gean.”

Dy swide rop! hja riizje al op  
Hja steane op 't biidzjend sté  
En meitsje om de optocht mei to dwaen  
De útskroefde lampen ré.

Mar fiif pear eagen skrillet kjel;  
Skrik stoarmet yn hjar hert:  
Gjin oalje hawwe hí' yn de krûk,  
De lampen ljochtsje net.

„O jow ús dochs, o skink ús dochs  
Hwet oalje ta de reis,  
Oars reitsje wy mei lege hân  
Yn tsjuster ûnderweis.”

„Dat kin net né, al binn wy ré  
Der is net for in oar  
Gean, keapje noch, miskien binn' jim  
Syn heuchlik kommen foar.

Dêr kaem er oan yn feestbitoan  
Yn ljocht en kostlik klaed,  
De bergen glimden fen syn glâns,  
Goud gloeide oer 't delteskaed.

En blank geniet fen sweevjend liet  
Dreau strieljend oer syn wei;  
Dy't wachte hien' en ré nou stien'  
Ljocht reizgen froalik mei.

Yn 't hillich hûs fol feestgedrûs  
Wier blide hearlikheit,  
Wier hege sang en drege klang  
For breidgeman en breid.

Dêr klopje yn 't mids fen 't heech tafriel  
Gûnt oan mei wylde rok:  
„Dwaen iepen Hear, wy hearr' der by  
En búgje by Jins lok.”

„Jim binn' to let, ik ken jim net,  
Jim wiern' sa pas net mei  
Dy't op 'e wei gjin eare docht  
Bliuwt út 'e seale wei!”

Yn 't hillich hûs fol feestgedrûs  
Wier ljochte wille bliid,  
Mar bûten stean de dwaze bern  
Net ré op rjuchte tiid.

\* \* \*

Nou lit ús gean yn hillge klean,  
Yn willesier, mei blomte yn 't hier  
By moanneskyn en himelwyn  
Op stille wei de Heilân nei.

Yn de iïdge seal by de iïdge preal  
Scille al Gods bern hjar Jezus sjen  
En by Him stean en mei Him gean  
Yn hearlikheit fen Majesteit  
Fen ivichheit oant ivichheit.

A. M. WYBENGA.

### Om 't missen ?

„Né,” sei er, „tippe wol, mar net yn 'e beam, hwet is dêr nou oan?”

„To,” trune ik oan, „it sit der sa hearlik.” Ik seach him al yn dy hege strampel sitten, dy't er as syn preekstoel bititeleseare hie, en mysels op 'e sydtûke dy't flak boppe de sleat hong. Prachtig koe 'k dêr mei skodzje, det de weachjes ûnder my fen plesier mei myn byld krijânboarten, tocht mij.

„Och seur nou net, wy moatte tippe”; en ik seach him al by de kûle stean mei de stôk tsjin de tipel oan. Ik joech ta, âlderwenst. Hwent hy wier sterk fen wollen, en dêrom mocht ik graech oer him. Och, ik skrutene en mijende jonge wier gewoanlik ûnderlizzende partij. Mar hy like dochs ek to hâlden fen immen dy’t by him opseach. Dêrom naem er my by de oaren ek yn ’e biskerming. Hja seinen det ik in bange kikkert en in kâldklûmer wier, dy’t neat doarsste. Mar Wytse wist wol better. Hy wier ’t yet net forgotten, ho’t ik him ienkear út in sleatfol wetter helle hie, dêr’t er efteroer yn trûzele wier. Sont wier ús frjeonskip oanrekke.

Wytse forstie my. Dêrom doarst ik him ek alles fortelle hwet yn myn fantastysk brein opkaem. En ik koe fen him forneare hwet ik fen oaren perfoast net ha koe: in goedlik bytsje spot om myn bûtenwenstichheden.

Wy tipten, mar for dat pas koe hy it net hâlde. Iderkear wier ik it earste op twahûndert stôkslingten.

Hy krike syn noct der wer ôf en foun hwet oars út: boerekoalstrûken yn ’e beammen goaije, en de iene mei de oare der út kegelje. Ik dych mei fensels, al wier ’t mei in hingjende prûl.

„Hwet bist altiten forfelend,” sei er, „noust winste, wolst oan ’t tippen bliuwe, en earst hiest der gjin sin oan.” Ik wist det er gelyk hie en joech my dêrom mar by syn sizzen del. — —

Hiele setten koene wy op ús frije eftersiddagen sa mei-eltsoar op en út wêze. Beide hiene wy net it measte mei it skoallegean op, it wier altiten in hiele tippel, om’t wy wol in healûre fen skoalle ôfwennen. en wy moasten dêrre sa stikum sitte. Wytse, dy’t neat to bêst leare koe, koe dat alhiel net flije, en my, dêr’t ik folle ljeaver dreame en fantasearje woe, koe ’t ek mar min sinnigje. Mar ús frije dagen yn ’t frije fjild! Dy forgoedene dûbeld en dwers al ús skoalleed.

Wy wierne de fjilden wol yn to aei-siikjen en sleatsjespringen, mar it aldermeast hâlden wy ta op it âlde terpke dêr’t Wytse-en-dy’s hûs op stie. Dêr hien’ jy de singel mei syn healformôgle beammen, earmtlike oerbliuwsels út in tiid do’t hjir in greatske boeregelegenheit stien hie; dêr hien’ jy de grêft, dy’t om’t it dêr sa heech wier, by ’t simmer lange riten droech laei, en dêr’t wy den yn om teanten en piipforside boarten; dêr hien’ jy de út it lead sakke homeije mei de greate stiennen der deunby; dêr hien’ jy de dobbe

mei de wetterwylgen en de skeane wâl en de hagedoarnen hagé, allegear plakjes for greate jonges om ûren en ûren dêr ynein to krijen.

En for my om ris flink bûten to slaen. Al dy âlde beammen hiene for my hjar teltsje út earder tiden do’t de rike boer en de steatlike boerinne mei de blauwe gudzen for de sjeas de homeije yndraeiden. Ei ik praette oer ’e loft, ho heech dy wol wêze scoe, ho’t it mûchlik wier, dat de stijrren der oan lâns slierden. En eft der efter de himel wêze scoe mei Gods ingelen. Der koe ik hielendal optein fen reitsje, en ik praette mar, praette mar troch, alles, alles hwet der yn it bernesieltsje omgong. Oare jonges begrepen dat net, mar Wytse, Wytse dy woe nei my harkje, dy liet merke det ik yn dat opsicht fier boppe him útstiek. Dêrom woe hy ek sa graech mei my boartsje, hwent ik wist ommers folle mear as hy, en dochs liet ik my fen him sizze, en dych ik by syn kuren syn sin. Sa libben wy foarelkoar en mei-elkoar ús goudene jongesjerren en hiene de iene for de oare gjin geheim, neat; alles wisten wy togearre.

O bliid hertinken aan goudene dagen. — — —

Sa binne wy feinten wirden.

’k Wit it yet skoan fen dy earste joun. Tiden en tiden fen to foaren hiene wy der al op ompraet. Wy scoene der togearre op út. Wytse hie it op Sjoukje forsjoen en ik op Mina, hjar kammeraetske. Hy hie ’t sahwt klearmakke. En ek for my de wei iepene, mienden wy.

Hwet hie ik dat fanke al faek efternei sjoen. Trinten draeide hja op hjar hakjes en hwet hie hja moai brûn krolderich hier. Readeftich wier ’t sei Wytse pleagerich, mar hwet koe my dat skele. Hja moast it wirde en oars net ien.

Wy gyngen, Wytse bleau; ik krike blau.

Hwet narre er my! Kinst dy net by de fammen rêdde, bist fier-sento blea, krigest noait in wiif, en al soks. ’t Waerd my klear, hy wier der greatsk op en seach út ’e hichte wei op my, skrutene jonge, del. — — —

Dochs is de maitiid lokkich fen ljocht! Op in fredige hjerstjoune brocht ik Mina nei hûs ta, it wier do’t oer de lege lannen ién effene dauwesé hong, mei golle stijreglinsters deroerhinne en yn it tropke beammen om Mina-en-dy’s hûs de rop fen in lette fûgel. Optein biwûndere ik dat libbene fanke oan myn side; nou’t hija der ienkear

yn meistimd hie det ik mei hjar mochte, like hja hielendal for my to wêzen, sa loftich fortelde hja alderlei lytse foarfaltsjes út hjar deitsch libben. Mocht ik oars for hjar wêze? Moast ik myn herte net wille jaen yn bliere utering? En Ijocht as de blankens fen 'e joune wieren myn wirden.

Hwet in jubel yn myn herte do't ik it dûnkere sintelpaedtsje wer deltrape. In faem, ien dy't dy bigripe scil, ien dy't for dy de goudene ljeafde draecht yn 't lokbisiele herte! sa nûndre it yn my.

„Nou, bidarje hwet,” kaem Wytse, do't ik him de oare jouns myn blidens utere, „'t binne fammen, myn jongkje! sa h jit, sa kâld. Hja kin dy noch wol genôch de hakken sjen litte.”

„Hoechst der net jeloersk op to wêzen, dû hast Sjoukje ommers wol,” glimke ik. „Dat is ommers als sok iens spul detst my faken allinne oanpiele liest, en ik myn kertier mar siikje koe.”

„Nou dêrfor hiestû dyn boeken en dyn teltsjes-optinkerij den ek! Mar tochst wier wier, det ik sa grien mei Sjoukje bin?” Hy waerd earnstiger.

„Hwet oars?”

Ho scil 'k it dy sizze, Sjouk is in aerlich fanke, mar der binne mear!”

„Goed, mar net for dy!” moast ik der útwringe.

Hy loek oan 'e skouders. „Sa'nen lyk Gees fen Thomas bakker scoe ik ek wol lije meije.”

Do waerd ik forheftich. „Skamje dy,” sei ik, „dy Gees! Den meist Sjouk net op tok hâlde.”

„Och der binne safolle dy't wol wer ris in oaren nimme. Men moat it ûnderskie ek witte.”

Ik fielde det ik bigoun to triljen. „Dû bist myn kameraet, mar witst wol detst my sear dochste mei sok praet. Wy meije mar ien ljeavje, ien, dy't yen tabihearre scil mei hiel hjar wêzen, ien dy't wy alles jowe, en dêr't wy alles fen freegje kinne. Dat hawwe wy ommers wol faker bipraet en den joechst my gelyk; en dêrom miende ik detstû der ek werkelik sa oer tochtste.” Ik fielde for dat stuit de sterkste to wêzen en dêrtroch waerd de mijende redenryk.

„Nou,” sei er, „ik wol dy net tofoaren ljeagenje, en dêrom haw ik it dy sein. Ef moast ik my tsjin dy oars foardwaen as ik bin? Dat scoe ek fier fen moai wêze. Sokke frjeonskip scoest ek net folle mei bidijel!”

Dy joune koe 'k net yn 'e sliep komme. Wytse, dy wisse feint, dêr't ik sa'n bitrouwen yn hie, scoe lyk wêze oan safolle fen dy lone jonges, dy't as hja by de iene faem wierne, al wer útseagen nei in oaren. Dat mocht net! En dochs like it sa. Oars hied er him nea sa uteरje kunnen. Ynlik wier myn bea oan myn Himelheit om nea sa to wêzen, om nea to boartsjen mei de ljeafde fen in faem. — —

't Like better gean to scillen. Wytse hâlde oan mei Sjoukje, en do't de oare simmer kaem, fytsten wy op in sierlike neimiddel mei ús fjouweren de Wâlden yn. Hwet in laits, hwet in skatter! Ik bigoun better meidwaen to kunnen, frij en los as de fûgels yn Gods lôften wieren ús willelieten. „Hy knapt op!” hearde ik him tsjin Sjoukje sizzen.

Earm yn earm wannelen wy troch de leanen fen de Swarteweis-cinder bosk, great fen geniet oer 'e steatlike beammen en de tûzenen fen bloeiende blommen. Ien Ijocht, ien biwûndering, ien blidens fen ljeafde.

Fleurichwei gyngen wy by de „Belvedère” op, de fammen foar, wy hjar efternei. „As jim dûzlich wirde, kinne wy jim altyd noch opheine,” sei Wytse.

„Jim moatte wol mei, nou wy it oandoarre, oars wierne jim ljeaver feilich ûnder bleaum,” joech Mina werom.

Einlings hiene wy de lêste treppen hawn en stiene wy dêr, lok-bildzjende berntsjes mids de wide natûr.

Njonken ús trillen de krunen fen it hege beamte mei sêft blêdforweech, foar ús seagen wy del op 'e fleurige greidlannen twisken de wide sleatten, dy't sinnebistriele glânsgen fen blierens.

't Like wol boartsjende wei to gean mei de minsken yn 'e mieden dy't de hea-operkes opsettene, ef dêr mei in foarke en riuwe twisken omskripten. Dreamerich seagen de kij by de hikke ho't de minsken hjar foer for de kâlde tiid dêr byelkoar tôgen. Dêr twisken troch as in fêste wite streek de wei nei it neiste doarp dat mei syn deun byelkoar sette hûzen om 't grote tsjerke mei syn slanke toer, dêr yn 'e greiden laei as in skitterjend stik kinst mids de laits-bloeijende natûr. En den yn 'e fierten de dûnker-dwaende bosken en dêrût kypjend de spitse en stompe toerkes fen de dimmene wâlddoarpkes.

Sa stiene wy dêr: de hinnen gear yn tankjende oanbidding, in teare stimming oer ús siele geande, sùnder wirden.

Hichterizing: maitiidsbloeing, fammeljeafde en frjeonetrou.

„Dat wier prachtich,” sei Wytse, do't wy risselwaesje makken om wer nei ûnderen to gean. De fammen joegen daliks biskie, eft hja in bytsje bliid wierne in al to greate earnst mei worden deroer wer fen hjar ôf skodzje to kennen.

Mar ik sei neat. — — —

„Dû hast it dochs mar ris gnap by Mina rôdden,” gekjage Wytse in joune ef hwet letter tsjin my, „men ken dy hast net mear, sa'n stik bist byschoerd.”

Ik liet dat by my delglide en sei: „To den mar; dochs scoe ik dy graech hwet freegje wolle.”

„Ho'st it nou fierders oanlizze moaste, miskien?”

„Och kom, nouris gjin gekheit. Kin men yen tsjin in faem wol alhiel útsprekke? Kin men sa alles sizze hwet der trillet djip op 'e boaijem fen yens siele?”

„Dat kinst sels it bêste útmeitsje. Hast nou noch net lang genôch forkearing hawn om dat to witten? Siz den it neiste mar, en it alder-neiste net.”

„Dat is gjin andert. Dû witst ho't ik bin: ik moat alles sizze, myn siele bleat lizze, lyk ik dat for dy ek doch. Sjuch, sa lyk lêstendeis, do't wy yn sa'n hege stimming wierne, haw 'k prebearre dy jountiids dêr hwet fen yn myn werden to lizzen, mar it wier eft hja my net bigriep; eigenlik like it my ta det hja hjar der ljeafst mei in geklik wurdtsje ôfmeitsje woe. Dêr haw ik it mei to krien: is dat nou brek oan earnst ef hâldt hja hjar sa mar? Gysgobbet hja der letter om as hja mei Sjoukje op en út is ef bigrypt se det myn fyn-fielendens mei myn wêzen sa gearhinget det in geklik wird fen hjar kant dêroer gjin foech jowt en in skram oer myn siele is?”

„Dwaen nou net sa bjuster. Foldocht it dy net skoan by hjar? Nim de blidens fen it hjoed, dy't in únthjit is fen 'e yet riizjender dage; dû hearst, ik kin 't ek wol poëtyk sizze.”

„Dat is 't just. Kin ik gerêst wêze op 'e takomst, as it nou my net jowt hwet myn siele freget?”

„Fregest ek tofolle?”

„Frjeon, *alles ef neat*. Dû witst wol: Ibsen.... O it scoe my suver lok wêze as ik my folslein bitrouwe koe.”

„Nou, den scil ik it dy mar plan-út sizze: bitrou it dy mar net. Sjuch, ik hâld fen dy, dêrom, al hast hwet friemds oer dy, ik kin 't forneare, ik mien it to bigripen. Mar de wrâld is sa net. Dû jowst

dy tofolle, dû bist to suver, to rjucht-út, mûchlik ek tofolle easkjend. Lytsere, oars oanleine sielen kinne net lyk dû!”

„Mar ik moat, en it moat!” ik hime it út.

„Dû scilst op 'e wrâld in bulte doarren fine mei greate skoattels derfoar, perbearje dy skoattels der net to ier foar wei to striken, den komst yn in hûs, dat net ré is ta dyn úntfangst. Letter miskien!”

„Ik kin op „letter” net wachtsje. Yn in hûs kinst meubels bringe, mar yn in leech herte, hwet bringst dêry? Kinstblommen miskien, mar dy binne dea, sûnder geur en sûnder únthjit.”

„Ast sa woste, skoattelst dysels by in hopen bûtendoar. Doch nei myn rie, en skoattelje dyn eigen herte better op slot. Kweekje dyn tinzen ta hwet suvers; goed, mar moatte wy ek net snoeije, òfsnoeije al mar wer oan?”

„Ik kin it dy net úntstride. Mar dost' sa krekt seist det de wrâld my net bigripe scil, bidoelst dêrmei....?”

„Just, ik bidoelde dêrmei det Mina ek net... yn alles net tominsten.... Dêrom, 'k siz yetteris: *jow* dy net tofolle, freegje net alles!”

„Mar as myn siele sa is!”

„Dû praetst as in bern, en dû easkest in hielal! Mar it hielal, dat minskeherte hijt úntslút him sa maklik net.”

„Dos, dû ek net for my?”

„Kin ik alles sizze? As ik hjoed dizze slingering nim, en moardy, hwet moatst wol fen my tinke? En den it kwea, dat yn yens siele hûsmannet, en mei lijnen del to slaen is! Moat men dat allegear sa mar bleat lizze?”

„Dû witst it ommers like goed fen sielewaksel as ik sels. 't Falt my net ta, soks my forhoalen to hâlden. Ik libje for 't ideale, ik stribje der nei mei alle macht yn myn siele, en dat, dat moat ik fine yn 'e minsken, oan hwa't ik my bisibje; oars mis ik de oansluting, en pûrfrjemden skouwe my yn tsjustere nacht foarby.”

„Mar lit my dy ris freegje: kinst fen it ideale libje? Moatte wy ús net op ús wirk útlizze mei alle macht en dêr in midspunt fen meitsje? Skodholje nou net. Dû wolst sizze, God moat yn it formids fen ús tinzen wêze, en dêrfendinne dyn útgean nei it hegere, nei it geastlike, nei it goed dat bliuwt. Mar ik sjuch dat oars. Strak gietst it libben yn. Den moatst mei God en mei eare dyn hûsgesin troch de tiid helpe. Dat nimt dy hwet langer hwet mear yn bislach. Dat wit ik wol oan myn heit. Dy hat ek foarsitter fen 'e feinteforiening west

en in bondeltsje opstellen út dy tiid is yet biwarre bleaun. Gnap wirk for dy tiid, hear! En nou, hy kin mar kwealk in brief mear skriuwe. Sa giet it ast fen moarns ier oant joun let yn 'e wapens biste. Griffernôch scil 't ús ek sa gean. Oant nou ta soargje dyn ålders for dy, mar witst wol detst mei gauwens mei lyk fol hwet in dingen to krijen ha scilste, dêrst' nou yet gjin aen fen haste? Ja dû sjuchst my oan, eft ik dy mei åld-pake-præt om 'e earen sangerje, en it is for myn dwaen ek rom earnstich genôch, mar wy moatte ús dochs ekris mei krektens offreegje: hwer rint myn paedtsje hinne?"

"Ik huvere, mar Wytse liet my yet net los. „Lêstendeis woest der net rjucht oan do't ik sei, it ekris mei Geeske perbearje to wollen, mar scoe dy net gesikter wêze for my yn myn ferfersfak as Sjouk, dy't oars net leard hat as efter de kij oan to bokseljen en hwet lân-wrotterije? 't Giet rounom sa. Elts siket út eigen stân syn oare helte, en dy't it net dogge, helje hjarsels meastal it lijen op 'e hals. Kinst it my ûntstride det stân, maetskiplike posysje en soksoarte ding, ik siz net, de ljeafde oermasterje, mar dochs bistjûre?"

Ik hie gjin tsjinpraet. It scoe allegearre wol wier wêze, en dochs wier myn herte yn grote opstân. Moasten den alle knoppen fen it geurjende ideael yn myn siele deaknypt wirde?

Slimmer: koe ik súnder mysels to forsaekjen it mei Wytse iens bliuwe? Moast net, hwet earst oanfolling fen elkoars karakter wier, nou ta spjalting liede? Der wier in snokkerig yn myn tingere siele.

Hy gyng. Ik seach him it paed deltraepjen, mei wisse stappen; hy scoe yn 't libben hwet fen bitsjutting wirde, hy scoe mei fêstens de baen opgean, en ik scoe in stimper bliuwe en by de wrâld net yn tel wêze. As ik op hichten stiigje scoe, den moast it wêze fen ideael en poëzije, mar op dy-en is 't iensem.

Yette klearder waerd my dat dy oare Snjeontojoune. Ik woe en scoe nou perfoast witte ho't Mina der oer tochte, it moast wirde riizjend lok ef... ik doarst it mysels net sizze.

Fleurich en luftich bihannele hja de nijtsjes út 'e feinte- en famme-wrâld en bigriep mar net hokker kant ik út woe. Hja lake mar, en op 't lêst op myn oantwingen sei se: „wy kinne dochs net altyd yn 'e wolkens wêze. Ik leau detstu yet op 'e „Belvedère“ stietst. Mar der binne ek yet oare plakjes op 'e wrâld. Dêr is men gewoanwei hwet langer."

Do't ik by hjar wei gyng, wier ik yet like fier as do't ik kommen wierj skrunenens hie my tobek hâlden.

Mar scoe dat sa bliuwe meije? Ik my net uterje tsjin dy't my neist op ierde wirde scoe? Hja myn sielewraaksel, myn stimming-wiksel, myn rank en blank bilibjen fen lofteljocht en wolkensaad net trochgrounje? Hja net ien wêze mei myn djipste fielings?

Den it mar útmeitsje? Scoe dat meije? Hie ik den net to folle hope yn hjar oproppen, ek troch myn wirden dy't jimmer deun en nei mei hjar wêst hiene? Hwêr kearden den myn idealen fen eren oer it ien jaem?

En dochs... As in wicht fen eangstigens fornaem ik it op my delweagen. It biknypte my it boarst, it heasde my yn 'e kiel op, it binaem my de siken.

Yn 'e fredige moannenacht stie ik efterhûs tsjin it stek oan. Ik fornaem de kij, dy't op 'e rigele yn 'e yester laeijen hjar speakjen, en in stik twa wearkôgen, by nou en by den in slach; in ûltsje siet op 'e naeld en rôp in nachtlûd, mar oars wier alles stil, blakstil. Sels de blêdtsjes fen 'e populieren forwegen hjar net.

Mar yn myn herte dy polskjende dining!

Moast den alles my ûntfalle dêr't ik op tidige hie, ljeafde en frjeonskip, kammeraet en faem, en det nou om't ik ik wier? En dat net in stive, hege ik, mar in tingere, klimmerklammerjende, idealistyske harmonije bistrubjende minske?

Koe 'k oars? Mysels, mysels ôfmeitsje? Scoe den myn fierder libben *libben* wêze? Scoe 'k den net bidobbe reitsje ûnder it wicht fen it deistige, lyk Wytse syn heit?

En dochs, scoe ik ek net forklûmje by it missen fen de libbene waermite fen frjeon en faem? Moast ik nin oanhâld hawwe yn 'e mieden fen myn tins en dream? Moast ik den allinne, allinne myn doarmerspaed ôfreizgje?

Mei in wylde hertesnokker gyng ik yn 'e hûs om — net to slieden. — — —

Sûnt is 't mis rekke.

Al wider en wider spjalte de groun twisken ús yn, en wy wierne op 't lêst allebeide bliid, det wy ús hinnen losmeitsje koenen om't wy dochs gjin fêstichheit oan eltsoar hiene, mar ús útrekke moasten om elkoar beet to hâlden.

Wytse gyng for syn fak in pear jier nei stêd ta en waerd dêr

hwet langer hwet praktysker. En do't Sjoukje bigoun to sukkelen,  
is 't twisken dy twa ek stikken rekke. Hja paste do hielendal net  
mear for him. 't Wier oars al sà-sà.

In jier ef fiif letter hawwe Wytse en Mina togeare de lange reis  
oandien. — — —

Tochten jim det ik sùnt dy tiid in iensume skriemer warden bin?  
Hielendal net.

As Gods swart-oerklaeide Ingel Leed syn 'wjunnen oer 'e ierde-  
bern útspraet, hat er wol in slim boadskip to sizzen, mar dochs  
is der seining yn syn warden, dochs is er: Boade Gods.

Der is fordjippingg komd yn myn sielelibben, ik bin mear ta  
mysels ynkeard, it waerd my jown yn Leed en Lok myn Liet to  
ljuentsjen om oan myn sangen myn fielings ta to bitrouwien. Scille  
minskien harkje en bigripe? Lit my dat oerjaen oan 'e Himelheit.

Folle blidens bliuwt my yn blom en bloeijing, myld yn 'e blankens  
fen Gods hillige Natûr.

Bihirding oer myn al to teare siele hat my ré makke om ek mids  
de minskien myn wird to sizzen, myn tinzen to uterjen.

Oare sielen hawwe oar leed, oar lok, ûnbigrüpber for my miskien,  
mar dochs kin der djipte wêze, al scil ik dy net peilje.

Dochs bliuwt der eat ûnneambers, eat ûnwennichs yn myn wêzen.  
Simstiden skrillet it djip op, is der in bangwêzen eft alles, ljeafde en  
lok, laits en liet ûnsuver en mei ljeagen bismodze is. Kinne sokken  
lyk as Wytse en Mina ellkoarren sa echt-ynlik ljeafhawwe det hja  
twa ta ien gearraend binne? En binne der net tûzenen sokken mear?  
Den huverje ik faken for in oar en for mysels.

Kin ik dêrom oan minskien myn ynlîkste djipte net sizze, is 't om  
't missen fen in earste frjeonskip, om 't mislearjen fen in earste  
ljeafde, det ik nea wer de rjuchte siele-oanslutting fine kin?

Is 't dêrom, det der in flues foar myn gesicht komt as yn stille  
peinzjensjounen in últsje op 'e naeld sit en de kij yn 'e yester lizze?  
Om 't missen?

FETSE GREIDEMA.

## Yn sûnde.

Der waerd sêft op 'e doar tikke.

Dat wier syn vrou, dy tik forstie er.

Sêft glimkjend kaem mefrou om 'e hoeke. „Myn dominy,” sei hja, en yn hjar wird laei earnst en laits garmongen. „Is 't al bisslist?”

„'t Falt my tige swier, ik kin yet net út 'e rie komme.”

„'k Wit wol det ik der net op ynwirkje mei; mar mei ik der wol op wize det de omstannichheden ek achtslein wirde moatte?”

„Wis al, mar sels út 'e omstannichheden kin ik neat opmeitsje. 't Lûkt my dêr en 't bynt my hirre. En hwet moat nou de trochslach jaen?”

„t Lytse mûltsje kaem yn fiemen. „Mar dominy, jy wolle dochs ek wol hwet om jins vrou dwaen, nou? Jy witte wol det ik dochs ek bihoefte ha oan omgong mei minskien, dy't hwet heger as it slucht-wei hinne folk steane? Jy scille my meistimme det ûntwikkeling en biskaving hirr sa'n bytsje foun wirdt. En nou geane de Heechstra's nei de stêd ta to rintenierjen, en jy witte sels wol ho'n doarn yn jins eagen it is, dat gefal mei de Koaiboer. Sjuch dat wieren nou just de minskien dêr't ik my yetris hwet útprate koe. Dat scil ik nou hirr misse moatte, — en jysels ek!”

Der loek in tear yn dominy's foarholle. Wis al, it wier dochs alderdanichste moeilik mei dy Koaiboer. Sa út 'e fierte hie hy der wolris earder gegrút fen heard dat er wolris pimpele, mar nou, nêns in fjirtsjin dagen, dy opskoer. It wier mear as mâl. Dronken, yn 'e sleat, as in dweil thûsbrocht. En dat in man mei sa'n flink forstân! Mar mei in swak karaater; dat hied er wol faker opmirken. Lykwols, wier hy just nou net nedich de Koaiboer wer op it goede spoar to bringen? Hawwe sokke natûren, dy't de macht fen 'e forlieding sa min wearste an kinne, gjin forlet fen in wisse, fêstbirette lieding? Hy hie yn dizze fjirtsjin dagen it al by himselme klear makke ho't er de Koaiboer wer op it rjuchte stêd bringe scoe.

Mar den hied er it der wer mei to krijen ho't er dat klearspylje scoe. Altyd hied er wol field det just syn ampt him steande hold, uteraerd wier er sels ek krekt allyk. To gau hird rinnend, to min

omtinkend. Hwet hie hy der sels al in poarsje leed fen hawn. Scoe hy den wol de goede liedsman wêze kinne?

Mefrou hie efkes yn in boekje omblêdde. Hja koe hjar man en wist det as hja hjar doel net missitte woe, him gewoanwei stil bitsjen litte moast. Ut himsels woe er better ta hjar plannen oerkomme, as det er der ta twangen wirde moast. Den waerd de geast fen tsjinpraet feardich oer him. Mar hja miende oan dominy sjen to kennen det er yn syn tinzen neijer by hjar kaem en dêrom moast hja der yet in pear worden oan tafoegje; dêr wier hja nou dochs for yn 'e studearkeamer kommen.

„Jy witte sels wol, ho't it dêr yn Stellegea hiel oars is. Dêr wennet hwet in oar slach minskien. De gemeinte is riker. Dat witte je ek wol oan 't traktemint, dat se jo oanbiede. Né, war dat nou net ôf. 't Mei net om de sinten, bidoele jy. Wy kinne der hirr ek wol mei ta. Mar ik woe dochs mar sizze det dêr mear ljeue fen ús ûntwikkeling en stân yn 'e gemeinte binne den hirre.” Efkes hâldde hja op, hja seach de tsjinwar opkommen, mar do gyng hja deur by him stean.

„Myn dominy komt sa faekris yn alliânsje mei de oare dominys út 'e klasjes, hy scil myn missen sa goed miskien net fiele kinne, mar ik, hwer scil ik myn kornûtsjes yn sa'n efterôfdoarp fine, nou't just twa fen 'e heechstoansteande femyljes dêr bûten komme to stean?”

Dominy fielde al hjar leidgens oer syn siele gean. Wier der net folle fen oan? Hy hie syn vrou út 'e greate-stêdsbiskaving weihelle, mocht er hjar den yn dit doarp forsjagrynge litte? Moast er ek net hwet om hjar dwaen? Koe fenwegensdat dit birop ek in útkomst wêze? Né, hja paste net by dizze doarpsminskien. Hja moast hjar tofolle delbüge. En dat giet in minske nea goed ôf.

Hy loek hjar nei him ta. „'k Scil der my yetris goed oer bitinke. De wei —”

Mar hja harke ljeaver net mear nei him. Hja hie hjar program ôfwirke, en derom makke hja hjar los. „Myn bêste man moat my net forkeard forsteaan. Ik wol him net twinge. Mar ik mocht sizze hwet ik op 't herte hie, nou? 'k Scil nou mar gau wer nei de bern. Ik hear se dêr wol wer oangean.” En mei in glimke stoep se de doar út.

Hja wier foldien. Hy scoe 't oannimme. Moast hjar man hjar ek net in bytsje to wille wêze? Hie God it net sa biskikt det er *hjar* ta vrou nommen hie? En for lange sij net nei omgong mei lyksteanden

en heechbiskaefden? Wier dat aristokratyske net eat fen Godsels yn hjar siele biskepen? —

It grimere dominy foar eagen. Hy koe syn tinzen mar net byinoar krije. Foardet syn vrou by him west hie, hied er it allegear yn forbân foar him hawn to stean. Ho't hy syn wirk yn dizze gemeinte noch net ôfdien hie. Op hwet manear hy fierder wirkje scoe oan út- en ynwindinge bloei. Ho't hy, nou't de minsken him sa starichoan bigounen to bigripen, tagonklike herten krike hie. Ho't er God tank joech for de segen, en om fierdere segen oer syn arbeid smeke hie. Dat er sels yn 't earstoan dat birop nei Stellegea net ienris sa earnstich opnommen hie, ho goed hy de foardielen for himselfs ek opmirk en ho goed it birop as sadanich him ek oanstie.

Sjuch, hy woe 't for himselfs net rjucht wêze, mar hy hie sa pas syn vrou net ienris de folseine wierheit jown. Hy hie him hâlden, det de kânsen for de beide gemeinten gelyk wieren, en dochs hie dat for him sa net west. Hy hie dat mar sein om, ja omdet det hjar it noflikst wêze scoe. Wier it den in Ijeagen? Hy huvere der fen. Ja mûchlik by 't útsprekken al, mar letter wier 't him dûdlik worden, det it dochs wierheit wier. —

In pear dagen letter hied er it birop oannommen. — — —

Tige fol wier de tsjerke do't dominy it ôfskie preke. Ja, nou bigriep er ho'n swier stik it wier, om him fen 'e gemeinte en de gemeinte fen him los to meitsjen. Sjuch, syn efterôfdoarske Friezen lieten dat troch in dei safolle net blike, mar nou it der ta kaem, moast de siele him utejer. En dat wie' wier en suver.

Hied er him der dochs mei forsind? Hie sels de Koaiboer net sein, ho't it him moeide det dominy nou foartgyng? Wier der net hwet yn dat each, dat frege om helpe en bystân, nou just, nou't de strijd for him earnstich en swier bigoun to worden? Wier 't net krekt, eft er hwet yn dy siele omgyng fen de stipe weisinke to fielen en dat net utejer te kunnen?

Fen de hiele moai opsette straffepredikaesje wier mei dominy neat kommen, allinne hied er sein do't de Koaiboer risselwaesje makke om de doar út to gean, eft hja ek yetris to gearre mei en for eltsoar bidde scoene. En dat gebet hie alle neden en noeden foar de Troane dellein.

Tige fol wier de tsjerke, en de gefoelichsten hiene mei de búsdœk yn 'e eagen omwreaun.

De âldste klasjesdominy spriek ek in ôfskiewird. „God hat it jo yn it herte jown det jy Stilsum forlitte, om nou fierder yn in oar diel fen 's Hearen wyngert arbeidzje to kennen. Mei dêr ek Syn segen oer Jins wirk wêze.”

Gods bistjûr, Gods wei? It gyng dominy kâld oer de lea. Wier dat sa, det God it him yn it herte jown hie? Wier 't net syn vrou, dy't him der ta oerhelle hie om it birop nei Stellegea oan to nimmen?

Hy moast him aan de preekstoel fêstklamje. It snie him troch de siele.

Hwet wier 't him rom do't alle offisjéle plechtichheden ôfroun wierne en hy him op syn studearkeamer yn syn stoel delfalle litte koe.

Dêr foel er yn 'e skild. Op 'e knibbels, ûren oanien. Hy moast it sizze oan syn God en syn Heit. Hy wier bûten de wei gien. En dat mei it hillige ampt.

„O God, forjow, forjow! Wêz mei dit folk en lit Jins segen oer hjarren wêze. Biwarje dizze tsjerke, dy't ik yn ûntrou forlit. Ik wit wol det Jy it bûten my dwaen kinne, mar dêrom mocht ik myn post net forlitte.

Mar det ek myn wêzen yn myn nije gemeinte net ta sûnde wêze mei. Jy scoene my der mei straffe kinne, mar tink om 'e earme skiep, dy't Jins erfdiel binne.”

Ja, syn bea wier neffens it Godlike wîrd, mar hy koe de frede net fine. Hie hy syn ampt net forlege ta in saek, geskikt om dêrmei de baen op to gean en foarút to kommen nei it wrâldske? Scoe dêr ea segen op rête kinne? Hie hy yn 't foarige dat wol genôch foar eagen hawn, en siet it him dêr net yn det nou dy sûnde him oerrompele en oerwoun hie? Wier net üngemirken in forkeard bigjinsel by him opsketten ta in stjonkende tûchplant? It wier net de sûnde fen in dei, mar it kwea fen de dagen dat him nei de bidelte laet hie. Dat wier 't dat him ûren en ûren skriljen die.

Do't de earste moarntiidstrielen oanljochten, wierne it yn syn siele yet mar skimerich lytse blinkjes, dy't him hope jaen mochten.

FETSE GREIDEMA.

## BOEKETAHEL.

*It forgift* fen R. Brolsma (De Fryske Bibletheek 4). Utjown by J. Kamminga to Dokkum 1923.

Brolsma is ien fen de gnapste Fryske novellisten. Hy sjucht de dingen skerp en teikent fornimstich. Syn figuren libje. Mei in glimke lit er ús syn persoanen sjen, hâldt se fakentiden op in earmslingte fen him ôf, en stekt hjarren fyntsjes de gek oan. Gewoanlik komt er mei sketsen út 'e wrâld fen 'e paria's út ús maetskippij, koerkerinders en merkesutelders wie ûnder yn hjar hiele hear en fear útstâld, lietsjesjongers en omstippers komme op it aljemint. Rûchskerne-hearlikens. Sa is de werklikheit, kin men sizze.

For dizz' kear is 't yn dat stik fen saken net op 't slimst. Hjir komme in pear figuren yn foar, dêr't men in bigjin fen sympathie for ha kin. Ek kleurige tafrieltjes, lyk as de kuijer fen Goass'-om en Aent mei de ferf-potten troch de lannen en de stoarje mei it keal.

Op Waling Dykstra is troch ús „Jong-Friezen“ wakker om lekskoaid, mar ho wûnder hja sels fen itselde daei bakt binne, lit ús dit boekje wer sjen.

Engbert Althûs is oan 't bidden; mei de skeane holle fensels. It is „syn wenstige formule fen de Heare yn de heechste himel, de lege ierde — de „voetenbank uwer voeten — de sündiger, dy't him forkwikke mocht mei de „kruimkes“ ensfh. En dyselde man wol de ferver forrifelje, komt mei in bobbel mei drank om safollesto makliker ta syn doel to kommen, en jowt ek in pear romerfolken oan in opslûpen jonge, dêr't er fen wit det dy al út in dranksuchtich laech is.


In riedling is 't ho't Brolsma sa bysûnder troch ús „Jongfriezen“ oanhelle wirdt. Syn skriuwtrant is neat gjin „Jongfryskens“ oan. Likemin oan syn realistyske teikeningen. It Historysk Idealisme hat forfêst yet gjin fet op syn figuren, dy't fen dat baeseftich gearbaksel griffernôch nea heard ha, noch ea priuwe scille.

Ef it moast wêze, om sjen to litten ho nedich de wrâld fen dizze minsken mei dat sipelsop bigettein wie ûnder moat.

Yette ien ding. Ho lokkich de sketskes as sadanich útfallen binne, it gehiel bifredigt net. Dat sit him yn 'e ynlieding, dy't krapoan like lang is as 't kapittel sels. M. o. w. de opset is to great, fierders is 't stik to smel útdijd, en men komt to gau op 'e ein.

Bij uzes sizze wy: forgif.

A. W.



## Rjucht en wirklean.

Jesaja 49 : 4.

Hwa lêst net mei hege biwûndering dat hearlike Bibelboek dat ús ûnder de namme fen 'e profeet Jesaja biwarre bleaun is? Men taest en fielt it: hjir is de biskaefde, de ûntwikkele, wy scoene sizze, de kultureel heechsteande minske oan 't wird, dy't tahâldend by foarsten en keningen syn Godsspraken en hillige werden forkindigje mei. Wis is syn wird en sterk syn styl, sa goed yn 't útroppen fen it oardiel oer it kwea fen Israël as oer dat fen Iraëls fijânnen, as ek yn 't bringen fen treast oan Sion en forsoening oan Jeruzalim.

Yn 't algemien is dat profeet-wêzen al in wûnder.

Greate, machtige redenen, swier en massyf as it lotterste goud, oanienslutend as granyt, hoekich en kantich as Gods bergen, sizze hja út hjar parsjende inerlik wei, en de Geast Gods segenet hjar mûle. As út dichterlike fisys en ûnder ivichheitsljocht wei komme de fisioenen harren, en hja sjugge oer tiden en ieuwen hinne. Sa foarmet Gods Geast hjar om ûnder it tsjinakseljende folk it ljocht fen it ivige Wird to siedzjen.

It wier swier wirk. Hja huverein der for tobek. Hja seine: wy binne yet sa jong. En wy kinne ús net rôdde mei de mûle.

Hja fielden Gods amme en hja freesden.

It woech as mounlestiennen op hjar skouders.

It polske as de weagen fen greate wetters.

Hja wierne de heech- en fynfielende geasten, dy't Godlike djipten yrtcijn wierne. En de warden, dy't hja útslingerend lyk de fjûrûtwende bergen de lava, hiene ien west mei hjar eigen inerlik, mei hjar djipte bistean, it wier troch hjar geast gongen as in triljende flym, en op 'e hichten fen 'e ekstase uteinen hja de hillige profeetsje yn jubel oer Gods dieden, en teffens yn de freze fen Syn oardiel. En by dit alles stribben hja nei it ideale, nei it folselein wêzen.

Mar hja bleauwen minsken, d.w.s. yn elts fen hijarren wier in apart diel fen de Godstins iepenbiere, lyk nou yet yn elts fen uzes; elts komt mei eigen persoan en karakter him to bijaen mids syn folts.

Dêrfendinne it forskaet fen fielen, fen bidjipjen, fen sizzen en fen sizkrêftigens.

Ien fen 'e machtichsten is Jesaja. Hwet grypt er mei faesje yn 'e snaren as er de Unforlikelike útteikent:

Hwa hat mei syn holle hân de wetters útmetten?

fen 'e himel mei in span de mjitte nomd?

yn in kynsen it stôf fen 'e ierde samle?

mei in blâns de bergen woegen?

de klingen yn skealjes?

Hwa hat Jehova's geast bistjûrd?

Hwa hat as Syn riedsman Him ûnderrjuchte?

mei hwa hat Hy rie hâlden, det er Him foarlochtsje scoe en Him it rjuchte paed leare en wittenskip,

en Him bikend meitsje mei de wei fen trochsicht.

Sjuch, folken binne as in drip oan 'e amer;

as in túchje oan 'e skealjes.

Sjuch, hy struit de eilannen derhinne as grûs.

Sels de Libanon jowt gjin brânhout genôch,

en syn wyld is net foldwaende for it brânoffer.

Alle folken binne lyk neat for Him,

as fûndingen wirde se teld:

By hwa scoeste God den forlykje?\*) Jesaja 40 : 12—17.

Hwet in forhevenens ek yn 't folgjende:

Harkje nei my, jim eilannen, en lústrje ta, jim folken fen fierren.

De Heare hat my roppen fen 'e memmeskerte ôf, fen myn memme

binnenst ôf hat Hy myn namme útroppen.

Hy hat myn mûle ta in skerp swird makke, ûnder it skaed fen Syn hân hat Hy my biditsen; Hy hat my steld ta in suvere pylk, forbirgen yn Syn koker.

En Hy hat my sein: Dû bist myn feint ta Israël, dêr't ik troch forhearlike wirde scil.

Mar ik sei: ik haw omdochs arbeide, ik haw om 'e nacht en idel-wei myn krêften towirk set: wis al, myn rjucht is by de Heare en myn wirklean is by myn God. Jesaja 49 : 1—4.

\*) Dr. Wumkes: Ut 'e heilige Dobbe.

Dat is de man dy't syn roppung forstiet en yn 't roppung nei to kommen syn ljochtsjend libben wit. Lit ús dit lêste fers efkes yn 'e lyst sette yn syn tredderlei bitsutting, as utering fen 't Profeet, as wird fen Christus en as treast for ús.

Great yn syn bitsutting is de profeet. Hy sprekt for syn folk. Ivichheitwirden binne it. Hy sprekt it moed yn, al mei Jeruzalim forwoaste wêze en de tempel yn gruzeleminten lizze. Nei de delklap komt de opfleur. Hy sjucht wer nije hearikheden forriizjen oer it âlde gea. Hy seit hijar lok en ivich libben: treaste, treaste for myn folk, de striid is oer, de sünden binne forsoene.

Hy sjucht oer 'e dagen en ieuwen hinne. De tiden tille op, en yn kleurfolle tafrielen teikent hy de Godsfeint dy't forlossing bringt, Hwaens wirk folstannich wêze scil. Liuw en laem scille by elsoar forkeare, kou en bearinne to gearre weidzje!

Hy wit it fen himsels. „Harkje eilannen en folken fen fierren: Gods Geast hat myn eagen forljochte, Gods azem myn mûle mei wizens foarsjoen. Dat is it goud fen it witten to stean yn Godlike roppung. —

Mei hy der den ek net op tiidzje det dat folk him heechhâlde scil as syn profeet, as syn wize, as him dy't de redenen Gods forstiet? Hearre hja him net op hadden to dragen? Bliid mei in soan fen eigen folk, dy't ivichheitstinzen yn him omdraecht, en it wird fen de Ivige polskjend troch syn siele gean fielt, en dat uteret yn heech epyske lyryk? Moat it folk net forsteant det in Godsgesant in Gods-gave is?

En dochs — hark ho't it him nei de kiel parset: ik haw omdoch arbeide, ik haw om 'e nacht it wird útgean litten. Israël lit syn profeten lije en syn Godsgesanten forkломje.

Dat is snijend. It folk slacht gjin acht op syn greaten, it yt en drinkt, tart en smart; it libbet der mar op dos, en laket en jublet om dingen dy't mar skynsels binne, weitarrend yn hol en leech en idel wêzen. Der kaem al fen dy sloppens en sleauwens yn 't folk, dy't letter hijar bilette scoe de rivieren, fen Babel wer to forlitten. Dat wier de dea for it nasjonalisme, dy himelplante fen Godsels yn 't minskeherte ta bloei brocht. Mar al fen in great part fen 't folk forkomme litten.

Wier 't net úntmoedigjend? Scoe men de hadden net slop by 't liif delhingje litte? En dat fen yens folk, yens broerren dêr't men yen ien mei wit?

Dêrfendinne dy lûde kjirming: „Om 'e nocth! hja binne forsuffe yn hjar sündige sompigens, hja jowe om gjin ienige treast, mar treastje hjarsels mei dingen dy't neat binne.

Ik haw krêftich ivere for myn God, ik haw myn lûd útset om de hirdhearrigen to biskreauwen: it joech neat, Israël woe net harkje, en Jakob hat him ôfkeard.

Mar den, hommels, it Ijocht, de blidens, it witten. Ja, it giet yn ien sike wei, dat: om 'e nocth, en dat oare: ik krije myn rjucht, myn wirklean wirdt my tateld.

It is wer de âlde tsjinstelling: de oerflakkigens dy't oars net sjucht as hwet foar hinnen is, en it djippere each dat oer 'e tiden hinne de útkomst merkslacht.

Myr rjucht is by de Heare, myn wirklean by myn God. Jakob mei net wer to bringen wêze, Israël mei him net gearsamlje litte, lykwols scil de profeet forhearlike wirde yn 'e eagen des Hearen en syn God scil syn sterke wêze.

Dat is it heechste. Minsken falle wei, de Ivige bliuwt. En as Hy sprekt troch de mûle fen Syn profeet, den kin 't net misse, den scil dat wird net mei lege hinnen wer by Him komme, mar it scil wêze: segen ef flok, it libben ef de dea.

Rjucht en wirklean. Hwet in machtich wird yn syn twa-ienheit. God jowt rjucht op wirklean, yn Syn wirklean scil Syn rjucht útkomme. Rjucht nei genade, en lean boppe fortsjinsten. Rjucht om't it folk sjen scil det it wird fen 'e profeet komt, en lean det hjer ek yet de sauntûzen binne dy't net for Bel noch Baäl búigje.

Ja, God jowt mear genade. It is Him to lyts det Syn feint de stammen Jakobs wer oprjuchtsje scil, en de finzenen út Israël wer opbringe scil, hy scil ek wêze ta in Ijocht oer 'e heidenen en ta in heil for 's ierdryks einen.

En as de profeet dizze sillige worden yn syn eareu wit, den raent er for ús bisef gear mei de grote profeet dy't wy yn Jezus as Gods Soan earbiedenis dogge. Hwent de profeten ûnder it âlde Forboun wierne it byld fen de Christus dy't komme scoe, en hwet neijer hja by God libben, hwet mear hjar wêzen likenis mei dy Hearlike útstriede.

Lyk mei de profeet fen 'e Messias is 't ek mei de Messias sëls.

It is de âlde tsjinstelling fen lykjen en bitsjutten, fen ynderlik en uterlik, fen skyn en wêzen; in tsjinstelling dy't berne út 'e sûnde,

de bismodze hinnen útstekt nei de blinkende blankens fen ús Heilân. Hwent it wêzen fen 'e Christus is majestet en hearlikheit, mar syn postuer is dy fen in lijende feint, fen in man fen smerten. En de greateren achtsje Him net.

Hy giet it lân troch goed dwaende en segen jaende. Hy genêst de siken, hilet de wounen, bitimmet de macht fen divels en kweagesten, forkindiget aan de earmen it bliid boadskip en oan forseinen forlossing en genede. Hy sêddet de hûngerigen en sprekt de delbûgden sillich.

Goed is Syn wird, machtich Syn sprekken, hearlik Syn tasizzen. It stiket fier út boppe de fimeleijken fen Skriftlearden en Fari-sieuwen, dy't hjar sels út 'e hichte tille, wakker heech opjowe fen hjar wet-neikommen en wilens mich útsopje en kemele trochswolje.

It folk is út 'e skroeven. It ropt fen Hosanne en spriedit grien en blommen op Syn wei.

Mar dat is net op in dûr. In striefjûrke. In heechopslaende lôge, rimpfen fen lossinigens wer dwêst. Hja litte yn nacht en near Him allinne. Hwent de goede Master giselt it forkearde. Dat docht sear, hwent dêr kriget elk syn part fen.

En as Jezus den Syn eagen opslacht oer Jeruzalim, bigjint Er to skriemen en it gjalpt yn Him op: „Jeruzalim, Jeruzalim, ho faken haw 'k dyn bern gearsamlje wollen lyk in âld klokhin de piken, en hja hawwe net wold! Fordjer en woastens oer dy!"

De evangelist Johannes seit itselde as Jesaja: Hy is ta Sines kommen, en dy't Sines wieren hawwe Him nêt oannommen. Mar safolle der Him oannommen hawwe, hat Er macht jown bern fen God neamd to worden.

Dêr is it rjucht en it wirklean fen ús Heilân.

Hjer hawwe wy to búigjen for it wûnder fen Gods genede. It wier it Godsbihaech om Him to forbriselen, om Him del to hompen yn need en dea, om Him to neiljen oan 't krûs, om Him to netteljen mei hellesmerte.

Syn siele is ta skildoffer steld, en dêrtroch scil Hy Syn broerren bihâlde, en sa giet it wolbihaech fen 'e Heare troch Syn tadwaen lokkichlik út oer ús ierde. Yn Syn arbeid hat Er foldien oan it Rjucht, en nou is 't Syn Rjucht, lean op Syn wirk, det Syn folk frij útgiet as it Oardiel spritsen wirdt. De Rjuchtfeardige bringt de

rjuchtfeardichheit oan, en de Hillige hat de hilligens irven for Syn folk.

It âlde Bounfolk hie Syn komst op ierde net fette. Hja wisten net det swart en ljeaflik mei elkoarme gean koene: Jakob hat Him forstaet en Israël hat Him forwirpen; it wierne mar de inkelingen dy't Him as hjar Forlosser hildigen, mar dêrta is Hy ek jown warden ta in Ljocht ûnder de Heidenen, ta ivich heil oant it ein fen 'e ierde. De flok is weinomd; de himels meije wer jûchje, en de ierde hjar forhûgje, de bergen heech fen freugde droane, hwent God woe sels Syn ginst bitoane.

En dat de ieuwen lâns. Tûzenen by tûzenen hawwe yn Him frede foun, frede troch it bloed fen it krûs en miljoenen by miljoenen hawwe dêr hjar holle op dellein.

En as Er strak weromkomt, as de bazune slacht, en de stimme fen 'e Archangel troch de loften daveret, den is it Laem Gods de Hearlike, den scil Syn uterlike forskining follein lykop gean mei Syn Godlik Wêzen. Den komt Er yn Syn segepreal en mei Him de greate skare dy't Er koft hat út alle stammen en slachten en talen en tongen.

As in stimme fen in greate tongerslach, as in lûd fen rûzjende wetters scil den de lofsang wêze fen Syn tsjininstfeinten. En riizjend yn tankjende jubel klinkt den it liet: Eare oan it Laem dat ús koft hat út alle naesjes en folken om Him to tsjinjen yn 'e ivige dei, yn Syn ivige stêd, yn it nije Jeruzalim, dêr't God-sels mei ljocht en heil ivich bywêzich is. Jesaja hat dat al sa sjoen as er profetearet: Gjin hûnger noch toarst, hijtte noch sinne scil stekke, hjar Untfermer scil hiarren liede.

Dit Bibelwird is ek ta ús treast opteikene.

Om't wy yn Christus libje; drippen fen de oalje, dêr't Hy mei oergetten waerd hjar swietrook op ús sprankelje, teisters fen it ljocht dat om Syn holle glânzget, ús ta segen binne.

Mar den ek Syn forsmading mei drage.

Al witte wy to stean yn 'e ropping, ús oplein fen God, — de minsken scille skodholje en spytgnyskje: „Hwet scoe 't mei dizze praetsjemakkars to bitsjutten hawwe?”

Der is in forskaet fen wirk. Ek op Christlik hiem.

Yn 'e Tsjerke moat de skatten fen Gods wîrd al mear biliden en bilibbe wirde, yn 'e skoalle moat it opkommend slachte fen de earste

bigjinsels leard wirde, opskettene jongens en fammenbern moatte fierder de baen op, dy't Gods willen en biskikken ús wiist.

Der is ek yet safolle dat tsjinkeart. Wy sjugge it regear fen it jild, it gobberjen om eare en macht, it longerjen nei great-swé-slaen en idel gepreal, it langhalzjen nei genietings en setten en pretten.

Dêr moat tsjinyngien wirde. De jonge Christen, yn it fjûr fen de earste ljeafde fielt dat, en mei manmoedigens fjuchtet er for it wiere hillich ideael. Hy sjucht de reinens, de blankens fen it folsein-wêzen, lyk Jezus dat teikent yn Syn Evangeljewirden, lyk Hy dat foarhâldt oan Syn folgelingen ho't hja wirde moatte lyk de Heit yn 'e himelen, follein en blank en suver.

En hy mient det it sa wêze scil. Det de minsken yn fjûr reitsje scille for it ûnstoflike, it geastlike, dat it it ivichdûrjende is. Det se yn hjar opnimme scille de lotterens fen it ideael, de hilligens fen it biginsel. Det se oandien, fen en optein oer syn from en flünkerjend foarbyld him folgje scille en de wissere wei mei blidens ynslaen moatte. En jûchjend scille hja yn Gods krêft drege dieden dwaen, en der scil in forjonge Christendom opblœije yn ljeafde en ljocht en waermens. — — —

En den, — iiiskâld —, de delklap.

Jildsucht, earsucht, bihâldsucht, alles strûst op him ta om him del to bûkjien, om him it foaroanman yn 't goede wêzen to ûntfymjanen.

En hy búget, hy speaket del yn 'e modder, en syn biniders smite mei stiennen. En de Mozessen dy't mienden hjar ropping neikomme to moatten, wirde troch hjar eigen broerren de woastyn ynjage.

It kroppet him tsjin de kiel oan: Omdochsa, om 'e nocht, idel wirk, de krêften forsllope; ik ha tige ivere for myn God, mar de minsken mienden det it my to dwaen wier om op hjar rôggen út 'e hichte to klatterjen; ik haw myn wirk mei moed opritsen, mar it briek my by de hannen ôf, alles liket idelens to wêzen.

Mar dit bliuwt sa net. Der komme wer skinne plakken oan 'e loft. Wis al, it rjucht is by de Heare. Hy scil it wirk ôfdwaen as 't Syn tiid is, en de kroan der opsette honear as Him dat haget. Sa moatte de toloarstellings tichter by God bringe. Fen minsken hoecht men it net to forwachtsjen en fen prinsen hoecht men yen neat wiis

to meitsjen. Yn Midian wirdt Mozes for sy taek rémakke. Dat giet altyd oars as wy it ús tocht hiene.

Dit wird is ek ta opfleuring fen ús as lytseren, as biwenners fen in efterôfgat fen in doarp, dy't it giet as de profeet Amos. Wy binne gjin profeten en wy hawwe neat fen profetesoannen, wy hawwe net preaun fen it hege kultuerlibben, en wy hawwe net dold nei de wittenskiplike skatten, fen in universitaire oplieding witte wy neat, en wy praté yn in tael dy't op alle bûgen skoudere wirdt, efter skiep en kij is ús fortier, — Sa witte wy det ús wirkjen op geastlik gebiet lyts, o sa lyts wêze moat, — mar wy kinne' moed hâlde.

Hwa op ierde is by God lyts ef great?

Dêrom doarre wy siedzje, hjir en dêr in hantsjefol, mar de kerltjes scille opkomme, en de griene sprútsjes scille de fjilden mei jong libben biklaeije, en de ieren scille skodzje en weagje op 'e wjuk fen 'e winen, — al scille wy sels dat net sjen ef net bilibje, wy kinne it yn Gods hân jaen. God sjucht, God leanet. *Oars as wy wolle, dêrom ek better.*

Lof ef lekskôging fen minsken hoecht yen dêrom nea yn 'e wolkens to bringen ef mismoedich to meitsjen. Rjucht foar ús út moatte wy de wei sjen. Den gjin twivel. It rjucht is by de Heare en it wirklean by ús God. En as der fen Gods warden nea ien omdochsa ta Him weromkomme scil, den scil ek net ien fen Syn wirken, fen Syn gaven yn Syn tsjinders dellein, om 'e nocht bistege wêze. Dat is treast, dat is romte, dat is útsjuch op ivige blidens. Dat tilt ús it herte nei hegere kriten, dat lit ús ivichheden sjen.

Fen de Heare. Dat is: it scil fêst en stevich wêze. Lyk Jehova sels. Lit ús jimmer stean yn dat gelove.

A. M. WYBENGA.

## Gaesterlân.

Nou weacht swier op myn hert it âld forlangen,  
Om op dyn stille paden wer to gean,  
Om iensum yn dyn dûnker wâld to stean  
En lústrje nei it rûzjen fen dyn sangen.

weihelje en plantsje 'm yn ús hege Noarden; al stiet er ek tsjin froast en stoarm biskûle, hy scil nea wer sappige, blinkende goudfruchten drage. De earme knikker-appeltsjes, dy't der oanhingje, binne in oanklacht tsjin syn boalen en in skriemend langstme nei de heitelânske groun.

Dit jildt yn yet folle sterker sin for in minske, for in folk. De Hollânske dichteres Annie Salomons, hat it sa ynwier sein: „Een mensch moet nu eenmaal bloeien, waar God hem gezaaid heeft.” Dizze wierheit moat djip woartel sjitte yn alle Friezenherthen.

Forwachtsje út in Fryslân, dat himsels forkoft hat gjin helten, dy't skiene as ljochten yn in tsjustere wrâlld.

Broerren! as God ús nou brûke wol, om ús lân for ûndergong to biwarjen, scille wy den net opstean út ús sliep en fennijs mei hillich fjûr trou swarre oan ús heech ideael?

Yn ús bigjinsel, dat suver is as de sneie, sit ryk ûnthjit en sterke oerwinningskrêft. As wy mislearje, as ús folk en tael stjert, den komt it, omdat wy ús ropping net forstienen. F. GALAMA.

### Dû wierst sa stil . . .

Dû wierst sa stil fen wémoed  
Omsluire yn wolkemacht,  
En oer dyn doarmerstinzen  
Hâldst bleek fen suchtsjen wacht.

Dû wierst sa stil fen langstme  
Nei hillich himelwiid,  
En yn dyn eagen skymre  
In djippe triennestriid.

Dû wierst sa stil fen lieten  
Bidimme yn 't wieljend hert  
Oer gouden dream forliezen,  
Oer faei biditsen smert.

Dû wierst sa stil fen huver  
Oer kritend hjerstbidriuw,  
As gouden dagen geane  
En stymske nachtlen bliuw'.

Dû gyngst dyn smodze paden  
Yn blêdforheistre hôf,  
Dyn ljeavjen wier yn nimmen  
En jaen sa snokkerdrôf.

Sa gyngst dyn feale dagen;  
Ik haw dyn tsjirmjen sjoen.  
En hwêrom naemst myn siele  
Yn dyn bidwelmingstsjoen?

't Is om ús swier misdriuwen,  
Forlies fen rein jewel;  
Mar bliuwt der net in Jezus  
For sleine mimersiel?

A. M. WYBENGA.

## FANNY.

Uren oanien siet er dêr, de brune eachjes glinstrich-strak iepen,  
stoarjend nei de wite gedaente yn 't houten, bonkich him opjaende  
ledikant.

Sa aenstouns scoe 't wer iterstiid wêze, en der skeat fen alles  
for him oer, — kop oer 'e side slingerjend fong er den de biten,  
dy't de bleke gedaente him ûnwis taslingere, yn syn happerich bekje  
mei dy glêd-geve toskjes op. Den skitteren en fjurken dy brune kiperkes sa.

En de frou koe sa mei hjar lytse kammeraet lizze to stoareagjen.  
Scoe dat trouwe bistke hjar bigripe scille? Al it wé dat hja yn hjar  
iensemme herte bismoarde?

Hja wier yet sa jong, en nou al sa'n gesukkel: al tiden hie se  
omgammelle. Forline maitiid like it wer hwet by de wâl op to skarreljen; dêrtroch hie hja dit plak as húshâldster ynnimme doarren.  
It wier sa geskikt. De foarige, dy't hjar sa'n tweintich jier ompandere en it saekje yn 't lêstoan gnap forwaerloazge hie, wier forstoarn; en hja hie mei nije moed hjar der ta set om it húshâldingkje  
fen 'e âld weinmakker nei de easken fen in jonge smaek yn to rjuchtsjen, en sa hjar it libben op 'e nij to bigjinnen. Hja hie hjar  
wer bliid en fleurich field. It âlde wenhûs seach hielendal út oare  
eagen, en sels de baes, in aparte kyk-yn-'t-waer wier yn 't úntteijen  
rekke. Hwet in laitsjend lok!

Mar mei de hjerst wier 't wer misroun. O dy pynlike riten! En  
nou dat omtôgjen. Scoe hja, mei hjar jong fleurich herte nea de  
blidens fen 't libben genietsje?

Den kamen der riten fen opstean. For hjar it lijnen — for hjar  
kammeraetskes de ljochtens fen it libben, yn de wille fen it sounswêzen, yn de jounpraet ûnder mekoarren en mei de feintsjes dy't,  
nei it deistige wirk, mannige útsetter aan it adres fen 'e gysgobjen-  
den gearstalden.

Hja moast dat misse. De jongfeint dy't yn hjar sounen dagen gau-  
ris om hjar hinne streakke hie, gyng nou mei in oaren-i'en, och ja,  
hja koe it him net kwea ôfnimme, mar it wier hjar pynlik, o sa.

Wis hja hie yn hjar jonge dagen ek in oare Oanhâld foun, hja  
hie ek leard fen in Heit, Dy't Syn bern kastijdet ta hjar nut.

Wier 't wol sa? Ek for hjar?

Né, stimme fen 'e twingjende twivel, dû meist hjar net nei nearer

Iannen fiere. Jezus hat ommers ek for hjar foldien. Bylden út hjar  
famkesjiernen, sillige furen fen reine frommens en oerjefte bloeden  
yn hillige tinkensstounen yet wer mei blossemjende blidens yn hjar  
siele op. By al de dûnkrens fen oanweagjende lijensûren dochs yet  
hope en bitrouwen.

Mar ek, hwet in missen! Beide âlders al nêss tiden forstoarn,  
broerren en sisters allegearre trouw, gjin thús, oars net as ditte, dat  
hjarres net is en noait net wirde scil.....

Wier 't eft Fanny fielde de skrouske forlittenheit fen 'e nije húshâldster? En socht hja ek net oanhâld by him? Hwet hiene hjar  
sêfte hadden faek oer syn glânzige hierren streakke, hwet hiene  
hjar grote blauwe eagen faek yn syn brune kiperkes stoarre.

Nou tommelt se al dagen om, siik, al siker — — —  
Earnstich wier dokter kommen. Mar dochs hied er yet hope jown.

— Nei Ljouwert,... operearje....  
Hwet seach hjar der tsjin oan. Hjir wei, út 'e kinde, nei de pûrfremchte, en den.... it mês....

Mar hja fielde it ek alle dagen dûdlicher, it moast. Hjir koe hja  
dochs net bliuwe. Baes wier skiklik, hie alles oant nou ta gewirde  
litten, mei in foech help it rûchste wirk hwet biknoffele.

Lykwols mei in pear wike scoe 't oars komme, in oaren scoe  
komme, geskikt, femylje fen 'e baes, — en hja scoe to Ljouwert  
lizze, yn dat huverich greate hûs, mei syn blekens fen lijen, syn hol-  
lens fen leed.

In oaren ien scoe dit húshâlden, *hjar húshâlden* oernimme, en hja  
scoe net mist wirde.... Alles scoe der like goed om troch gean....

Seagen de brune appeltsjes net mei in waes fen meifieling by it  
ledikant op? Fielde it bistke de swierte fen it skieden net oanweag-  
jen kommen? — — —

De lêste stoune.

Alle broerren en sisters moasten yet efkes by de sike sjen. It  
dearet hjarren oan, dy libbene fleurige sister fen eren! Mar oars,  
elk hat wer syn eigen biswieren, dy't hja, sels by 't toevjen yn 'e  
sikekeamer net alhiel forsette kinne. By it sjen fen it lijen daegje  
ek de swiere dingen fen eigen húshâldinkjes op. En flûsterjender-  
wize sizze hja elkoarren hjar swierrichheden.

De sike fielt dat dield wêzen fen hjarren tinzen kâld oan. Net  
ienris, nou net ienris ién fen hjar bisibben dy't him loswrakslet  
út eigen bislûmeringen, om mei hjar mei to fielen, mei to lijen,  
folslein.... It docht hjar sear, — searder as dy stekkende pinen yn  
't lichem.

Mar binne der gjin twa trouwe eachjes dy't net ien wink de  
masteresse út it gesicht forlieze?

„Toeterdetoeet,” mei in linige swaei komt de auto om 'e hoeke en  
draeit him by 't hûs fen baes weinmakker om.

Bihoedsum komt hja út it ledikant, steund fen 'e twa âldste sisters. Slûpstirtsjend tripket Fanny de keamer roun, eangstich dwaend by safolle optilling. Dêr sjucht er hjar gean by it rigeltsje lâns; bûrljue en sibben wirdt de hân jown, dêrby in pear warden ta ðfskie. „Symkje dach,” ek it lyts fanke dat troch in dei it wirk diich, krike in wirdtsje.

Unophâldlik sjucht it bistke de biwegins fen 'e greate minsken. Scoe 't sà moatte?

Nou hie hja hjarren allegear hawn. Mar né, yet ien frjeon wachte.

„Dach Fanny,” sei se, en do — ek Fanny stiek hwet ús. Fielde it de sike net oan eft it yet hwet waermers wier as de hân fen 'e siben? — — —

Dêr gyng de auto. De hiele reis fielde hja yet de ynlikens fen it útstitsene hounepoatsje.

Dagen oanien strûnde Fanny troch 't hûs, digere by it forlittene bedsté op,.... mar, de sike kaem net wer — — —

FETSE GREIDEMA.

### BOEKETADEL.

*De welle fen Bethlehem*, Fryske preek fen Dr. G. A. Wumkes, hâlden yn Snits en Eastermar, A. J. Osinga to Boalsert, 1923.

Fol biwûndering haw ik dizze preek lêzen. Dat kostlike, koarte, kleare Frysk fen Wumkes! Eltse sin in djippe fen tinzen. Hjir is de man dy't ús tael bihearsket. Dy't gjin omhaleu en franjes brûkt, mar mei in inkeld wird in wrâld útbyldet. Dêr kin de jongerein op gjin foetten en fiemen nei jin út. Om't hja ús folk yn syn aerd yette nea bipeile hawwe. En dêrom de suvere sizzing fen ús tael net witte. Hjir is yetris styl, jonges!


De tekst is 2 Samuel 23 : 14—17, de skiednis fen 'e trije helten dy't wetter út Bethlehem's welle hellen. Fijlderlei wirdt to sprake brocht: 1°. de langstme fen David, 2°. it wetter út 'e put, 3°. de died fen 'e helten en 4°. it plingoffer for God. Psychologysk en tapaslik, d.w.s. lyk David mei syn helten dat trochmakke nei siel en lichem, en lyk wy it Libbenswetter smeitsje scille as wy it putte út 'e heilsfontein fen Bethlehem.

Né, it frysk is net dea, en it stjert ek net, salang der yette sokke mannen binne, dy't each for syn moaijens en dregens hawwe, salang ider Frysk herte yet mei it bliidste wolbihaechl nei dizze klanken lústerje moat.

Wy ha mear Fryske dominy's, wy hawwe mear foarenoansteande mannen yn ús Selskip. Scoene dy hjar ek net troch dizze preek wer oantreastge fiele, om folle steviger mei eigen tael nei it eigen folk út to gean?

Osinga is útjower. Dat seit for de uterlike forsoarging genôch.

A. W.



### FORLITEN.

Do strûsde Helmacht stoarmjend oer 'e strjitten,  
En skrouiske skriem dwile oer 't forwyldre gea,  
Rydboskjend om de gisel fen it Kwea  
Yn boun mei Nacht, great yn oan 't Krús Him stjitten.

De soan fen God, yn 't bloed for skild forjetten  
Droech alle sûnde op einleas teare lea;  
En 't Libben kjirme yn wraksel mei de Dea:  
„Myn God, myn God, ho hastû my forlitten!”

Dat wier 't fenyn fen myn bismodze hert,  
De njûre nacht fen myn ûnhure siele,  
It polskjen fen de swarte svevelsé;

O 't riizjen fen it Heil út wieljend wé,  
't Ljochtsjen fen sinne út dippes stammersmert:  
Sa mocht Jins krêft de Drakekop forniele.

A. M. WYBENGA.

## For Foeke.

Yn 'e Ijochtsjende Augustusdei fytste ik nei it âlde doarp, dêr't nêss hûndert fyftich jier in great man bi-ierdige warden wier. Dizze dei scoe in dei fen oantiken wêze, it âlde lân scoe ien fen syn greate soannen earje. Hie 'k yn myn jonge jierren net faken yn syn Jierboeken oer Fryslân omsneupt en my forwûndere oer 'e folle witnis dy't yn dat brein bisletten wêze moatten hie? Hied er net faken earbiede-nisse for dy man yn myn herte trille?

Ho hearlik wier de dei yn syn goudenens, Ijochtglângjend dreau de sinne it himelforwulft lans, it mijgjegûd wier útlitten fen weelde, de âlde doarpkes mei hjar stompe ef spitsen toerkes wieren yn 'e neisimmerdodze sa râstich as âlde wiisgearen, dy't prakkesearen oer it feit hwêrom greateren weinommen wurde en lytsen hjar bliuwe, en ik bigoun mysels by de lytsen to rekkenjen.

Goed, den mar lyts, mar ek de lytsen kinne hjar wille ha, ûnbî-wolkte himel-wille, faken yet echter as dy fen 'e greateren, dy't gjin oare greateren nêst hjar forneare kinne.

Licht en luftich waarden myn tinzen, licht as de sweevjende plûmkens fen 'e hyngstebolmlampkes, dy't forpûstere fen it boartlike sudewyntsje krij-ânten oer 'e binijde gêrssprûtsjes.

Wier it thûs net hearlik? Sa'n hiel, hiel lyts wêzentsje wier ús wente ynkomen, blank as in sweevjend plûmke, eachjes as in neisimmerdei, mei wijsel fen Ijocht en trien, earmkes as wollige snie.

Heit warden, glimke it yn myn herte, glimken de blommen, jublen de fûgels mei stiigjende skatter. Wier 't my net to great? Scoe ik de forantwirdelikheit oankinne? En ik seach hjar al opwaeksjen, in kleedtsje oankrijen, nei skoallle traepjen, strak mei de fammen op en út. En hja scoe wirde lyk hjar mem, mei mûchlik de tearfielendens fen hjar heit yn in frouljuesherte: scoe hja dat drage kinne?

Krapoan by 't doarp kommen skrilde ik út myn drôgerijen op: gietstu op in weardige wize in greateren fen 'e ierde bitinken? In bodder, in learde, in man dy't mei lytse middels him to bishelpen wist, en dochs yn syn neilittene skriften in skat fen witnis gearsamle hat? En wer fieldie ik my lyts, lyts as it lân dêr't ik in soan fen bin.

Stil yn syn majesteit seach de âlde, massive tsjerke op it kloftke del, dat op 'e súdsidé fen it tsjerkhôf ompandere. As mei in for-

achtlik glimke oer it pohei fen 'e minsken, dy't hjar der sa'n bytke for útjoegen bitinkers fen in great man to wêzen. Né, den koe de âlde toer dat sels better. Dy hie him sels sjoen yn syn dregens, yn syn Fries-wêzen.

Mar hwet wier dêrneffens dit for folk? For in great part in kliber opskettene jonges en fammensbern dy't gysgobjende en mirakel-jende om in stikmannich hearen mei earstige gesichten op en del kuijeren.

't Bigoun. De foarsitter fen it komité hâlde in treftige oanspraak, en wy harken net, en do wier it dien en wy wieren allegearre bliid. eare hjitten aan to dwaen lies in wurdmannich fen in stik pompier, en wy harken net, en do wier it dien en wieren allegearre bliid.

Ik fieldie my op 't skouder klopjen. „Dû hjar?” frege ik mei in bytke forwûndering do't ik it laitsjende gesicht fen Teake Jeslinga gewaer waerd.

„Ik wol net minder wêze as dû,” sei er.

„Just, dû hiest oars yn 't foarige mei soks net op. En bûtendat, ik miende detst yet efter Ljouwert wenneste.”

„Glûpend, né. It wiif mocht dêr net aerdzje, en nou bin ik Maeije by hjar âlde heit ynkomen to wenjen, to sizzen: wy drieuwou syn hannel togeare. En takomm' Maeije, as ik hwet yn it spil bifêstige bin, krij ik it hiele saekje op myn kape. Ho liket dy dat ta?”

„Bêstich. Tominsten ast' hwet mei de hantgrepfen fen 'e hannel oer 'e wei kinste.”

„Nou sjuch my mar nearne for oan. Mar jonge, dû bist hjar nou, gean mei om in pantsjefol thé.”

Ik koe net wegerje. Teake wier yet in âld frjeon fen 'e feinteforiening, en wy hiene yn 't foarige faek wakker tsjin melkoar oan 't debatgearjen west. Det hy altyd like sterk stie, koe men net sizze, mar hy wist him danige skoan mei in skeane set en in grappich gesicht út in minder winsklike posysje to rêdden. Ik hie ek wolris op him tsjin det hy hwet to los oer 'e saken hinne stoep en mei in faem gyng dy't yn myn eagen sà-sà wier, mar dochs — âlde kinde lukt altyd.

Wy gyngen. Yn 't smûke wente fen myn âld frjeon joegen wy ús noflik del. Hiltsje wier ek ien en al bliidskip. Sokke tiden binne alle âlde kwesjes fordwoun. „Soa, soa,” sei se, „do't wy goed en

wol to plak wieren, „ha jim dy âlde baes Foeke de eare yetris oan-dien. Hwet for in knapskrinkel wier dat eigentlik.”

It stie my net oan, dat sa krekt út to lizzen, dêrom makke ik der my mei in slingerslach ôf.

„Och sa'n snoade keardel, ju,” sei Teake, „krapoan sa forneamd as ús frjeon Fetse, dy't langer sokke heal-nochterene teltsjes optinke kin. Mar,” liet er dêrop folgje, „earlik-wei: it wier my dêr op 't grêf in kâlde grapmakkerij. Dat moast de âld man sels yetris bilibbe ha. Der wirdt wolris sein, dat greate mannen nei hjar dea it measte eare wirde, mar ik wit it net. Sjuch my dêr dat ploechje jongfolk ris! Nou ik scil der ek it measte net fen sizze: eren wier iksels gjin hier better.”

„Mei jim kin ik ek neat opjeije,” sei Hiltsje. „Foeke Sjoerds hijtte dy keardel, 'k wit it wol, en hy skreau boeken, in forskriklik baentsje, de pinne yn 'e inket stippe en den oan 't kwatteljen, dei út, dei yn; in minske scoe him syn rie gjin ein witte. Lit him forneamd west ha, hy hat grif netolle oan syn eintsje libben hawn.”

„Och,” ornearre Teake, „in minske syn sin is in minske syn libben. Fetse giet deselde kant út.”

„Dat wol net yn my del. Fetse wier altiten in fleurige feint, en ik kin yet netolle foroaring yn him wys wirde.”

Der kaem libben op 't bedsté. De iene doar gyng sûntsjes iepen, en in lyts krolkopke kaem for 't Ijocht.

„Nou moast ris sjen. Hjir is in omme om dy to heljen. Dy hat forline wike sa'n hiele lytse poppe kriggen,” — tsjin my — „ja jonkje, wy ha 't wol yn 'e krante sjoen, — en astû nou mei giest, kinst dêr hiele dagen mei boartsje; dû witst oars dochs net host' mem mei dyn ûndogenske streken pleagje scilste.”

„Ja,” sei ik, „frouljue lêze de boargerlike stân, dat is fen hjar gading, en it oare slagge se mar oer.”

„Nou, ik lês ek wolris ien fen dyn sketskes, jonkje. De fleurige, bidoel ik. Dat djippe kin ik dochs net bigripe. Mar yn dy fleurige bist alhiel dysels, lyk wy dy altiten kend hawwe.”

Oeral fen 't selde, tocht ik. Hwerom kinne de minsken de djippens fen 'e earnst net fetsje? Bidjerre wy mei in inkeld grappich stikje koarts mear as wy mei tsien earnstige wer goed meitsje kinne?

„Nou,” liet se dêrop folgje, „hwêr prakkesearest oer? Ja ik sjuch it wol, dû bist nou ek heit worden, en dat hat dyn weardechheit frij-

hwet forhege. Hwêr kin ik nou de hearen mei tsjinje? In koekje by de thê? Ef in dûmke?”

Sa rattele dat mar foart en it dûrre net mâlle lang ef wy bigounen ek al tige mei to dwaen. Ald en nij waerd opkikkere en oereide, en der waerd om hiele Foeke Sjoerds net meer tocht.

It wier al frijhewet let, do't ik hastich wer op hûs ynrried.

Wy forbylden ús in great man bitocht to hawwen.

Wrâld fen myn herte, hwet in kjeld!

FETSE GREIDEMA.

### Ik wit sa'n himmel teltsje.

Ik wit sa'n himmel teltsje  
Fen 't ljeafste fammensbern,  
Ik lit jim wyts fen wolken  
En swarts fen de ierde sjen.

't Bern wenne yn fiere mieden  
Oan iensum-stille wei,  
En 't mymre oer tûzen mearkes  
Yn Ijochte maitiidsdei.

Mei tûzen frjeonen boarte it,  
Yn Ijocht bitink hwet mâns',  
En finneblommen frissle it  
Ta gielich-reade krâns.

Ek hie 't sa'n aerdich douke  
Sa blank, sa sêft, sa kein,  
Klaeid yn 'e fynste side,  
Sa Ijocht, sa ingletein.

En as hja 't iten foerre  
Mei piipforside hân,  
Den pikte it bist de kerltsjes  
Mei skrander douforstân.

En as it op syn tiltsje  
Kraeleagjend, koerjend siet,  
Den song it famke tripljend  
In hippljend doukeliet.

Den song se fen Gods himel  
Sa blank en goed en rein,  
Fen prûze berneblidens  
Sa hillich, sa folslein.

Fen Jezus, fen Gods ingels  
Mei douwewijkken skoan,  
Fen skiene pearlepoarten  
En fen de wite troan.

Den snokkere yn hjar siele  
Sa'n langstme nei hjar Heit,  
Hjar Heit yn hege himel  
Yn priel fen Majesteit.

\* \* \*

Do kaem in wylde jager  
En skeat hjar ljeavling oan;  
Hy floddre nei syn kouke,  
En is der hymjend stoarn.

Do sipren blanke triennen  
Op sleine famkewang,  
En trure moast hja, trure,  
O tiden, tiden lang.

Do wylgen al hjar lieten  
Yn skeinend lijnen wrang,  
En yn 'e fiere mieden  
Wier neat as skriljensang.

Do wylgen al hjar blommen,  
Yn drôvens stie de dei;  
En fen hjar smelle wangen  
Swoun alle sounens wei.

Ik wit sa'n himmel teltsje  
Fen 't fanke yn Jezus rein:  
Do is hja nei omhegen  
Nei blanke doukes tein.

A. M. WYBENGA.

## FALLEN.

„Né, 't kin net oars wêze, dû dy't jierren oanien âlderling west hat, do't jim hjar dat fêste ôfgean yet net ynfiert hiene, dû wirdst fêst wêr keazen;” moedich seach vrou Feelsma hjar man oan do't er him rémakke om nei tsjerke to gean. Sels al tiden oan hûs boun, mocht it hjar net barre om mei op to gean en moast hja hjar deljaen mei in preek út 'e „Menigerlei Genade” to lêzen.

Ek dizz' kear. Mar it woe danige min flotsje. Alle gedurigen moast hja om dat stimmen tinke. Wis, hy scoe 't wer wirde, 't moast dochs, God scoe 't sa wol biskikke, en dochs, it wier yn 'e lêste jierren allegear hwet wunder yn syn wirken gien. Krekt eft der in nije geast yn 'e gemeinte kommen wier, in forkearden-ien. Nei de stim fen 'e âlderen waerd net mear harke, it wier allegear safolle oars as yn hjar jonge tiden. Dêr hiene jy ek dat forplichte ôfgean. Ja, it wier neffens de „Kerkenorde”, hie Feelsma sein, mar hwet koe hja dêr by, en hja leaude fêst, det hjar man yn syn herte ek op dat punt net sa Kerkenorde-eftich wier.

Eigenlik hie 't hjar bitter west. Jierren oanien hie hja him dêr altiten sitten snoen yn 'e âlderlingenbank, hja wist ho'n stipe for de jonge dominy hjar man west hie, ho't hy mei syn skoander ynsjuch forskate kwesjes yn 'e gemeinte delbêdde hie, hy wier de man, en nou?....

Dy feinteforiening hie hwet to witten dien. Opskettene jonges, pas „ûnder en boppe út 'e broek,” op 'e bûrren faeks alderhande fiten útsettend, debattearen dêr oer de wichtichste saken, dêr't hjar

It wier in dei fen reingjalp,  
It wier in huverjoun;  
En om hjar stjerbêd strûnde  
In wylde jager roun.

man, dêr't Feelsma, sa'n pylder yn 'e gemeinte, yet net ienris in oardiel oer útsprekke doarst. Nou binne party fen dy bazen trouw en miene rounom forstân fen to hawwen. Hjar man, bihirde yn 'e swiere praktyk fen it libben en dy Ditsinga, folproppe fen in soad idealistyske théoryen út nijerwetske boeken fen mannen út 'e studiekeamer, scille den nou hjoed tsjin elkoar woegen wirde.

Wier 't net in fornedering, sa tsjin elkoar oer to stean? Dy jongbaes fen in goede tritich, nou ja, hy hie as foarsitter fen 'e feinteforiening wakker diskussearje kennen, tsjin hjar man, dy stevige sechstiger oer! 't Praet gyng ek noch det Feelsma der wolris oan ha scoe. Dat koe net, dat mocht net, dat scoe God net wolle!

Hja tsjottele om 'e tafel sa goed as hjar mankelike foetten dat lije woene en makke de kofje ré.

Einlings, ja, dêr fokselen de earste útkommenden al troch de stege en hollich klonk de hompomp by de huzen op.

Nou wirdt it den bislist, de stimhawwenden skriuwe hjar briefkes, tocht hja. Hwet giet dy healsire langsum!

Forslein! Ja, hja kin it wol oan him sjen. Hwet oars gjin minske sjucht, wit hja. Bûtendat, hy is hjar ûnder oarmanne eagen wei.

Mei de hân oan 'e holle sit er nou stil foar him út to stoarjen. Sakke. Mei fierwei de greateste part stimmien. Hy koe gjin warden fine. Oars al wend saeklik to wêzen, him ta deistich petear sa min mûchlik bijaend, moast hy nou tiid hawwe om syn tinzen to oarderjen.

Mar hy scoe syn sterkte by syn God siikje, tocht hjar. Hwent by alle ergewaesjes koe hja it hjar it net oars foarstelle ef hjar man wist hwêr't er mei syn biswieren keare moast. O syn hillige frommens en froedens, dêr't hja sa bitrouwend tsjin opseach! Dy moast him nou ek skoarje.

Mar for dizz' kear miste hjar dat.

Opstân, wyld-lôgjende opstân baernde yn syn herte op. Hie hy dat nou fortsginne? Hy, de lieder fen de forsleinen en de swakken yn 'e gemeinte. Hwet hiene de sielen, dy't hy út Gods wurd moed ynspritsen hie, faek mei tankbrens by him opsoen. Hie hy net oan forskate siik- en stjerbêdden stien, en dêr balsem út Gilead útgetten? Net mannige dwylsinnige fen 'e forkearde wegen torêchlaet, sels Ditsinga's groujongesstreken bistraft? En nou dyselde ûndogenske jonge for him yn 't plak! Hearde hy net al den dei de saneamde

snedige setten dy't de jongkeardel nou noch omdielde? It wier gjin kwea, dat scoe hy net sizze, mar alle earnst, alle deftigens dy't dochs ek by it ampt paste, miskearre noch oan dy jongeman.

Einlings berste er út: „It is gjin gemeinte mear, in kwajongestrop, dy't de boel op stelten set. Ik kin 't wol birekkenje: de âlden falle wei, jonge minsken, dy't it wirk fen ús âlderen net sjoen ha, en yet minder weardearje wolle, forbylde hjar yn ús sté to stean, en nou stimme al dy jonge bazen hjar gelikens, den kin der hwet mear op lâns. Ik sjuch it al oankommen: de tucht forsloppe, de leare forwettere, de tsjerke nei de bidelte.”

Do seach vrou Feelsma it. Né, dit mocht net. Sa koe 't net. It bleau de gemeinte des Hearen. It wirk wier yn 'e Godsnamme dien, krekt lyk yn 't hiel foarige do't Feelsma sels for de earste kear ta it ampt roppen waerd, dêrt ek âlderen oer skodholle hiene, — it scoe nou ek, wis, mei sûnde bismodze, lyk ús hiele bisteant, — it bêste wêze, sa lyk God it mei de gemeinte foarhie.

Mar hja foel him net oan. Hie hja ûnder tsjerkstiid net fen 'e selde gedachten west?

„Hast al bidden?” frege se.

„Né, dat ik nou net!”

„Net?” der huvere in djippe klacht yn dat wird.

„Ik bigryp fen dy hiele binde hwet mear. Hja koene wol net takrekkenber wêzel!”

„Hwette?”

„Och, hja binne net wiis. Opstitsen spil. Dat kin men mei klompen oan fieie. Mar it giet forkeard. Dwaen mar tiid. Sa kin 't gjin touwen hâlde.”

„Man, bidarje. Ik haw dy noch nea sa orémus sjoen.”

„Hwer moat ik it den sizze, as ik dat net yn myn eigen hûs dwaen mei? Wol den myn eigen wiif my net ienris mear to reden stean?”

Do waerd se moeilik. „Tsjerk, dû witste ho folle ik fen dy hâld. Haw ik my net forhûge yn dyn great wêzen? Detst âlderling waerdst, detst' yn 't skoallebistjûr kaemste, detst' keazen waerdst yn de gemeinterie, im wier my hearlik. Detst' faek jous der op út wierst', wylst oare manljue smûk yn 'e hirdshoek sieten, ik haw it mei blydskip droegen, omdat dyn greatens ek mines wier, mar mei ik dy de wei net wize dystûsels my sa faek foarhâlden haste?”

Mar hy foroare him der net om. Al mar wâlle it yn him op: fallen, fallen for sa'n kweajonge lyk as dy Ditsinga.

Do bisocht sy it op in oare bûge. „Mar hastû den sels altiten dyn paed suver hâlden? Ik haw der noait folle fen sein, mar witste wol ho't jim konkele hawwe, dû en dyn frjeon Rikelsma binammen, om forkearde illeminten, sa 't hjiitte, bûten de tsjerkerie to hâlden? Witst yet wol ho't jim midlikerwize oarsaek wieren det dominy Veldémus sa hastich hjiir wei rekke is?”

Yet bitterder makke him dit praet. „To mar, meitsje my mar út. Dû witst it dochs net, ho't it ús yn dy gefallen altiten to dwaen wier om de gemeinte to tsjinjen. Wy hawwe altiten yn 'e wapens west om de skiep, dy't oan ús hoede tabitroud wieren, op de geskikste plakken to bringen. Mar hwa taest nea netris mis? Scille de middels net altiten suver west ha, it doel wier it safolleststo mear. Hawwe wy dêr üssels mei bifoardiele?”

Hja woe him net mear tsjinprate, al hie se yn dat stik nea net rjucht meikomme kinnen, hja bleau by hjar doel. „Sjuch, dit woe ik sizze: jim ha ek net altiten suver hannele, forwyt it dizze jonge minsken den ek net, det sy net krekt binne, lyk dû se ha woste.”

„Och, lit my mar oan mysels oer, dat scil 't bêste wol wêze.”

„To nou, gean mei al dyn bitinkings nei de genedetroan, en siz hwet dy op 't herte leit.”

„Goed, mar nou net, strak, letter.”

„Nou net? Dat doocht net.”

Noartsk draeide er him om. Hy hie hope hawn det sy him meistimme scoe, det sy ôfjaen scoe op dy binde, dy't lokraek der op ynsloech, en âlde, wisse krêften keal op 'e dyk sette, mar hwet wier 't warden? In kåld praetsje, mear neat. O it stiek him, it dych him bitter, bitter sear.

(In oare kear it lêste.)

## BOEKETAHEL.

*Frisia* Tydskrift for Fryske taalkinst ûnder bistjûr fen D. Kalma. Meidoggers R. Brolsma, H. A. van Dorssen, A. Jousma, S. Kloosterman, J. Oostenbrug, B. R. Pollema, R. P. Sybesma, Th. de Vries. Jiergong VIb, Jefte 1. Printe by A. J. Osinga to Boalsert.

Do't Kalma nêst in inkeld jier mei de Fryske skriuwerij bigoun, dych er al ridlik gau oan Fryslân en de Wrâld to witten, det om 1920 hinne danige masterstikken fen Jongfryskens de wrâld yn skopt wirde scoene. Dos, wy hawwe it dêr hjiir nou mei to krijen.

It Foarwird fen dit nûmer seit ek ûngefear itselde. Dit tiidskrift stribbet der nei safolle mûglik it bêste Fryske wirk ûnder oandacht fan syn lêzers to bringen. Det de posityf Christliken dos net by dy bêste skriuwers rekkene wirde kinne, is dûdlik. Nou, dêr scille se foart en daliks net rouwich om wêze.

Mei to dwaen aan *Frisia* is in biwys fen bûtengewoanens. 't Scil sa wêze. Lêz ta biwys dêrfen marris in wurdmannich út in skets fan B. R. Pollema, dy't him ek noch forweardicht om yn *It Heitelân* to skriuwen.

„It wier yn it lëst fen Septimber. Treddeljier hie boer Hindrik „Anes mei Tine trouw west.

„Treddeljier wierne foarbygjen yn goed en fredich, rêtstich to-gearre-libjen. Oan dizze tiid ta wier hjar houlik *net seine mei de komste fen in berntsje*. Togearre, as man en vrou, yn goed en fêst „bitrouwien yn elkoar, gyng hjar libbensskûtsje fierder op it sljuchte „wetter. Gjin ûnwaer en gjin ûnneambre himmelseine. Hindrik Anes „wier in man fen rêtstich, deugdlik en evenredich aerd; *gjin man fen flokwirden*, fen fûle driften ef fen ûngelikense libbensskoften.

„Tine bifoun hjar goed by hjar libben, sa rêtstich en lokkich by „him.”

Lêz binammen de skeanprinte sinnen mei hjar knoffelhakkigens en ûnfryskens, dy't alle útbylding misse.

R. P. Sybesma bigjint yn dizze jefte ek mei in skets, yn 'e trant fan Broolsma, mar den folle „dizeniger.” Gjin wûnder. In oar neidwaen, biteart noait net rjucht. It moat yen moeije hwent Sybesma kin better. Lit him waermher wirk jaen, lyk hy in pear sketeskens yn „Tsjûgenis” skreau.

As jiffer J. Oostenbrug rymket

Nou wol 'k dreamend hinne sitte  
Oan gjin tinzen boun;  
Hiel myn wêzen oerjown witte  
Oan dizz' skimerjoun.

'k Jow my yn syn heimge oarden  
— Wrâld en tiid ûnttein —  
Neat near wolle, neat near witte  
Dreame sùnder ein,

den freget men yensels ôf: is dizze stijterige, Kalma-fen-fierrens-neibauweringe etering nou wier-wier hege taekinst, klankeweelde, útbylding fen suverfielde wêzenstrilling? En as soks nou fen it bêste is, den kinne de fryske skriuwers hjar allegear wol opbergje. Lit Fryslân den mar oan syn lot oer: der binne dochs gjin near by machte om hwet djip-minskeliks to jaen.

En Kalma sels:

„As bigjinsel for it bistjûr fen Frisia bliwt tsjinjen de forklear-„ring dy't it bistjûr dêrfor jown hat by de ynsel fen de lêste jier-„gong en dy't ek nou de ûnderskreaune bisiikje scil jimmer mear „to forwezentlikjen.”

Hwet in great-doggerij, langtriedderige en pofferige styl. By soks tink ik altyd oan it sizke út ús jongesierren:

Hooge huizen met lage daken,  
Groote woorden voor nietige zaken.

Fen 't selde sop kriget men yn syn toanielstik: In maitiidsream, dêr't yn dit nûmer in bigjin mei makke wirdt.

Fryske taekinst jowt Broolsma, en hy ek mar allinne. Dêrfor is 't den ek gjin „jongfryskens.”

Ien mei oar docht blikken det it mei de Kalma-biweging yn 't offrinnen is. 't Hoecht yen gjin nij to dwaen. Foarst moast dat wol, om't Kalma him fen de histoary losweakke hat, den, om't er gjin wezentlike, like heechsteande strijdmakers foun hat en fierders om't er nou oaren oanhellet, dy't lang net yn syn taelrjuchting geane.

It bistjûr is nou by de baes allinne. Dat is in forsuvering fen 'e tastân. Mar hwet moatte Broolsma en Jousma hjar fen tinke? Ef litte dy mannen sa mar mei hjar omtrolje, det, wylst hja forline jier yn 't bistjûr sieten, en hja nou ta meidoggers promovearre binne, it hjar allegear like goed en bêst is?

Oer it Histoarysk Idealisme wirdt net mear praten. Net min. Der scil wol wer in mij brot iten opskept wirdt moatte, kwent dy H. I. is rook noch smaek mear oan.

Hwerom't ik dit stikje hwet úrek? Om't it my moeit det it mei Kalma gien is lyk it giet. It hie allegear safolle oars kind. As in persoan fen syn oanliz en talint him der op útlein hie om jimmer to harkjen nei it inerlik sjongen fen syn herte, ynpleats fen him mei alderlike filosofearderij yn to litten, mei in great part fen 'e wrâld to fjuchtsjen, dy't hy syn nij ljocht bybringe wol, en in hinne-en-wer-slinger-polityk to brûken, dy't hy ûnder de namme fen reorganisaasje oan syn „jongfryskes” efter-him-oan-kommers optwong (alasteas hja der ynhappe woene), hy hie oan Fryslân hwet goeds jaen kinnen.

Mar hy, dy't net neffens in fêst bigjinsel hannelt, dy't wakkere heech fen syn eigen wirk opjowt en oaren dy't net mei al syn útspraken yn jubelsangen meispylyje, útmakket eft hja gjin turf heech wieren, dy't him troch syn fjuchters-baes-oanstriid forlide lit om mei kritikerij it greateste part fen syn skriften fol to skriuwen, scil him net ta de hichte fen it wiere, it suvere en it skiene bijaen kinne.

A. W.

Sillich de minske dy't it hat: dy't David neisizze kin, „As ik net leaud hie, ik wier forgien, mar ik haw leaud en ik bin stean bleaun.”

Dy't dat sizze kin, dy is sillich, dy is fen it eale skaei fen in Abraham, in Mozes, in Rachab, in Simson, in David; en dy scil mei al dy greateren yn Gods keninkryk net biskamme wirde.

Mar dy dat geloaf mist, o, lit er it sykje. Lit er it sykje mear as goud, mear as ljeafde. Hwent goud en ljeafde, hija kinne forgean en ús yn 'e steeck litte. Mar it geloaf bliuwt, homear ús ûntfalt, nammersto mear scille wy oan dat geloaf hawwe.

Dêrom, yetteris, lit ús stean mei dat geloaf, opdet wy sterk stean meije as it lijen komt, opdet wy sterk stean meije as yn de dead ús alles ûntfalt; opdet wy sûnder eangjen yngeane yn 'e kâlde rivier fen de dea, en as wy oan 'e oare side út 'e tsjustere weagen de holle omheech stekke, wy sizze kinne:

„Ik *haw* leaud, dêrom *scil* ik nou sjonge.”

D. v. D.

### Ik haw yn gouden jounen.


Ik haw yn gouden jounen  
In willewird forstien,  
It sweve yn inglereinens  
Oer 't hoopjend miedegrien.

't Wier mear as 't liet fen lippen  
Ut nearzich sûndaerslân;  
Mear as de gloed fen de eagen,  
Muzyk fen blanke hân.

't Wier flûstrjen fen in Fader  
Uneindich dierber tear:  
— Dyn sünden binn' forsoene  
Dyn skild bistiet net mear. —

Hast ek yn gouden jounen  
Dat willewird forstien?  
Den giest oer maitiidswegen,  
Den is geneude en segen  
Oer dyn ûntweitsjen gien.

A. M. WYBENGA.



## FALLEN.

### It lêste.

Skrousk huvere de dize oer 'e forlittene lette-hjerstlannen. By nou en by den kaem in fordwaelde sinnestriel troch de leechhing-jende easterdampwolkems slierkjen, ringen forheuvele troch yet tichter oankringende flôdzen. De reidplomkes op hijar neakene stâllen knikten wemoedich tsjin de bistoarne gêrsraeijen oan 'e ekersiggen fen 'e swiermoedige boulannen. It wier hjerst, it wier dea, it wier it missen.

In inkeld gernier stie op syn poltsje lân to hakjen ef to pjukjen; oars wier alles yn 'e dodde. In swaerm zwarte roeken stoarme krassend de kant nei it doarp út en joech him yn kloftkes om 'e toer hinne.

Ek Feelsma tôge op in ekersein om. Hy wier mei 't lêste einútdollen dwaende. Kant en eptich wier it omploegje, hy hie dêr al titen de geskikste foerman ta, moast it den in pear sinten mear kostje, dat mocht hinnebruije. Krekte keardel as hy wier, moast alles sljucht oan 'e eker, rjucht as in tried moasten de foergen wêze. It einútdollen diich er altyd sels, alle gatten moasten oanstoppe wirde, en it tofolle nei de ein slipte mei de nedige faesje in ein de eker opgoaid wirde. Yn 't foarige hakke en pjukke hy sels, den kriegen jy it lân yetris baeseftich to lizzen, mar mei't it spil him útwreide hie, en syn jonges de wrâld yngien wieren, gyng dat net mear op.

Hjoed woe 't wirk dochs singelierse min flotsje.

Frjemd wier 't. Hy hie yn syn dagen al safolle bilibbe, det er him nea mear fen it iene ef 't oare fen 'e tried bringe liet. Moast er net, ûnachtsjend lof ef misgunning fen minsken rjucht syn paed foar him út lizzen sjen, strielrjucht lyk syn ekers dêr hinne laeijen? De libbensstriid hie him de libbenswiisheit brocht, en teffens him leard del to sjen op 'e minsken om him hinne.

Jouns let thuiskommen út forgearrings, dêr't it wolris heakke hie, joech er him gewoanlik gerêst del, hwent mocht er de slach alris net

woun ha, hy hie dochs syn miening, bistelige mei de noadige arguminten nei foaren brocht. Hy koe de Pappenheimers fen syn doarpke troch ende wer troch. De iene moast op 'e lije side oankomd wirde, in oaren moast mei warskôgings to plak set wirde, en fierwei it greateste part, dat syn greater wêzen field, joech him mei nocta oan syn lieding oer. As foarsitter fen 't Skoalbistjûr, skriuwer fen 'e tsjerkerie, fiif en tweintich jier as lid fen 'e gemeinterie wier hy in wichtich man west for it geastlik en it maetskiplik libben yn syn omkriten. Hy wier in krêft worden yn 'e striid, hy wier ien werden mei de striid, hysels likemin as fallen fen syn folgelingen koe him de striid sûnder syn persoan net yn tinke. Dêrby hie hy ek syn eigen maetskiplike saken goed bistjûrd, sadet er flink út 'e hichte kladdere wier.

Hied er him den net altiten suver oansteld yn syn dwaen? Sjuch, dat wier de netteljende fraech dêr't er yn 'e lêste dagen mei to krijen hie, en dy't him hjur yn 'e iensemens fen 'e skrouske huverwrâld swier op it moed parse.

Hy fielde hjur syn swak sté to wêzen. It wier dy misfout, dy karakterstûnde, faek bistriden, nea oerwoun, dy't him nei de bidelte slipte, dêr't er yn 'e iensemheit altiten for huvere, mar yn 'e striid nea to boppe komme kinnen hie. Scoene syn misginders dat ek witte, en dêr hjar slach mei slein ha?

Hy moast hearskje, en hy koe dat, om't er syn likense net op syn doarp oantrof. Sels de swakke punten fen dominy en master wist er brûkme fen to meitsjen om fêster yn 't seal to kommen. Né, net op in ûnfetsoenlike manear, mar as 't knypte en wer knypte koe hy ris hwet fiele litte, dat dy mannen tobek hold for stappen, dêr't hjarren ideael hjar hinnetwong. Hy wist wol det dat him ta sûnde wêze koe, hy fielde, det er him wolris oer 'e miet bijoech, mar dochs,... hy knikte safoldesto wisser.

Mear forkeardens seach er foar syn geasteseach opkommen. Hied er him net to folle biynfloedzje litten fen 'e geast fen it oergreate tal fen 'e doarpsminsk? Och, it wier sa ûngemirkenwei kommen. Yn syn jonge dagen miende er, det de goedmoedige frommens fen de, in bytke ûnnoazel-mystyk oanleine doarpsljue as regel for it Christlik libben to nimmen wier, lektuer fen âlde skriuwers, lyk Thomas à Kempis en Willem à Brakel hie him yn dy miening bistelige, mar letter hied er it oars en souner ynsjoen. Hy mirk de gevens

en libbenens fen 'e Bibeltael en biwûndere dy. Hy wist det it Christlik libben net yn ien foarm to biknipen wier. En dochs — hy hie him fen 'e praktyk meislepe litten om it ideael del to twingen.

Hy wist det de minsken op ierde binne om to libjen, en hy drige hjarren mei de dea. Hy wist det it Christlike libben syn hichtepunten hie yn it frije, rjucht bliidmoedige wanneljen troch de mieden fen it ierdse gea, en hy wrong teksten út hjar forbân om útkomme to litten ho't men mei de holle op 'e side en in binaud gesicht hjur in paed hat fen wearze en tsjustrrens, wylst men yen skramt oan skerpe hagetoarnen. Syn lûd wier oersalvjend worden by bea en tank, by formoanning en fortreasting. En dat by better witten. Sa hie hy it folk net laet, mar hied er him liede litten, yn 't earstoan sûnder it sels to witten, letter tsjin eigen ljocht yn. Hied er net mei de autoriteit fen syn persoanlikheid ditsen en waermte jown hwet oan 'e kjeld fen 'e noardewyn oerlevere wirde moast? Dêrfendinne in syklike oergeastlikens, dy't fen 'e weromstuit by ytliken fen 'e jongerein ta misachtsjen fen it geastlike oersloech.

Net by allegear. Yn 'e feinteforiening wier binammen by de foaroanmannen, laet as hja waerden troch de earsterangers op tsjerklik gebiet in helder ynsjuch yn 'e Wierheit kommen. Mei blide moed stiene hja ré om elts gebiet op to easkjen for de hichten fen it wiere. Christlik ideael, for de eare fen 'e Heechste Kenjing.

Dat gyng altiten lang net neffens de bigripfen fen 'e âlderen, dy't it gesach fen it bisteande, dy't hjar opfetting fen it geastlik libben, as it wiere, it suvere holden. Feelsma hie sjoen ho't de jongerein faken de rjuchte ein beet hie, mar koe hy him by sokken bijaen? Diene se it ek net faek bluistrich en oerdwealsk? Moast hjar net, dêrom al net de hakke dwers set wirde? — — —

Al skierder krongen de dampwolkems om 'e iensume tinker mids de forlittene boulânnen gear ta kâlde dizen, dy't fyntsjes dripkjend deun lâns de ierde slierden. Lyts en lytser waerd de wrâld om him hinne, klammich waerden syn klean, ytlike strieltsjes siperen by syn antlit del.

Mar hy mirk it net. Hy wraksele de striid, *syn* striid, de striid twisken âld en jong, twisken ideael en praktyk, twisken it âlde bihâldende, en it jonge opbrûzjende, fen it âlde dat *wit*, fen it jonge dat *siket*, — hy focht dy striid út yn syn eigen wêzen, hwent by 't witten fen it goed rjucht fen syn ûnderfi-

ning, wier it him klear, det ek yn him net west hie, op foetten noch fiemen nei, it suvere opkommen for it wiere bigjinsel. Hy hie skippe mei de praktyk, taktysk hie hy de sünden yn 'e gemeinte út-roegje willen, en hwet wier der fen tolânné kommen? Neat oars as det it sündige him, ynpleats fen hy it forkearde yn 'e wacht slipt hie. Great wier de wierheit dy't de jongeren nei foaren brochten: it weifallend slachte hat noch offere op 'e hichten. Binammen dy greate underskieding fen ryk en earm, sels yn 't sitten yn 'e tsjerke, it forwaerleazgjen fen 'e earmbidieling, it gekonkel by forkiezings en meer fen soks scil jimmer tsjin ús tsjûgje.

Binne de jongeren ek faken net folle better ûnderlein yn 'e bigjinsels fen Gods Wird, lyk dy op elts gebiet hjar easken stelle? Hie hy net faken for wierheit forkleare, hwet by einbislút net oars as frucht fen syn subjektive ûnderfinning wier, dy't, mei de stekkeling fen syn tiid weifoel, teffens súnder bitsjutnis for de noutiid blyk to wêzen?

Hie hy him net fierstentofolle mei eigen autoriteit omklaeid, in oar tofolle foarhâlden, det de âlderein de mûle wier dêr't God troch spriek, en op 't lêst dat sels ek miend?

Wier dat den sa net? Né, sei syn gewisse, trijeris né, der is mar ien wierheit, dat is God, det is Syn wîrd, mar alle minsklike opfetting fen dat wîrd is der nea mei lyk to stellen.

Scoe den syn libben for in great part omdochsa west ha? Hie hy den striden for eigen eare, en scoe hy den sels, tagelyk mei syn eare, fordwine?

En it andert wier: dat is needsaek. Minsken, dû ek, scille weifalle.

It waerd fochtich net allinne om him hinne, mar ek yn dat hirde manneneach.

It flime troch syn siele, lykwols it moast. Hy moast it útmeitsje for himsels, en ek.... for Ditsinga dy't nou dochs..... yn it ampt komme scoe.

Ditsinga, yn it ampt. Lokkich, hy wier oer 'e miet. Hy fielde it as in bigjin fen forromming. En do: „o God, ik haw sündige, ik haw Jins gaven, lein yn 'e jongere ledien fen 'e gemeinte, misachte, ik bin net meer wîrdich Jins bern to wêzen, as Jy my forstjritte, Jy bliuwe rjuchtfeardich.“

Do waerd it âldjiersjoun. Hillige ure fen neipeinzgjen, fen tank-

brens for segen, fen fortrouwien op 'e lieding fen in Heit, Dy't it altiten goed makket.

En do wier 't oan 't bifestigjen fen âlderling en diaken ta. Dêr waerd er for de preekstoel noege, Ditsinga, de jongere, de man for de takomst. Earnst laei yn dat jonge, libbene each. Syn lûd wier eskes stoatterich by it Ja op 'e swiere fragen fen it formulier.

Feelsma fielde it yn geestesomirking. It scil goed mei him komme, jubele it yn syn siele. „O God, myn tank!“

Dat wier it opstean.

FETSE GREIDEMA.

## B E A.

Det 'k jimmer yn myn liet Jins greate dieden romje,  
En tsjûgje, mylde Heit, de suvrens fen Jins dwaen;  
Det 'k nea, yn skrutenheit, de keinste foarmen skromje,  
Om dêrmei bliid Jins Namme ear to jaen.

Det 'k sjonge mei fen hjerst syn njûr en kleilik rûzjen;  
Fen maitiid's swiete geur en bliid natûrgeroft;  
Fen d' iivge sé syn jimmer-moedich brûzjen,  
En 't restich wolk'ne gean oan fjûr'ge westerloft.

Mar det ik, Himelheit, my hijrym meast fornoegje:  
To sjongen 't heil dat winkt yn Christus, yn Jins Soan,  
En det Jy haetske súndaers ljeavjend, treastgjend noegje  
Troc Him yn skild to gean nei Jins genedetroan.

Clifton N. J.

B. FRIDSMA.

## Ut de Skepping.

### XIII.

*Drosera rotundifolia*: Michfanger. (Zonnedauw).

Neist it Gewoan Fetkrûd waekst op feanen en sompich lân noch in heterotroop plantsje. Ik bidoel de Michfanger. En wol yn twa soarten. In soarte mei *langeftige*, en de hirre boppe neamde mei *roune* bledtsjes.

It lytse krûdtsje is op it each wei in nuver skroetsje. Plat by de groun, mei in blêdrosetsje, dat de fris griene kleur mist en in bleek-reade gedaente hat.

## Maitiid.

De mylde maitiid docht wer yntocht,  
En brekt it wintersk wreed biwâld;  
In swietrook driuwt oer blomm'ge fjilden  
In fyn genûnder giet troch 't wâld.

De fûgels dertnje yn lije loften  
En jûblje hjar forskaet fen liet,  
Wylst oer it soeijend gêrs fen 't miedlân  
In bijke bliid en gounzjend giet.

Sjuch, alles wytget wûndre wille  
Nou't dize en 't eange skaed fordwoun,  
En hiel dizz' ierde fen hjar Skepper  
In mij ûnthjit en hope woun.

Wol den, o herte, net mear drôvje,  
Mar h jit dyn soargen det hja gean;  
Wol yn dyn liet wer blidens útrje:  
Dy is op mij in heechtiid bean.

Hwent 't bliere foarjier doch wer yntocht,  
En brekt it wintersk wreed biwâld;  
In swietrook driuwt oer blomm'ge fjilden  
In fyn genûnder giet troch 't wâld.

B. FRIDSMA.

Clifton N. J.

## Lêste joun.

Al in hiel toarn sieten hja togearre op 'e efterhûsbank yn bidest swijen. De jonge man seach nei de eintsjes, dy't forside tsjin 'e grêftswâl oanlaeijen, nei de nettels en de hounebosken, dy't yn 'e skeante opskeaten, en de âlde boer stoarre oer 'e fjilden, de wiidte yn, nei de, yn dizigens him deljaende rearôzige sinne. Wunder, hy fielde det er nou mei syn tinken tichtby wêze moast, en syn soan yet in wird meijaen, in wird út 'e waerme smoutens fen it âldershûs, mank de heimige lûden fen it âlde hiem, en dochs gyngen syn tinzen fier nei 't omfierren, mûchlik om't God ljocht en sinne jowt út hege, fiere kriten wei, mûchlik ek om't ús herten hege en fiere tinzen drage yn 'e bislettenens fen in ierden krûk.

Syn hope hie heal west det de soan him it earst uterje scoe, mar syn witten wier oars ek wol det it moed fen Eintema's net snokkert nei utering as it ealget de rjuchte oansluting misse to scillen. Einlings koed er it net mear forkropje en hastich wrong it him út 'e mûle: „Noust' den giest scoe 'k dy sa graech hwet sizze wolle. Né, 't is net in wird fen forwyt,” der kaem hwet waermers oerhinne, en de jongeman draeide him heal om, it foel him ta det heit sa ynsette. „Ja heit?” hy fen syn kant scoe it net mei in dwers wird bidjerre, nou net. Hy koe bigripe det it syn heit sear dien hie, jierren oanien, hy hie ek graech wold, det it oars west hie, mar koe hy der hwet oan foroarje? Is de minske syn eigen skepper? Mar nou, yn frede, mei heite tawird, mei, hy doarst it hast net tinke, heite segen, ho hime syn herte dêr nei.

„Ja, myn jonge, en ik wol dy de skiednis efkes ophelje. Sjuch, hjur efterhûs, oant de miedwei ta, prachtich yn ien kabel, is dit alle-gear ús lân, myn keninkryk, dêr't ik by myldens en minnens myn dagen op trochbrocht ha. Us lân, fen âlder op âlder, hwent de Eintema's binne in sterk laech, en fen in âlde stamme, mar dyn pake hie dy krupsje, dû wist wol, nei't er dat ûngemak mei dat hynsder hawn hat, dy't him op 't lêst hielendal bûten syn sinnen brochte, en do waerd it spil him to oermânsk. Do forwaerleazge it, jierren oanien laei it heal for wyld, de bouw fol fitters en de greiden fol stikels, en in bytsje opbringst. Mar do't ik greater waerd haw ik my der ta set om der wer lân fen to meitsjen, — sjuchtst dêr dat streek after it polderdykje wol, yn 't foarige Ijippelân, nou earste klas greide. Dat is myn wirk. Ja, ûnder Gods segen, dû witst wol ho't ik dêr ûnder stean. Hwet in lok haw 'k dêr mei bilibbe, hwet in geniet for in boer,” efkes hipte er, wier der hwet heazigens him for de kiel sketten?

„Ja, heit wier in boer mei hiel syn herte, en....”

„Oege, in oar wit net, ik wit hwet ik west ha, hwet ik bin — ik haw yn myn herte nea in boer west. Né, sjuch my mar net sa binijd oan. Oant myn trije en tweintichste jier ta wier ik in omdangeler, ien dy't net wist ho't er it oanlizze scoe om syn sin to krijen. Dyn pake koe him net reppe, en dyn beppe woe perfoarst ha, — och it minske moast sa wol, — det ik yn 'e boerkerije bliuwe scoe. Ik hie hwet leare wollen, dominy ef dokter ef abbekaet, it laei my kâld hwette as ik mar studearje mochte, mar it mocht net, it koe net.

En do haw ik de tosken op eltsoar set, en op 't lân ombodde, dei út, dei yn, efter fé en folk, hwent in boer moat ré wêze for syn taek fen moarns ier oant joun's let, hy mei him gjin gibeltsjes yn 'e holle helje. As ik hwet lies, as ik my for in kear fordjippe yn 'e lektuer, den koe ik for sa'n stuit alles ris forjitte, mar dat koe net lije, op-slach wier it iene ef 't oare fen sté yn it bidriuw, en ik saeide de boel oan kant. Sa wier 't yn 't earstoan, letter, do't ik myn geast mear bitommelje koe, is dat better warden. Ik kin nou sims tiden twa greatheden tsjinje.” Der glied in forbitten glimke oer de forware troanje. Mar ridlik gau forfette de âlde: „Yn 'e tiid fen dyn jongesjierren seach ik yn dy de persoan dy't myn wirk foartsette scoe, dy't mei hert en siel wêze scoe, hwet ik mar for in part west hie, dû wierste praktysk, dû wiste fen oanpakken, dû sloechste efter it fé om, dû likeste it rjuchte bloed fen 'e Eintema's to hawwen, better as dyn broer Sije, dy't lyk ik yn 't foarige, it sin op learen set hie. en dy't den nou for dominy oplaet wurd. Dû scoest it wirde, en ho komt it nou? in friemd scil de frucht fen myn selsforsaekjen ploaitse.”

Bidest seach de jongkeardel foar him del. Kniping fen wé binnyppte him, him ek lyk as 't syn heit al jierren dien hie. Dyn skild, — sei it him, en dochs.... hy hie net oars kend, en it wier net mear to werheljen, hy scoe nou yn 't boerebidriuw folslein mei omkearde hannen stean. Mar hy fieldie him ek lyts, fierwei de mindere fen de man dy't nou yn 't ðfgean wier, — dy hie striden, jierren oanien, earst tsjin eigen sin en oanliz, letter tsjin dy fen syn soan, en den — in Eintema, in man hwaens wollen wet en hwaens sin syn rjucht is, moast er him net weibergje fen skamte?

Mar syn ideael den? Hie hy net fen syn jonge dagen ôf him thús field yn 'e smidte, by de swarte man, dy't mei feardige greep it dûnkere izer hantearre om it gleone to bûtsjen, to bûgjen, út to slaen ef om to krôljen nei machtich wollen. Wier it net de utering fen krêft oer 'e izeren skatten fen Natüre, dy't him jimmerwer oan-loek om bigearich to warden nei in fak, dêr't oars sa seldsum in boeresoan him ta bijaen scoe?

Altyd alweroan hied er miend to fielen ho't syn heit him yn syn boere-eare oantaest fiede as er syn soan as smidslearling oplieden seach. Ja hy hie permisje krigie, mar ho?

Sa wieren de jierren gien, en al wider perspektiven hiene hjar

iepene foar syn geasteseach. Hy woe him hegerop arbeidzje, yn in great stielbidriuw mei alle heimenissen fen 'e izerwrâld bitroud reitsje, strak oan 't haed fen soks stean en den by syn heit komme en sizze: sjuch hjur jins soan dy't jou namme mei eare draecht, in Eintema, in krêftich man, dy't hwet is yn 'e wrâld: forjow him, det er gjin boer warden is en erken him as fen jins rjuchte bloed.

Fielde de âldman de tinzen fen syn soan? Hy hie yn earnstich swijen foartmimere, oant er einlings it wird wer opnaem: „Sjuch, it hat my moeid, detst net yn ús bidriuw oplaet wirde wost, mar myn eigen striid hie my ek leard, dyn striid yn 't libben net to forswierjen, en dêrom haw ik dy frij jown om nei de smid, en haw ik der hiendal gjin biswier jin, ef hast mûglik tocht fen wol.”

Binijd seach Oege op, — hwet nou?

„Dû witst wol, de Eintema's binne net wend hjar siele-uttering op 'e weagen drieuw to litten, en dêrom wirdt der fen yen wolris oars tocht as de werklikheit is, — mar noust gieste wol ik it dy sizze, alles; dû giest mei myn folle ynstimming, mei myn segen oer dyn wei.”

Do ljochte blide tankbrems oer it antlit fen 'e soan. „Heit, myn heit!”

Efkess waerd de âldman weak, mar hy moast mear sizze.

„Harkje fierder. Der is folle swierders dat my op it moed weacht. Dû giest mei myn segen, mar ek mei myn God?”

Do glinsteren de eagen fen 'e jongkeardel mei mear binijing as niis-kreksa. „Mar heit, mei ik net sizze det heite folk myn folk en heite God ek mines is?”

„Ik leau detst mienste hwetst seiste, mar bidraechst dysels net? hast der wissichheit fen?”

„Hwerom moat ik dêr oan twivelje? Binne net myn tinzen faek by de Ivige, en wit ik net det it bloed fen Syn Soan inkeld en allinne de groun fen myn leauwe is?”

„Goed, mar it giet my tsjinwirdich to rimpen. Myn wei wier safolle oars. Haw ik der net om socht en der om frege, tiden en tiden oanien, oant einlings it ljocht yn myn siele trochbriek? Is dat net fen âlde dagen ôf it paed dat Gods bern biwammelje moatte? Moatte hja net earst troch helledijpten, ear't hja hjar ta himelhichten opfierd witte meije?”

Do seach de jonge man syn heit lyk oan. „Heit, it is yn it djippe

bisef fen in earnstige sack det ik it siz: hwet heit my freget dêr scoemyn 't algemien né op sizze moatte. Det yn 't libben fen Gods bern soks foarfalle kin, is hwet oars, mar der is mar Ien, dy't troch de helledijpten gien is, dat is Jezus, en my it eigendom fen dy Jezus to witten, dat is de iennichste treast yn libben en dea. Is 't oars?”

„O jonge, ik haw der jierren mei omtopt, en mei dy giet it samarfensels: dat bigryp ik net. En dat giet yn 'e wrâld om my hinnekrekty allyk. Ik merkbyt it wol, al wenje wy hjur hwet op 'e romte. De wrâld fen 'e âlde frommen wier in hiel oare wrâld fen tinzen, fen bitiningen, fen op- en delgean yn 't geloave as de tiid hw,r't it jonger slachte yn libbet.”

„Mar kin heit de wrâld fen it jonger slachte den trochgrounje? Kin heit witte, hwet der yn 'e minske wrakselten striidt, ek by in laits en in blier gesicht? Heit, leau my, ik haw dat wolris faker opmirken, en ik woe heit dêr net yn tsjingean. Mar net ien minske hat in wei, dy't in oar ek al biwanle hat. Ik haw ek wol fen dy bikearringskiednisboekjes lêzen, mar dy meije nea in regel for ús gelovewêze. Ik haw myn frije tiid brûkt om to ûndersiikjen, mar nea de skimer fen in Christenreize bifoun sa goed to wêzen as it ljocht fen Gods Wird. Heit, as ik it sizze mei, lit ús dêr net mear oer redendiele. Lit ús leauwe det wy beide it goede siikje, det wy beide steane yn it Forboum, det it goed mei ús komme scil. En den ús paed mei blidens gean.”

Do kaem der as in ljochte skimer oer beider siele. Hja wisten, det se elkoar net yn elts opsicht forstiene. Mar it wier joun for it earst, det de âlde hope krike for it bihâld fen de jongere. Dat er der bigryp oer krike, det der for de bifestige frommen yet al den dei to learen is oer Gods wei. Det hja Gods wirk nea missaekje meije, ek al bloeit it yn in oaren oars as de wenstige foarm op. En restige bliidskip strielde oer de twa mannen dy't oer de jounige fjilden opseagen nei Gods blauwe himel, dêr't nou de earste stijren mei silveren glânsen flikkeren. Hwent himelglâns is goud yn ljochtens.

Hja hiene elkoar foun. Moarn scoe Oege nei stêd om yn in great febryk him fierder op 't fak út to lizzen, mar de heit wist det der in man en de soan det der in bern de wrâld yngean scoe, — en it wier goed sa.

FETSE GREIDEMA.

## Selskipnijs.

Us ledēn scille allegearre mei wille fornimmē, det it psalmboek mei de catechismus printe en yn in ljeaf, kreas bantsje ynboun is.

Ik tink, as men it sjucht, scil it nimmen net offalle. De priis scil in daelder wēze, howol dat neat to folle is. Dizze lege priis scil útkinne, as de 2000 exemplaren, dy't printe binne, nou mar mei ien feech forkoft wirde. Lit warbre ledēn dēr strak in hantsje ta helpe. Nou noch net, hwent de boekjes komme for it earst to keap op it Priissjongan, dat by wolwēzen skielk hālden wirdt. Op dat Priissjongan, dēr't ús Foarsitter, Ds. v. Dyk de lieding hawwe scil en Dr. G. A. Wumkes de sprekker is, wirdt in prachteksemplaer fen Sel-skipswege oanbean aan de dichter A. Wybenga.

Der binne 70 stipers, dy't troch in eksemplaer tsjin 10 goune to nimmen, it printsjen mūglik makke hawe. Dy 70 stipers krije hijar eksemplaer yn nije wike ef sa, tastjûrd. Op in giro-kaert kinne se it jild oan de printer takomme litte.

Der scille 50 psalmboekjes ekstra kreas ynboun wird. Net yn linnen mar ynlear, mei goud op sné en gouden letters op it plat.

Dy binne for ljeue mei jild en for Fryske fammen en feinten dy't elkoar wolris in moai presintsje jaen wolle. En sa'n moai eksemplaer kostet dochs mar 3 goune.

En nou noch hwet. Dēr binne 70, dy't hijar as stipers opjown hawwe tsjin 10 goune. Wy hiene op 100 rekken, mar weagje it nou dochs mei 30 to min. As der noch binne dy't as stiper mei dwaen wolle, litte dy dan hijar noch opjaen by de skriuwer en hija krije ek foart ynienit boek.

G. KAMERLING, *Selskipsskriuwer.*

## Boeketafel.

*Wy allegearre*, Evangelyske forbylding yn trije útkomsten fen D. Kalma. Printe by W. A. Eisma Cs., Ljouwert 1923.

Al wer in mij toanielwirk fen Kalma. By alles hwet ik op him tsjin ha, wol ik hijir dochs iepentlik hilde dwaen oan dizze jonge man om syn grote warberens, om yn Fryske lüden syn opfettings de wrâld yn to krijen.

Dit drama jowt in tafriel út 'e Greate folksforhuzing as byld fen it swalkjen fen 'e Minskheit de wei fen 'e ieuwen lâns. En dat op manear fen de nije religieuze idéën, dy't tsjinwirdich for 't opskepen binne. Dêrta skriuw ik hijir de wet fen Ljeafde oer, lyk it ein fen it wirkje dit oanjowt.

Twafâldich is hja: earst en meast, detstû  
God ljeavje scilst mei siele, geast en hert',  
En dêrtroch detst dyn neiste ljeavje scilst  
Net minder lyk it libben yn dysels;  
*Hwent yn dyn neiste en yn dysels is God, 1)*

Wit det dit Ljocht, riisd yn in sünd'ge wrâld,  
Yn ien slach net de herten klear fornijt,  
Mar stâdich om syn opgong wrakslje moat  
Yn folle ilinde en leed; det faek dit Ljocht  
Fortsjustere wirde scil fen haetlik swirk,  
Eardet elts minsklik hert' de suvre frucht  
Fen nije risping draecht; — — — —


Sa, sûnder sels-ilindekennis, sûnder Forlosser, sûnder it as in bern warden, sûnder de iennichste treast yn libjen en stjerren, opgeand yn it Boeddistysk Pantheïsme komt Kalma hjir mei de forbylding fen it nije Evangelje. Allinne it teiken fen it krûs wirdt ús in kear neamdt en dat is alles.

It miskearret mei dit toanielstik net oan technyske minder-moai-ichheden. It stik rûkt yn it bigjin vrijhwet nei Shakespearre. Alwar, dy't earst wakkere heech fen syn ljeafde for Genevra opjowt, seit op 't eintsjebislût samar det it mei him gjin suver spil wier. Dit wirdt nearne net mei oannimlik makke. Ek dat oan Alwar by middel fen in dream de takomst iepenbierre wirdt, om oannimlik to meitsjen det er him mei Heljand to formoedsoenjen hat, is in bjuster wrak sté. Hiel swak wirdt Genevra teikene, binammen as men hjar sjucht as fortsjinvirdichster fen 'e riizjende vrou mids it jongfrysk-evangelysk forskinen.

Fensels, de tsjerkliken krije ek wer in skop; wy binne de „nidige wizen, dy't it wêzen fen Ljeafde dwêste”, mar sok praet werde wy oars noch oars fen.

De uterlike forsoarging is tige. Der stiet mar in inkeld printflaterke yn.  
A. W.

1) Skeanprint fen my, W.



## Twiljocht.

(Op Keninginnedei).

Hjoed is der skamte om ús hinne; as biditsen fen in reinklaed wannelje we yn 'e skimer, ús eagen stoarje rjucht foar ús del mids de drôvige dize en yn ús siele is it kritten om giene blidens; wy witte fen gjin kommende dage. Giet der gjin swiere sucht fen rûzjen troch it beamte, en falle gjin kâlde drippen út 'e oanparsjende wolkemkloft? Is ús siele net mids it minskepohei as in earme widdow dy't skriemt? Och, de iensumen glimkje, mar yn hjarren laits is de djippens fen wémoed.

Dochs wolle wy de eagen oer 'e fjilden gean litte.

Is 't jounich? niigje de ieren? lûkt it kâld? dizenet de huver?

Hjoed is der skeinende skamte yn ús herte om ús sünden en kwea.

Hwêrom binne wy Friezen, dy't dochs fen in aparte stamine binne, ús selsstannigens kwyt? Hwêrom fierst net in bern fen eigen bloed it biwâld oer ús folk? Is ús ikkigens en ús greatsk wêzen, net ús ivige flok en ta flymjende smerte? Moatte wy ús net djip foroatmoeidige mei de selsoankachte: „o God, wy binne net weardich?”

Eigen skild, út eigen bidoarnens berne. Dat is de skimer, dy't swiersettich dellûkt oer ús forwêzene geaën.

Dochs wolle wy tankje. Net mei wyldens fen jubel en bolbjirkenens fen wylde douns, mar yn stillens fen bea en lof oan 'e Himelheit.

Hwent wy búgje for it Godsbisjûr, en wy leauwe oan Syn wiis biskikken. Troch Him regearje de Kenings en moatte de Foarsten it rjucht bistelle. En wy tankje det it frede bleau binnen ús iggen. Frede yn 'e tiid det dizze Keninginne it biwâld oer ús hie. Fiif en tweintich jierren oanien.

Ek de Christenfries ljeavet de frede. Den is der ljocht fen stiltme, swietens fen dream, blankens fen lok. Wy snokkerje om 't eindoel.

Dat is gjin striid, mar rest en ivige frede. Sa binne wy bliid, dat by 't skokken fen Jerope en wylst balstjûrrigens ús lân ek mei yn 'e oarloch bishelje woe, ûnder it biwâld fen 'e lêste Oranje wy ús hjerrestich deljaen koene.

De lêste Oranje! Wy scille net wakker heech opjaen fen Oranje-ljeafde, dy't faken tiden by de lûdste roppers dêroer yn in danich lyts hoekje biflapt wirde kin, mar by dy trije werden trillet dochs de wémoed yn ús herte om hwet greats dat yn 't forstjerren is. Der waerden yn tiden, lang forlyn, dieden forrijchte troch de dragers fen dy namme, dieden fen selsoerjefte for in hillige saek, de vrijheit fen 't gewisse, en dêrtroch blinkt it Oranje mei goudene gloed.

Dêrom bringe wy Jo, Wilhelmina, ús hilde. Lit it fen fierrens wêze, en lit der in djipte fen wémoed yn ús herte trilje, wy wolle it Jo mienens dwaen. Mar wy fiele yette mear for Jo. Jo bûgje for 'e Heechste Kening. Jo bitsjûgje, as op in hillich plak, by it stânbyld fen in helt as de Coligny, det Christus boppe alles is, en dat is ús djûr. Hjir is de snare fen de ljeafde fen ús herte, hjir is de sielebisibbens yn it wiere gelove. En dat is ús it Heechste.

Hwent de Christenfries bliuwt de man dy't nei it wird fen in âlde foarfaer allinne knibbelt foar God. Mar den ek djip bûget. En him ien wit mei en de gelikense fen allegearre dy't yn datselde gelove steane, en yn dy wissichheit wit to bihearen ta in keninklik preesterkip, ta in hillich folts, in oaneigene folts om de deugden fen Him to forkindigjen dy't ús út 'e tsjusternisee rôp ta Syn wûnderhearlik ljocht.

Sa kinne wy ús forhûgje yn it bloeijende biwâld fen in Oranje. En sjugge wy wer ljochte teisters oer ús fjilden sparkeljen. Meije Jo fierder regearje oer Jins folken, lang, tiden oanien, en meije de talen fen 'e folken yn 'e Lege lannen Jo earbiednis sizze. Yn klearens en suverheit.

En dochs lûkt de skimer oer ús herte, en dochs is der in dizenich flues foar ús each lyk fen in widdow dy't skriemt.

It is ûnsuver mei it folk fen Leechlân. It mist syn oanklang, it kin syn ljeafde net oertolkje yn it hertswaerme liet. De tiden binne earm oan waermte, oan greatens, oan bisieling. De jubel op it Keninginfeest fynt syn hichte yn 'e riddenaesje det alles sa bêst gien is nou't Oranje en Leechlân oan elkoar forboun binne; hie Fader Willem it

yet bilibe, hy scoe der skoan mei ynnommen wêze, sizze hja, en hja tinke: ja, op 'e wrâld is 't hwet raers, mar hjir is it goed wenjen, der binne yet in pear sinten yn 't kammenet en wy krije ús wiet en ús droech op 'e tiid, en sa jubelje de tûzenen sa'n bytsje om't alles sa goed bislein is.

As der neat greats yn 'e herten libbet, scil ek de Dichter net opstean om syn snaren ta de foarsens en wiere tearens fen it suvere liet to twingen. Den peilet syn sang gijn djipten fen polskjende weagen, den sweevje syn lieten de himel net yn. Der is yn Leechlân gjin skodzjen fen swierens, gjin stoarm en gjin fjûr, mar likemin it stille bigripen fen de sêfte koelte, dy't de foetstap fen 'e Alder-heechste to wei bringt yn it genûnder fen it blêdtsjeforweech yn simmermoarntiid. Is der wol hwet oars as de deadske rest fen 'e forlittene lette-hjerst-lannen? — — —

Heit yn 'e himel, ta Jo is ús bea. Wy longerje nei de riizjende der, nei it geastlik bigripen, nei de wiere sielsoerjefte. Wy sjugge Jins teikenen net en der is nimmen dy't wit ho lang dit dûrje scil. En as Jy ús lân biwarre ha mids de wylde machtstriid fen 'e folken is der yn ús gea gijn fetsjen fen Jins bihoedzjende hân. De hertstocht fen 'e tiden hat oars gjin fet op ús as dy fen it jild gearheapjen en wy forsteane de djipten fen Jins dieden net. En wy geane net op Jins werden yn as dy ús leare det wy fen oarloggen en geroften fen oarloggen hearre moatte, om ús ré to meisjen for Jins greate dei.

Heit yn 'e himel, bring ús wer op it rjuchte sté, lit Jins antlit oer ús ljochtsje, den scille wy forlost wirde. Den scil ús oerflakkagens en ús selstsinst wike for de djipte fen oerjefte oan Jo en ta heil fen it folk dat wy ljeavje.

A. M. WYBENGA.

### De seisde fen Rispmoanne.

Hark! de sé set wer it stoarmliet yn;  
weagen scil hjar wyldste weelden winne,  
en tsjin 't dinderjende damhaed rinne  
like bliid as hjoed in jier forlyn.

Sjuch, deselde grien-trochlofte skyn  
skimert troch it skomjend wûnder hinne,  
en deselde rynske ûnfhijtings binne  
yn 't rûzjend lûd fen wetterwiid en wyn —

Ljeafste, dizze dei scil hillich hijtte!  
Hwent mei him kaem Ljeafde ús ljocht tomiette,  
ûnbitocht, as heech genedelean —

Sjong dizz' mylde kening fen ús dagen,  
weardich greatsk de kroan fen 't jier to dragen,  
sé, dyn moaiste liet fen ljeafde en dream!

FEDDE SCHURER.

## Oantinken.

Wy diene de bûthûsdoar iepen, en in fyn kåld wyntsje kaem om  
'e hoeke fen 'e kouwemûrre twirjen.

„Wacht”, sei er, „ik scil dy yet in eintsje bringe. It is yet in hiele  
tippel.”

„Och, bliuw mar binnen de balken ju, it doocht bûtendoar lang  
net. Better ien forsutere den twa.”

„Hwet scoe 't! Ik haw wol faker hwet bilibbe.”

Sa stoepen wy it hiem ôf.

De hiele dei hie de loft al drige, in kålde snuver út it Easten jage  
oer 'e neakene fjilden en op 'e joun wier 't bigoun to krôkjen.

Wy hiene in hiele tocht yn it bûthûs tahâlden, dêr't de kij sa  
bihaechlik op 'e smoute stâllen hjar útrieken en it útpûsten. En wy  
hiene eltsoarren heimige dingen sein oer âlde tiden en idealistyske  
oer de nije en de kommende, en as frjeonen hiene wy ús yn 'e  
waermens fen sielebisibbens koestere. Lit der kjeld wêze oer it âlde  
gea, der klopje yet waerme herten, hoopjende op 'e blidens fen 'e  
maitiidsfleur.

Mar op paed hiene wy net folle wirden. Der woechs eat yn ús  
sielen, eat fen dat skiedens-swiere, dat yen' bikrûpt as de dei noflik  
west hat, en de nacht kåld is, en de wyn en snie om yen hinne  
teisterje.

Hwet wierne wy lyts, wy minsken, mei ús grote idealen, dy't  
ljocht útsparkelen oer tsjustere winterwegen.

En om ús wimmelen de snieflokjes wylder, al wylder. Skimerich  
twinkeljen de ljochtsjes yn 'e hijr en dêr forsprate huzen, dy't dûnker  
opkamen en dizenich fordwounen.

Dêr wierne wy yn 'e lijte fen it âlde doarp, dat op syn heal  
ôfgroeven terp like to truren om giene tiden en nou mei in snieklaed  
him ditsen hie om for fierder skansearjen bisparre to bliuwen.

Wy gyngen by de hichte op.

Stil yn steatlichkeit riisde de mânse tsjerke omheech út syn  
lensumheit, de toer weiwordend yn 'e snienacht. Yn 'e wynboerden  
bearde it klaechlik, en it twirre en wiske om 'e twa dimmene reizgers  
yn 'e oannearjende nacht.

Yn 'e lijte fen 'e tsjerke hâlden wy efkes yn, en sloegen it snie-  
laechje hwet ôf.

„Hijr is 't,” sei er. „Sjuchst wol? dêrre, dêr't dat pealtsje allinne  
út 'e hichte stiet.”

Do loek de huver oer myn lea. Wy hiene dy deis der net folle oer  
praten, ik hie der tsjin oan sjoen om der oer to bigjinnen: it mocht  
to sear dwaen.

„Bigrypst it?” sei er.

„Né, fier fen dat, der is mar ien ding...”

„Ik haw it der alle ûren fen 'e dei mei to dwaen. Hwet wier hija  
fleurich. Hwet in ljocht yn myn libben! Dy earste joune! En ús  
goudene dagen! Us lok en ús bern. En do... Dy syktme. Dat lang-  
sume weitarren. Dat dei by dei efterútgearn. En nou... dêr leit se.  
Yn tsjuster, yn de ierde. O, it is nacht. Is hija nou yn 'e himel yn it  
heechste lok en moat ik hijr yn 't nearste lijen forkwine?”

Ik bidimme my. To jonge, sprek mar út. As it yen tsjin 'e kiel  
oankroppet en men kin yen uterje, dat moat forromje.

Mar hwet moast ik sizze? Ek yn myn herte wier de tins oan tiden  
dy't gien wierne, tiden fen lok en herteblidens.

Ik seach him wer foar my as jongfeint yn fleurige oerdwealskens.  
„'k Scil 't ris mei dy faem bisaikje,” sei er jin my do't wy op in  
jountiid yet in slach om diene.

„Dat redst dochs net,” pleage ik.

„Omdetstû net rjucht op streek komme kinst,” joech er werom.  
Mar hy wier gien en hy redte it. Faken hie ik yn myn iensumens

jeloersk op dat pear west. De nochlikens fen stil nei eltsoar ta niigjen fen twa sielen dy't yn it yn eltsoar opgean it goudene lok út Gods hinnen ūntfongen. Hwent ús God jowt greate segen op lytse plakjes fen 'e ierde. Dy rēstjounen, as de frede oer de wide mied-lannen laei en hy de nij oanleine wei delpandere nei de pleats dy't dēr yn 't efterút mânsk op it lyts terpke forriizge, hwet koene hja him it herte optille. Faek brocht ik him in eintsje, en as ik al to pleagerich waerd, sei er: „'k scil 't noch wol útmeitsje moatte, den kinne wy der yetris togearre op út, oars wirdt it mei dy dochs neat.”

Do de brilloftsdagen. Yet seach ik de gearjefte. In hiele kloft feinten en fammen wieren alle kanten út wei opdaegjen kommen om it jonge pear ūnder de spegel it lok ta to winskjen. Hwet in wille oant djip yn 'e nacht, dy't mei foardracht en sang en „op Holland staat een huis” yn 'e skûrre to'n ein brocht waerd. By 't ljochtsjen fen 'e earste moarntiidsstrielen hie elkmes fen uzes in jongfaem nei hûs ta brocht.

En fierder seach ik hjarren yn it lok fen 'e earste houliksjierren. Dat rjucht foriene wêzen! Hy, de sterke, de wittende, de skrepsume om hûs en hear, op lân en by 't fé, — en sy, de soargjende, de boerinne, dy't by hjar man opseach en dochs ek by ytlike gelegenheden mei fine opmerkings him to troaijen wiste.

En do't hja hjar earste berntsje kriegen! In lyts famke bloun fen hier en blau fen each en blier fen troanje lyk hjar mem, hie hjar yntré dien yn 'e greate boerehuzinge in ein bûten it doarp. Do wenne dēr in kening op 'e sate.

En yn letter tiid. Op ús sjongerijen en Friezendagen. Ut 'e wide romten fen 'e âldlânske mieden kamen hja wei om nei de bisieljende warden fen ús sprekkers to lústerjen. Hwet in willeglinster yn fochtige eagen.

Yette seach ik ús mei-inoar to Snits op ien fen 'e bûtenwiken, ho't wy dēr ôffûskken, en hy hjar yn 'e tibury holp, hoeden en soarchsum. Wy wiuwden hjarren efternei lyk hja dēr foartrieden de skadige leane lâns op it âlde sté yn — — —

En nou wier se foartgien, fier foart, for altyd foart, de skadige leane lâns nei it kâlde sté, mar, nei myn bitrouwen ek nei it waerme lân fen ljocht en ivich libben. Dêrre, nei dat sté op dit tsjerkhof hiene hja hjar brocht, hjar de úttarde, dy't mei swiere swolgen it lijen preaun hie. Nou leit hja op it plak dēr't it rēstich is, dēr't de

öfmêdden ophâlden hawwe fen kleijen, dēr't se de skriem fen 'e hjerst en de huver fen 'e winter net fiele, dēr't de koele rēst is yn it bistjurjen fen 'e grêfstiltme.

Mar ik tocht ek om mear, om hjar gelove, hjar útsjen nei Jezus. „Leaust' den net, det hja it better krike hat?” wier myn frage.

Mar hy woe dēr net op yngean. „Hwet in iensemheit om my hinne, en yn myn herte. Al den dei alweroan alles yn yen bikropje to moatten, en den dy baernende pine fen 't skiedenswé, dy kjelt fen 't missen, dy huver fen drôvens. En myn berntsjes! O dy snokker do't hja by 't grêf stiene, en my sa earmhertich oanseagen, my oankroepen mei de frage: komt memme nou noait, noait wer by ús? Noait wer om mei ús to boartsjen en jouns ús to bistopjen? — Ho scil ik for dy skiepkes heit en mem tagelyk wêze kinne?”

Hwet scoe ik dēr op sizze? Hy forfette: „Dy pine en hwerom? Hwêrom my? Hwêrom moast myn lok sa koart dûrje, hwêrom mids de bloei tobriisle wirde, wylst oaren tiden for elkoar sparre bliue? Holden wy den tofolle fen elkoar? Wier, hja wier my ljeaf en dierber, 'k scoe sizze mear as myn libben; yn hjar en om hjar wier de rēst, de bloei fen ynlikens, it soargjen en it fornoege wêzen, — en ho hat se hjar for de bern opoffere! O myn dierbre, myn ynlikst ljeave! Ho koestû by my weinommen wirde?”

O ik fielde it, det der opstân trille yn dat wird, mar ik wist it ek in utring fen it djip-minsklike to wêzen. Fen it tokniesde dat nea wer rjucht groeije kin. Hoe scoe 'k it sizze? Hwent as it lok bloejend yn ús tune stiet, kin men yen dēr mei in glimke om forhúgje en der in geklik wird fen sizze, boppe it hert ôf, en dôchs kin der fieling yn yens worden wêze en djip maitiids-forstean, mar as it wé oer ús sielen weaget, moat men djip yngeand wêze, en ho scoene sündige lippen wisse treastwirden ta sieleoptilling sizze?

„Mar wy wite dochs det ús lok op ierde mei de flok fen ūnwissenslein is, det de dei fen moarn de bloei fen hjoed weinimme kin, det ús bisisit ús sa mar ôfnomd wirdt. Dat giet gjin ien fen uzen foarby. Dû wist....”

„Ja, mar hwêrom my? Hwêrom kaem my dat greate ūnk oer wylst oaren jierren en jierren mei-inoar libje, simstiden sels mei wjeraksel, en wy dy't yn 'e lokkicheste ljeafde ús forhugen, wy binne skaet. O dy lêste dagen! Dat oankommen fielen fen it greate ūnk! Dy bleek forwirden troanje en dy weikwinende eagen! En dat fen hjar, dy't

eren sa roun en soun en tinteljend fen libben wier! Is se net by my weigien as in machtleaze?"

„Ja, mar hat se 't nou net ûneindich hearliker astû it hjar ea jaen koeste? Libbet se den nou net yn it ljocht fen Gods himel?"

„Yn 'e himel seistû! Wolst wol leauwe det dat my wêze kin as in drôge? Det de neare damp fen 'e twivel hjerstich oer myn siele lûkt? 'k Ha tiden, as scoe der gjin God yn 'e himel wêze. O dat net bigripen!"

„Wy kinne net alles bigripe, wy kinne neat bigripe. Wy binaderje it libbensheimnis mar fen fierren. En hwet is ús libben? Yn boartliken gean wy blidemoeds de wrâld yn, yn ús ûnerchtinkend boartsjen leit ús sûnde, wy hippelje yn 'e sinne op en den — komt it greate skaed, it swiere leed, en it weagt op dyn siele, wier is 't, mar moatte wy net leauwe det God ús dat allegearre taskikt mei wize bidoelings, om neijer by Him to kommen? Tinkst yet wolris om dy tiden fen ús earste ljeafde, do't wy bilidenis diene en it bigjinsel fen Gods wird yn ússels bilibje en de wrâld yndrage woene? Komt net it greate skaed om't wysels ús nei it skaed bijowe?"

Hy moast it my meistimme. Mar ik koe fieie det syn herte min meikomme koe. En hie iksels ek wol it rjuchte wird spritsen? Hwet binne wy for fortreasters, en hoe scoene wy it Lok suver neame kinne by de parsing fen it Leed? Moat Godsels net de forlossende tins yn it minskeherte skeppe?

Kâlde gjalpen snie bigounen mei nije flecht oer 'e bûrren to twirjen, rûzerige winen gûlden troch de suchtsjende beammen. En it skriemde yn my om frjeoneleed en it net-forsêftsje-kinnen.

Yet in lyts kertierke stoepen wy troch de snienacht. Mar wy wickselen net folle warden mear. Do kamen wy op it plak fen ôfskie.

„Dat hat my goed dien. Ik koe my efkes útprate. Né, wy meije net opstean. Grif, dû hast gelyk. Scille wy om inoar tinke, en — foar inoar bidde?"

Ik knypte him waerm yn 'e hân.

En sa gyng elk syn swé yn 'e kâldens fen 'e nacht, mar ús frjeone-tins niigt nei it bisibbe herte, mei winsk om segen yn waermens fen ljocht en Gods dei.

FETSE GREIDEMA.

bysûndere gefallen de wredens yn persoan en meitsje tastannen, like ilindich as de negerslavernij. Dy wetten hâldde prinsepeal yn, det de earmen hjar húshâldings troch twang opbritsen wirde en det se dy húshâldings twinge om út hjarren eigen thús wei to gean nei it earmhûs ta. Elts lân, dêr't dy grouwel yet net bikend is, mei troch de oerdiedige ljeafde fen de gemeinte Gods biwarre bliuwe for it wettelik forwoastgjen fen de earme syn funderdak. 'k Woe wol graech in redener wêze om de earmeljue hjar rjucht to bipleitsjen en den scoe myn tekst wêze it Bibelwird: „Hwetste wolste det de minskē dy dogge, doch dat hjarren ek,” om oan myn lêste sike ta yn 't spier to wêzen om in eigen thús to krijen for de alderearmste húshâlding. As ik gjin eigen thús hie, den wier de wrâld neat oars for my as in great tichthûs.

Der binne gûds dy't wünders út oare lannen forwachtsje; ik hoopje mar, det hjarren rôljende stien mos gearbringe scil en det se fen de frjemdsin nea gjin birou krije scille. Mar mei my stiet it sa, krekt as siet ik mei in keatling oan myn eigen hûs fêstsmeid.

Australië mei great wêze op syn goudfilden, Amerika op syn vrijheden en elts lân op syn eigen eare en rom, op myn eigen hiem en yn myn eigen hûs siz ik en scil 'k altiten sizze: Myn âlde Fryslân boppe!

*Frij nei Spurgeon.*

### Lyljeblom.

Lyljeblom yn 't niigjend grien  
Langstme is oer myn siele gien.

Lyljeblom yn 't riizjend grien  
Pearlefûnk fen ealestien,

Gouden wûnder for it hert,  
Swart bislein fen ierdesmert,

Hast ek tynge ta myn treast,  
Wisse spraek ta wiffe geast?

Gouden hert fen melody  
Siz dyn suvre harmony.

O, ik ken dyn lieten net  
Skimer hâldt myn siel biset,  
  
Ingel fen Gods poëzij  
Lear de blommeblidens my.  
  
Salvje de eagen fen Jins bern,  
Lear my ginst en fiersten sjen.  
  
— Heerde ik do fen 't gouden krûd  
Net in hillich silverlûd?  
  
„Salomo yn al syn pracht  
„Falt by my yn skamtenacht.  
  
„'k Tôgje net en 'k bodzje net,  
Ljeafde ljuentet yn myn hert.  
  
„'k Waeks en bloei Gods blide dei  
Yn Syn hearlikheden wei.  
  
„Minske, leau hwet Himelheit  
Yn myn lûsterwird dy seit.  
  
„As Gods wiisheit ús sa klaeit,  
Mei syn sinne en sigen aeft  
Yn in brân fen ljocht ús set,  
Hwerom dy den net?”  
  
Lyljeblom yn 't priizgjend grien  
Rea biskamme bin ik gien.

A. M. WYBENGA.

### BOEKETAHEL.

*Frijmitselderij en Oera-Linda-Boek* fen Dr. G. A. Wumkes. Mei in portret en 2 facsimile's. Oerprintsel út „It Heitelân”, Brandenburgh, Boschma en Co. Snits 1923.

Dr. Wumkes joutw hjir skôging oer it Oera-Linda-Boek, binammen ho't nei syn bitinken it to wrâld komd is. For him stiet fêst det C. over de Linden de skriuwer is. Hy teikenet de geastlike streamingen

dy't om over de Linden hinne polskens, en jowt teffens weardefolle biskieden oer femylje, karakter en fornimstigens fen de man. En den eat oer de fierdere skiednis fen it boek. Wumkes giet der fen út det o. d. Linden mei opsetsin dit boek skreau om de Bibel del to heljen en de oarsprong fen eigen stamme mei dy fen 'e Friezen gearflechte, ta fiere âldheit opklimme to litten. Ryk materiael yn in lyts bistek.

Dochs scoe ik yette freegje wolle: wirdt o. d. Linden sielkindich suver nommen? Skreau hy bipaeld mei doel om de wrâld to forrifeljen? Kin hy net earst it boek opdichte ha, en do al fantasearjende en fordichtsjende wei ta syn jûlskrift kommen wêze? Kin hy net sadanich ûnder de bikoaring fen syn eigen optinksel rekke wêze, det er by einbislút de hiele wrâld dêrmei ûnder de bikoaring bringe woe?

Stiet dêrom de tsjinwîrdige wittenskip, dy't wierheit en fordichting dochs bihoarlik heart to ûnderschieden, net danige bryk op it ûnderwirk, as dy dat boek nou as in Germane-bibel forearet?

Dochs, ho graech ik over de Linden op syn plak bliuwe lit, ik bin bliid, dat dit wirkje apart forskynt, hwent by de „Bidders út 'e Fryske striid”, dêr't Wumkes him earst plak joech, kin hy my net haegje. Net it opmeitsjen, mar it forstjûren fen syn brief ûntseit him dat rjucht.

De útfiering is in mislearring.

Jammerdearlik ha se op 'e printerij de boel troch elkoar mijukse. Blêdsidje 8 rigel 3 fen ûnderen fynt syn forfolch op side 10 rigel 4 fen boppen ôf. Side 10 rigel 3 hat forfolch op side 11 rigel 3 fen ûnderen ôf, mar den is der yet twiskenût fallen dizze rigel:

„pear tomiette. Over de Linden fielde him net rjucht”

Side 11 rigel 4 fen ûnderen hat forfolch op side 8 rigel 33 fen ûnderen. En út side 10 twisken de rigels 10 en 11 mist dizze rigel: „chaos de pake, in hellingbaes stie to boek as in”

Dit for de keapers fen it boekje, om efkes aan to suverjen.

A. W.

*Keninginne-Mars* fen L. J. Timmer to Boalsert. Mei *Keninginne-Jubelliet* fen S. L. Utjown troch A. J. Osinga to Boalsert.

Hjir is in geskikt en maklik mezykstik om op Keninginnedei to spyljen. Lit ús fanfarekorpsen it mar ris fleurich ophelje. It lêste ein is in sangstikje by. Ik scoe de warden wol hwet oarspronkeliker ha wolle, de tael wirdt ek altyd net like suver brûkt, mar de ynhâld kin wol tsjin it bikroande Leechlânske gelegenheitsfers út.

In prachtstikje fen útfiering. Binammen de earste blêdkant mei syn rea-wyt-blauwe omlysting, fryske flagge en oranjekrâns mei Keninginne-bylnis docht it goed.

A. W.

Mar as de moanne twisken wolkens wei  
 Hjar blanke treast oan 't hymjend sé-hert skonk,  
 Fielden ek wy stream fen genedeglâns,  
 Dy't sillich oer ús tsjust're smerten blonk.  
 En den klonk út it greate, glângjend wiid  
 Rûzjend praeludium fen nije sang,  
 Dy't rizend boppe stoarmen fen 'e striid,  
 Utstreamd' yn fiere jubel, heech en lang.  
 Do is it sé-lûd machtich oer ús komd,  
 Tillend ús hert út nacht en striid omheech  
 Nei dy strieljende hichten, hwer't it blomt  
 Fen ljocht en heil bloeit for 't forklearre each.  
 De sé, wy ha' hjar iiv'ge rop forstien,  
 Dy't as in klokslach troch ús herten klinkt:  
 Wy binn' nei libbens hillige wenten gien;  
 Hwer't al hwet tiidlik is, de siel úntsinkt.

INNE DE JONG.

### Profesje.

Hommels wier de âld baes for sa'n stuit wer yn 't formids fen ús bilangstelling komd. 't Hoecht gjin niget to dwaen. De gouden brilloft! Gesikte gelegenheit om ris in forsetsje to hawwen.

Hja hiene it fensels net wêze wollen, de dei moast stil trochbrocht  
 wirde yn rëstich gepeins oer eigen jeuchdtiden, it by eltsoar kommen,  
 de wei fen fyftich jier; lange jierren, koarte rek; en den de  
 joune efkes de bern der by. Dy hiene den ek al in lyts slotsje op 'e  
 mâle krige.

Dochs wier 't útlekke. Gjalt Sijes hie op de âlde ljue hjar silveren  
 brilloft in stikje foardroegen, en do't er op in reinich jounskoft yn  
 syn âlde pompieren omnoaske, wier him dat rymstik wer yn 'e miette  
 komd, opdichte en foardroegen do en do, stie der op, en klear wier 't.  
 Net oars, de 27e fen Blommemoane hiene Geale en Frytsen fyftich  
 jier foriene west.

„Hwet in fynst”, sei er tsjin 't wiif, „sjuch ris!”

„Soa, wer ien fen dyn rymstikken, dêrst sa greatsk op biste,”  
 pleage hja hjar sterkere helte.

„Né, mar ik kin hjir hwet út bislute.”

„Just, detstu in great dichter-wirde kinnen hieste!”

„Hwet docht myn fanke hjoed in wisse slaggen. Hast it waer  
 yn 'e holle? 't Liket wol det ik dy for ien kear ris nêt nijskjirrich  
 krije kin. Mar as ik dy dat ris sei fen ús âlde bûrljue —” Hy bleau  
 yn wachtsjende hâlding, mar it joech neat, hja wreau mei alle  
 soarchfâldigens de kroane fen it kammenet.

„Nou komt der ek hwet fen, ef wirdt it in smoesje?” sei se op 't  
 lëst, do't hja fen de stoel ôfwippte.

„Dû hast it net fortsjinne. Mar for dizz' kear: hja hawwe takomm'  
 Tongersdei it goud to pakken.”

Dêr foroare it fen. „Né doch; en dêr hat dy âld biis my nea hwet  
 fen útlitten. Altiten yet slaggen oer it houlikslibben, en nou oer syn  
 eigen sa ticht as in kanne! Dêr scil ik him for krije. Dat scil yn 't  
 krantsje. Moarn daliks. Den stroamt it. Dat scilst sjen.” De iene  
 sin tommele nou oer de oare hinne.

„Rop dêr mar net to lûd fen. 't Is oars as nês fiif en tweintich jier.  
 Wy kenne him, en dêrom hâlde wy fen him. Mar for 't greateste part  
 is hy de man net mear. De jongerein hat oare idéen oan 't hantsje.  
 Hy úntjowt him by ús wol, mar sadré't hy yn greater selskip kommt,  
 is er in krûdtsje-roer-my-net, dy't de blêdtsjes gearteart. Dat is by  
 my it moeilike fen syn aerd. Mar ik haw it yn 't foarige wol  
 opmirken: as er fen 't keatling kommt, giet er to hird út 'e ein, en  
 dêrom bynt er him ljeaver yn. Dû mienst sims yette, det er rounom  
 is lyk by uzes, mar dat haw ik wol oars fornomd.”

„Dû hast gelyk, it komt faken oars as men yen foarstelt.”

„Sa is 't mei Geale om ek gien. Hy is to rimpfen en teffens to  
 fynfielend. Om't heit-en-dy him altiten kend hawwe, witte wy it op  
 't bêste. Mar oars in kostlike siel.” Gjalt joech him wer alhiel yn dy  
 âlde tiden. „Der siet fen jongsefoan hwet oars as sljuchtwei yn dy  
 Geale. Altiten siet er op 'e noas yn 'e boeken, en hwet er lies, dat  
 wist er. En om't de Heare him jong yn 't herte taest hie, woed er  
 ek mei in rjucht gemoed for Syn Namme iverje. Al ridlikjes gau  
 wier hy yn it keppeltsje frommen fen ús doarp in persoan fen  
 bistutting. Al yn syn feintejierren hold er Sneinsskoalle, en letter  
 ek wol fraechlearen. Sa foarme hy yn 'e earste jierren fen syn  
 trouwen in geastlik formidden, dêr't de Heare krêftich yn wirke.  
 En do't de tsjerke wer yn rjuchtsinnige 'hannen kaem, waerd er

âlderling. Moast men net tinke det sa'n persoan oant syn lêste dagen in fader yn Israël bliuwe scoe?

En hwet is 't in stik oars biteard, mei't de jongerein opkaem. Do kaem de botsing twisken it gemoedlik-mystike en it forstânlik-riddenearjende. Geale fielde det hy mei syn faken rimpene útfallen, dêr't syn aerd him net by yn 'e rjuchte banen liede koe, mear bidoar as goedmakke. Do hat er t'studere tiden trochmakke. Hie hy den net it rjuchte ynsjuch yn 'e Skrift? Wieren syn âlde skriuwers sa fier bûten 't spoar, det de jongeren it hjar en dêrmei him ek it forbetterje koene? Hiene syn eagenblikken fen ynlik sielsforkear mei syn God den teffens ek gjin bitsjutnis for de gemeinte, dêr't hy de lieding oer hie?

Hwet slimmer dat oanboaze, hwet mear hy syn baentsjes slûpe liet, en it wirk oan oaren oerliet, oan sokken dy't hy yn hjar opkommen nea rjucht stien hie. En mei't er seach det de Tsjerke it bûten him rôdde koe, det sels de jongeren it yn Skrifuerlikens fen him bigounen to winnen, joech er him stil yn 'e hirdshoek del. Mar syn tinkwize koed er net slûpe litte. Fyn tear libbet er nou ienlik for syn God. Is 't net for 't folk, den for himsels fynt er de frede by de heilsgeheimen lyk hy dêr fen syn jonge dagen yn opgroeid is. En formakket hy him yn de mystikens fen syn âlde skriuwers. En ik leau fêst det it him persoanlik ta segen is. As hy for in kear it der mei my oer hat, kin der sa Godforhearlikjende glâns yin syn eagen wêze.

Dat is it inerlike yn syn siele. Mar for 't folk biskermt er syn djippens mei, ik scoe sims sizze, oerflakkige setten oer kealtsjes en foltsjes, en oer frijen en trouwen. Dat docht det mar in inkeld syn geast mear bipeilet. Syn wiif en mar in hiel inkeld goefrejon út foarige jierren fettet him. Sjucht, det witst oars ek wol, mar ik moast it dy eytris efkes yn forbân bringe."

„Dochs kin ik hjur de beide einen mar min by eltsoar krije.”

„Ik wol sahwet. As men yen net uteret lyk yens inerlikste wêzen it opjowt, scil der in oare toan fornommen wirde, dy't nea suver stamt, mar de fine opmerker krasserich yn 'e earen komt. It is mar inkelden jown de fingers sa to setten det dok spyltúch it rjuchte lûd jowt, mar for dy-en is 't den ek in wûnder fen klankenwielde.”

„Wy moatte dêr mar oer ophâlde, en dû scilst ek wol gelyk ha, mar my tinkt: kom mar lyk astû biste, den bliuwt men op 't wierst”.

„Ik wol alles net goedprate, mar teare sielen fiele hjar gau sear. En ik hâld fen de âlde ljue. It doarp scil 't witte, seistû, en dat bin 'k mei dy iens. Ik haw hope det it him yet hwet waermte oanbringe mei.”

Sa rekke it nijs troch de bûrren. Do't ien it wist, wisten wy it allegear, en elk foar de oare woe der hwet oan dwaen om dy dei ta in feestdei to meitsjen.

De oare moarns al bytiid stie Setse, de âldste soan by Geale-en-dy's oer 'e flier. „It komt oars út as Heit him foarsteld hat. Hja hawwe it der allegear oer. De iene ef oare hat it útkloarde, en hja komme takomm' Tongersdei by seksjes om jim to fylsetearjen. It kin net oergean, nou moat der in bytke feest fen wêze.”

„Soa al myn jonge?”

„Ja, en wy meije de minsken ek net hounsk bihanelje. Ik haw der al forskaten oer heard, hja wolle hjur op ta. It hûs wirdt to lyts dy deis.”

„Dû witst oars wol hwet ik dy sein haw. Hwet in drokte.”

„Heit, ik scoe der net op oanstean as jim gâns breklik wieren, mar jimme binne noch sa hecht as 't mar kin. Foarôf hoege jim der gjin drokte fen to meitsjen. Us Goai en wy scille dat wol kreas opknappe. As jimme de ljue mar ûntfange wolle, dan komt alles wol yn 'e es.”

Sa rekke dy Tongersdei it hiele doarp op stelten. Der hongen in pear flaggen, en it jongfolk hie de nachts fen to foaren in greate earepoarte tsjin de foardoar oan boud.

Ik tochte de jountiids: lit my der ekris sjen. Earlik sein: ik hie 't noait net rjucht op âlde Geale bigrep. Fen syn frommens hie 'k wolris heard, en de stealthes dy't dêr únder it jongfolk fen opdist waerden, wieren net sa bjostere geskikt om myn biwûndering geande to meitsjen. Ik biskôge him altiten as sa'n soarte geastlike hounégiselder, dy't krekt wiste, hwa't op 't rjuchte paed wannele en hwa't yette net ta de inge poarte yngien wier. For in kear hie 'k syn útfallen wolris heard, en soks hie my danich yn 'e miening bistevige, det Geale in greatness wier dy't syn tiid in krûmke oerlibbe. Wy mei ús frissere, soundere opfettings oer libben en Skrift! Lokkich, det sa'n man oer 't geastlik libben yn 'e gemeinte neat mear to sizzen hie.

Der wier al in hiel selskip gearhonke, do't wy de keamer ynstoepen.

Dêr siet it goudene pear ûnder de forsiere spiegel, hielendal yn 'e pinksterpronk. Dat koe 'k hast al net ienris rime mei syn opfettings oer de neat-weardichheit fen it ierdske, it ôfjaen op pronk en pracht dêr't ik him wolris oer heard hie.

It breed gouden earizer skynde Frytsen fyn-fûnkeljend troch de lange mûtse hinne en hja hie it moai-siden jak en skoart oan, dêr't ik hjar oars nea yn sjoen hie as do't hjar jongste dochter troud wier. En hwet laei der in hearlike glim op it goedlike gesicht fen it minske dat altiten heech by hjar Geale opseach as de man dy't it wiste, dy't for hjar de lieding nei de himel hie. Grif, hja wist it fen it leauwe yn Jezus, mar hoe scoe hja sûnder him it paed foun en fierder biwannele hawwe?

Lyk yn 't geastlike sa koe 't ek mei 't natuerlike wol wêze. Frytsen waerd suver wei by it foarse stal fen hjar man. Hy siet der krekt sa't ik my jimmer in patriarch foarsteld hie. It silveren hier by flokken oer 'e earen, en him der forienjend mei de grize ringbird. En den dy brede troanje dêr't in glimke fen fornoegdens oer laei om de opmerksumens fen 'e doarpsgenoaten. Wier dat dochs yet in bytke idelens? Syn goed sin wier ek to merkbiten oan syn him úntjaen en frij úptraten oer forskate dingen. It like eft er de skoat-tels efkes foar syn sieledoarren weistritsen hie.

Do't de measte fylsetearderij den ek bisljuchte wier, rekke er alhielendal oan 'e praet. Do wier hy net allinne om syn gouden brêgeman-wêzen, mar folle mear om syn geastlik oerwicht it mids-punt fen ús oandachtige spanning. It floeide oer syn lippen. Hy jubele it út oer de blydskep dy't er yn syn libben smakke hie. En dat brocht er sa natuerlik yn forbân mei it wirk Gods dat oan syn siele bard wier. Hy hie it oer 'e djipten dêr't er troch hinne wraksele wier ear't it Ijocht trochbriek. En fierders oer dat rjucht dierbre libben oan Gods hân, dêr't de foarsmaek fen 'e himel, it libben by Jezus him nou al to hearlik diel wier. Der wier Pinkster-fjûr yn dat heldere each, tocht my. O dat hearlike bitrouwien yn Gods bistjûr, yn Gods wêi, yn 'e ivige sillichheit hjirboppe dêr't hy fêst de holle op dellizze doarst! Dat berlik leauwen! Grif, hy wist lang safolle net as wy, mar nammersto makliker wier 't for him om Gods Keninkryk yn to gean lyk in berntsje, dat net freget,

mar oanimt. Eigentlik waerd ik der dochs in bytke jeloersk op. Dat mear witten brocht ek mear fragen en twivel mei. Jenfâldich, rjucht en sljucht to wêzen en den oan Gods hân to wanneljen, scoe der greater sillichheit wêze? Hwet in wissichheit fen himellibben by dizze âlderwetsk geloavige!

Mar do't it praet algemieder waerd, seach ik det ik wer ris in kear mis west hie. Hy hie dochs ek yet hwet oars lêzen as de âlde gemoedlike langtriederige preken fen nês twa hûndert jier. Yn eigen wirden, in bytke tale Kanaäns-eftich tocht my, joech hy syn oardiel oer 'e tsjustere tiden dy't wy bilibje. Mei únsinichheden slein binne de folkeren, sei er, de wielde rikte oan 'e himel, en hja wirdt oan 'e hel ta delsmitten, bikoaring hat hjar sinnen forrukt en sels it fine goud is fortsjustere. Mar it is foarsein. Dit is de tongerslach oer 'e godleazen. Der scoe heard werde fen oarloggen en geroften fen oarloggen en it ein is yette net, mar it komt, mar it is nei-oan. It oardiel scil oer 'e greate hoer gean. De tsien kenings binne al únderweis. Sjuch mar ho't folk tsjin folk en ryk tsjin ryk opstiet. En de hate tanimt, de hate fen ras tsjin ras, fen stân tsjin stân, fen minske tsjin minske. De iene wol him net únder de oare deljaen, elk for oar wol hear spylje en in great swé slaen. Hja lizze op 'e knibbels for de úngoaden fen 'e ieu, meitsje it flêsk ta hjar God, en miene det de himel op ierde wêze scil wylst hja fen de ierde in hel meitsje. — —

Hwet mear't er spriek, hwet mear't syn geast feardich waerd. Hy kaem oerein fen 'e stoel en as in helt stied er dêr, wiid de eagen iepen, de iene hân út 'e hichte, en syn wirden floeiden oer ús hinne en namen ús mei yn mystérieuse oandwaning.

„Ik sjuch se oankommen, de minne tiden dy't de lêste dagen meibringe scille. Den forwilet it lûd fen liet en lof, den is de jubel fen 'e feesttiid to'n ein. Den scil men de mieltiid skou wêze, en der is gekryt en geskriem.

Ik sjuch se opkommen út 'e hoeken fen 'e ierde om it Laem de striid oan to dwaen, Gog en Magog. De Heale moanne scil it Krûs bioarlogje en it Reade bolsjewisme scil de Tsjerken togruzelje. It militairisme scil him yn tsjinst fen de Antichrist stelle en mids de wynbergen scil it Beest yn 'e minske hearskje.

Al swieder scil de tiid werde for it folk dat Jezus ljeavet. En de feninichste hún en de grouwélichste spot scil oer hjarren hollen útgetten werde, en hjar lea scille nettele werde oant de dea.

Sa scil de ierde skokke en skodzje. It opplakt Christlike scil fen 'e folken fen Jerope ôffalle en hja scille yet slimmer raze en moardzje as de wyldste Heidens. Yn woaste wieling scille hja forsfolge wirde.

It iene wé folget hommels it oare op.

God slacht nou yette mei gisel, mar den scil Hy mei skorpioenen kastije; rounom wirdt it fjûr en lôge, bloed en bittrens.

En it wirdt nacht en yn 'e tsjusterste nacht scil it gleonste fjûr fen 'e himel falle, scil it wyldste fjûr út 'e ierde spatte en de illeminten scille baernende torane.

Dat is it wé oer de godleasheit dy't machtich útbritsen wier en de súndaers gjalpje it út: bergen, fal del en heuvels, bidek ús for de grime fen it Laem, hwent de greate dei fen syn grime brekt aan en hwa scil bisteant?"

Dêr stie de âlde fromme as in great man en de lêste strielen fen 'e ûndergeande sine gloeden op syn mânske troanje.

Do haw ik my tige lyts field.

FETSE GREIDEMA.

### Fen 't skiere leed.

Noch ienkear tsjen troch 't âlde hûs  
Ienkear noch toeyje op tfûzen ljeave plakjes  
En yn myn sielë al dy wille fiele  
Dy't ik fen bern ôf hjir bilibbe ha  
Den gean — — —  
O wielde ljocht en lotter, skien yn 't hoedne,  
Lyk snie dy't foel yn stille nacht fen segen  
En 't âlde tek fen wille glinstrjen die,  
As moarns de sinne wolkens raende.  
My ljochte allyk yn 't boek in ynlîk fers  
De Ljeafde fen it soarchsme memmeherte;  
Hjir gyng Hja, geef fen ljeafde, great fen blidens  
Troc dizze keamers, dêrdet alles kreas  
En suver wier, — hjir gyng hj' in Ingel my,  
Mar ek boerinne, dy't mei wille noed stie

Fen hwet yn 't âlde hûs fen de âlders erfstik wier  
En hwet der bykaem út in jonger tiid.

Dêr yn 'e moaije keamer boarte ik mei 't grien plús  
Dat sêft fen side roune tafel diek;

Do't hja om 't hoekje kaem en sêft my loek:

„Dat is gjin boartersgûd for famkes" sei se,  
Mar frjemd wier 't each, dat wûnder skine liet:

„Ho noflik det myn bern for moaijens fielt;  
Mar o hja scil yn 's Libbens dûnkre tunen

It skeinend sûr fen al to tearens fiele!"

Dat sei hjar mûle me ek, ik hearde it wol,  
Mar tiden gyngen ear't ik dizze profesje

Trochgroune yn 't huvrjen fen syn djippe doarming.  
Yet fiel 'k op 't wang dy treast fen sielepea,

Dy't mank hjar wird my 't heimige ealgjen die.  
O himeldagen ûnder memme hoede! — — —

Mar hja is gien, — dat wier dy joune  
Do lêste sinnefûnk de abeeljewitens patte,

En heit sa moeilik him foar 't bedsté wrong  
Yn tiizjend dwaen: „o giest for altyd foart!"

Do't yn ien wylde gjalp hy alle lijnen geartwong:  
„Dû meist net gean, dû moast hjir by my bliuwe

By my en by ús berntsjes" — 'k wier do sechtsjin  
En bûge al djip by stoarmjen fen it Leed.

Us mem forstoar. In kleiliet sweve oer de ikkers  
Dêr't lêste hjouwerstûken styngen, mids

Rjue iepnens fen de hjerstich tryste fjilden,  
Do't hja hjar brochten nei de dûnkre grêfsté;

Do haw ik skriemd. — — —

Us moeike kaem yn hûs, hja hat my leard.  
Hja wier net strang, 'k scoe sizze sêft'r as mem

Dy't faek bistrafte as wyldens yn ús woele.  
Mar nea kwam wer dy hân, dat each, dy strieling fen ljeaf

[lûd

Lyk memme siel hjar glângjend utre.

Dochs, yn 'e wissens fen hja plichtsbitoan  
Hat hja myn siel mei tank oan hjar forboun.

Ek hja is tein nei 't lotter gouden sté

Dêr't glâns ynblank fen nije Godsstêd Ijochtet.  
 O 't each, dat faek ik skitrijen seach  
 By 't lústrjen fen: nei Jezus ta, Gods ingels sjonge it liet  
 Dat for forlostien is, as hja hjar leed en krûs  
 Oflizze en gean nei 't gea fen Ijocht en frede  
 Dêr't de Iiuge sels en 't Laem bywêzich is."  
 Sa wier hjar wird, en nuver hearde ik op  
 Det hja dy't altyd-oan stil-bliid hjar gongen gyng,  
 Oer 't Leed it hie, fen 't Krûs spriek as eat eigens,  
 Dêr't hja dochs jimmer leauwe op Jezus hie  
 As Redder en Forlosser fen hjar sünden.  
 Neitiid ha 'k sterker 't Libben field en 'k wit.  
 'k Wit det der efter sêfte teisters djipten wiidzje.  
 Dò hie 'k gjin tiid for tinken, oar heech Lok  
 Wier oer my komd as goud fen maitiidsdream  
 Trochfrissele fen 'e gloed fen moarntiidsinne  
 Lyk dy oer 't miedlân prielet, en de pinksterblommen

[weevje]

Op suderamme, as eltse raei in loving seit  
 En oer 'e bloei fen hagebeam Gods swietrook swevet.  
 'k Haw 't field, hwet sêfts, hwet himelblau fen tears  
 Weage oer myn siele en 't fûnkla sa — — —  
 Him haw ik ljeave en ljeavje ik oant myn lea  
 Sakje yn 't koel' grêf op tsjerke sunderside,  
 Deun njonken hjar dy't yn myn jeugd my laetten.  
 Do kwam de twastriid fen 'e Ljeafde.  
 „Scilst nou al by ús wei?” sei Heit, „ho bliuwe wy  
 Hjir sitten! Ik, de jonges, dêr't dyn hân  
 Sa nedich noch de leije oer hâldre moat,  
 Wy bliuwe ridderslein.” Dat dych my sear om Heit,  
 En 'k sei tsjin Lolke: „och lit ús net to lûd  
 Dêr tsjin de wrâld oer prate, lit it noch  
 Ris for in tiid bitsjen.” Dat wird hat hy net fette  
 Hy miende, det ik linkend fen him ôf woe,  
 En wachtsje woed er net; do naem him leidiger,  
 Dy Gjet, dy't fen hjar earste fammetiden  
 Strieleagjend him oanseach sa for hjar yn  
 Det hy my sitte liet, ho't ik yn de ôfskiedstoune

Me ek tsjin him oanwron, mear as skrûtnens pas jowt!  
 Do kaem de leechte yn 't Libben; mar it offer  
 Ik brocht it for myn Heit, dy't yn syn iensum-wêzen  
 Gjin stipe oars hie; en oer syn dûnkre troanje  
 Glied de earste twir fen nije simmersmoutens  
 As hy stilwei him utre yn noct: „dochks krekt hjar mem.”  
 Dat wier my tank en leed. Dos, sterk wier 'k as dy't gien  
 [wier,

Mar ek: wier hja net gien, ho hie 'k den 's libbens waermte  
 Yn 't kommen ta in frous bistimming, field!  
 Ef wier 't ek goed det 'k wist ho't manljue binne  
 Dy't trou ûnthjitte en ringen 't wird forjitte?

Dochs, tiidne macht kin daegne striid bidimje:  
 Der sweve wer dy ranke frede oer 't hiem,  
 As yn healjounstiid 't Ijocht fen goudne sinne  
 Oan westerkym ta tûzen sprankels útskeat  
 En oer ús gea de widens fen 'e nacht weau.  
 Den kaem myn heit sa faken njonken my  
 Wy seagen nei de Ijochten fen Gods himel  
 En hienien 't oer de hillige ingels dy't dêr sweevje  
 Op willewijk ta treast fen dy't yn 't lijen  
 Op ierde 't krûs fen únk en tsjinspoed drage,  
 Ta tsjinst fen dy't Gods heil biërvje scille.  
 Ek hienien wy 't oer mem, dy't nou sa rein en lotter  
 It lofliet song fen Mozes en fen 't Laem.  
 Heit waerd my 't heil fen d' ierde, deunder  
 As ea forstienien wy ús nei bisibbe sielen.  
 Hy sei my alles, fen 't lân en 't fé en 't útsicht  
 En fen de dijing fen ús fruchten, ho't ús fjild  
 Ien great taefiel fen myldste segen lyk wier.  
 Ho stilder 't hûs waerd, en de jonges  
 Den de ien, den de oar, 't âld hiem forliet'n om nije went to  
 [finen

By eigen wiif, ho mear wy stipe fielden  
 Yn 't sizzen fen elkoarrens tins en wollen.  
 Sa kaem it Ijocht fen wille wer, hiel starich, ek hiel suver;  
 'k Seach oer it offer 't Godlik fjûr fen wolbihagen.

Yet riisde Ijochter dei: 'k Hie yn myn iere jierren,  
 As oars frjeondinnewird de sielen amje lit,  
 To skruten mids it geklik wird my 't utrjen  
 Nea suvere oanhâld foun, mar nou kaem Tsjetsje  
 De wees yn 't doarp, en wy fornamen ringen  
 Ho beide we út ús teare, oertsjalpe siele  
 Om warden sochten om hwet djûrs to sizzen.  
 As Sneintojouns de rêt oer wide midden  
 Yn dauwegen segen joech oan sikers  
 Den wann'len we earm oan earm de leane  
 Dy't fen 'e rydwei nei ús pleats ta bûget  
 Alweroan op en del en seine we al ús tinzen  
 En fieling yn hjar djûre heimnis, jublend  
 Fen Ijocht om 't lok det wy elsoar forstien.  
 Hja ek wier iensum mids de minsken gien  
 En hie hjar wrakselpaed allinne rouw yn doarming  
 Fen freegjen nei in siel dy't tearens wist to ljeavjen.  
 En as wy yn ús moaije keamer wieren,  
 Hjar fine fingers oer 'e oargeltoetsen glieden  
 Wy 't gouden liet fen 't Ijochte heitlân songen  
 Fen Jezus en Gods Ingels en de tûznen silgen  
 Dy't rête foun hien' yn it bloed fen 't Krûs, —  
 Den kaem ek Heit en lustre yn blanke stimming;  
 En nije wielde kaem der yn syn earnstige eagen,  
 Hy joech him nei hjar sang en tanke yn ynlik swijen.

---

Ik mei net freegje det in offer frucht jowt,  
 Ik mei net wolle det in oar deselde  
 Keal-deadske dyk rint yn 'e winterhuver  
 Lyk ik dy gean: de nacht is oer myn siel  
 Al slimmernôch, om oaren 't ek to winskjen, —  
 Mar o, dat flymjen fen dy skiere leedzjewyldens  
 Dy't nacht en dei de oerstoarme siel forheistert.  
 Hjir wier 't yn dizze rêtstoel, det heit my loek,  
 En mei eat nuvers, blidens mei ûnk formongen, tocht my,  
 Yn warden en gebeart, my h jitte nou to lústrjen  
 Nei takomstbylden fen in man yn 't ôfgean!  
 Hy spriek pas inkle warden do't ik rôd

Oereinstau en 't útgjalpte yn wylde parsing.  
 „O heit, myn heit, ho kinne Jo 't my oandwaen!  
 En dat ha jim for my, for my biditsen hâlden!  
 Al tiden, seit de man, dy't ik myn Heit neam,  
 Dêr't ik mysels, dêr't ik myn lok for joech,  
 Dêr't ik myn Lolke for weibande fen myn side!  
 En soks docht Tsjet dy't ik myn frjeondinne koestre!  
 O, det myn eagen sa biwoelle wieren  
 Det ik dit ûnk net seach!  
 En scil Heit Tsjet hjir nou as hûsfrou sette  
 Den is for my gjin plak mear yn in went  
 Dy't jierren tsjûge wier fen myn forbiten Leedzjen.”  
 Do briek eat hillichs yn myn hymjend herte  
 En tomle yn diggels del. — — —  
 En moarn scil 't wêze, in dei fen roas en griente!  
 Né, 'k mei net haetsje: ús Heilân hat dat oars leard  
 Mar 'k fiel to djip, ho't hja my 't Lok ûntnamen  
 Det my op ierde bleaun wier.  
 Grif, ik leau myn heit noch, 'k leau syn warden:  
 „My fanke, 'k mei net oars, as yn 'e jountiidswigen  
 De dauwe hinget en de Ljeafde yn galen delstrykt  
 Hoe scoe myn siel den net om 't wûnder jublje?  
 En mocht ik den net me yn hjar pronk fornoegje?”  
 Ik woe hwet sizze oer Lolke, oer eigen Ljeafde  
 Mar teamme me yn, as roazen wylge binne  
 Hwa-minske scil it blêd wer tears en skientme biede?

---

O himelheit, Dy't boppe ûnstumige ierde  
 Op fêste troan 't biwâld yn wissens fier  
 Oer tûznen wynske herten, wif fen siikjen;  
 Dy't al ús wraksel wit yn drôf oerskade leanen  
 O lear Jins bern dochs for Jins wil to bûgjen  
 Al skrinet Leed yn 't ljeafdeherte;  
 Lit sterke yn 't leauwe det Gods bern it tsjoede  
 Ta suvring dije scil, my moed en treaste fine.  
 O mocht ik sjen de rjuchtens fen Jins dieden,  
 Det yn 'e nacht ik hope stelle op 't goede  
 Fen 't riizjend Ijocht dat oer 's polske weagen

De seining fen in núnderliet ûnthjit.  
 Wis, hie ik Jo net hawn yn 't oer my strûzjend lijen  
 Myn teare siel hie kniesd tsjin de ierde lein.  
 Yet hymje ik fen dit slaen, stean fierders by, o Heare!  
 Yn 't witten, faek fen 't fielen sterk oersnokkre.

Noch ienkear tsjen troch 't âlde hûs en yn wémoedich  
 [skieden]

Dy âlde went, dêr't, hie 'k hjir bliuwe scild,  
 Lyk heit me om bea, ik trêdde wêze scoe,  
 In snokkerwird fen ynlik-drôf farwol sein.  
 Mar dochs yet mongen mei 't forklearre witten  
 Det Himmelheit it lijen stjûrt ta suvring.

A. M. WYBENGA.

## JOUN.

Nou komt mei hjar swidens en rêtstige blidens  
 De freedsume joun;  
 Al fier om my hinne, yn boulan en finne  
 Is drokkens forswoun.

Hwet boartlike siichjes dogg' triljen de twiichjes  
 Mei 'n tear-fyn gerûs,  
 En paorperen glinsters biglânzgje de finsters  
 Fen 't stil-ienlik hûs.

De heimige skimer jowt drôgjende mimer  
 En treastlk geniet, —  
 Mar 'k fiel: dizze joune is inkeld in stoune  
 Dy't ringen wer giet...

Jou wytgje fen fierren mei twinkljende stjirren  
 De minske omleech:  
 It libben, it reine, it iivge en folseleine  
 Is inkeld omheech.

B. FRIDSMA.

Nou krije hja fen master elts ek noch in moai, nij, kantich latsje,  
om der rjuchte streken mei op it laei to meitsjen.

't Is in toer om dat to learen.

Master wiist, ho't hja it dwaen moatte. Sjuch, de tomme der op,  
en dan omwippe. Dan mei 't grif in streek meitsje. Den mei de  
tomme wer omwippe en hwer in streek. En sa iderkear mar wer.

Der bine al gûds, dy't it yn 'e slach krije.

Mar lytse Hindrik ropt: „Doch 't my ris foar, master!“

„Hwet seit Hindrik? Ho scoe Hindrik ek wer freegje?“

„Wol master my wol efkes helpe? Wol master wol streken for  
my meitsje?“

„Ja, master scil komme. Sjuch, de tomme der op en dan in streek.  
Nou Hindrik ek. 't Leart al, nou? Sjesa, mar wer. Moai sa, to mar.  
Gnap wirk. Nou kin Hindrik it sels al hwette?“

„Hè, master,” seit lytse Piter, „ik swit der al fen.“

„Nou, dan hâlde wy mar ris efkes op. Liz jimme de griffen dan  
mar del, dêr yn dat gleufke. Moai sa. En nou meije jimme efkes  
bûten boartsje. As master yn 'e hannen klapt, moat jim wer yn  
komme.“

Der toffelt it lytse foltsen hinne. Hja reitse mei hjar kammeraed-  
kes al aerdich thûs.

Hwet is 't moai wirk, dat omgean mei dy lytse jonges en famkes.

„Nou jo ljeaver as ik! It is my hwet hearliks, altiten yn in oar-  
mans ûndogenske bern om to tyskjen!“

Goed, det Jo gjin skoalmaster warden binne, man!

Dat seit jo:

Sept. '23.

MASTER KNYPSTRA.

## De joun wier stil.

De joun wier stil, in râstich bern  
Dat deun by feilge skirte stiet,  
Dat glimkjend heart nei memmeliet,  
Yn dreametins fen nocht forlern.

Ik stie by Ijochte sprankelfeart  
Mei wide floeijing oer myn hert;  
Natûre wier yn blank gebet,  
In blom fen jountiid iepenteard.

De âneindichheit fen lofteklear  
Wier jounjochts wûnder wijngsliet,  
In ingel dy't mids roazen giet:  
Do hie myn siel de hannen gear.

Heech bloeide silvren timperlocht  
Fen stijrrehert oer jerdelea;  
Ik sei myn nocht yn blide bea:  
Stil haw ik om Gods himel tocht.

A. M. WYBENGA.

## Us wirk.

It is al wer Oktober wylst ik dit skriuw.

De Fijerst hat syn yntocht dien yn it Fryske lân; de blêdden falle  
wei fen 'e beammen, de fruchten wirde wer rispe fen fjild en eker;  
de boer soarget wer for de kommende winter, lyk as er hjir yn  
Fryslân al hûnderte jierren dien hat. En al sa njunkelytsen glide wy;  
oer yn de kommende winter mei syn iis en snie, syn tsjustere dagen  
en syn kâlde nachten. Ma: as den de snieflokken wer twirje om de  
wenten is dêr lykwols fen binnen blidens en waermte en smûkens,  
hwent ryk wier de risping fen it giene jier en moai wiernen de  
dagen do't der woun waerd.

It winterhealjier is de tiid fen gearkomsten, fen lêzen en skriuwen,  
fen geastlike ântjowing. It is de tiid fen forgearjen fen de jongerein,  
fen winterjounenocht, fen rêt en hûslike selligens.

It is ek de tiid for propagande for de Frysk-nasjonale idé, for  
it ideael dat ús yn ús jonkheit sa boun en oanfitere en dat ús, God-  
tank, jimmeraan bybleau. Hwent hwet ús ek ântfalle mei, de striid  
for it oplibjen fen it Frysk-eigene bliuwt jimmeraan deselde. Hwent  
men bliuwt altyd Fries, ho âld men ek wirde mei. Soks is biweve

Yn it Fryslân fen hjoed leit al for in great part it Fryslân fen moarn. In stadige, mar wisse groede jowt hope op 'e takomst.  
Dêrom, oan 't wirk! Frysk bloed, tsjuch op!

M. S. E. VISSER.

## Rie.

Honear dyn hert eat heimichs met:  
In flûnkerstien fen pearletrien,  
In langstmestriel fen bernesiel  
Nei moarntiidsnocht fen sinnestriel,  
In huverbea om 't jountiidsrea  
Oer 't âlde hiem yn 't miedegea, —  
O lûstrje den nei 't tear gebet,  
O hein it seft en skein it net.

Honear dyn hert eat dimmens met:  
In blomke fyn yn moanneskyn  
Op ranke stâl yn bloeiselwâl,  
In skrutten hert mei weagedream,  
De spegel fen in reagestream  
Sêft wyndrjend om de flearebeam, —  
O fiel it as in gouden hert  
Biloaits it sêft en ploaitis it net.

Mar as dyn hert de wijng met:  
In stille siel yn willepriël  
In sündich bern dat selsforlern  
In Rêdder wit, in Heilân ken,  
Yn stammerstoun syn Jezus foun  
As libbenskrêft en ankergroun;  
Dat klear fen each mei keningsliet  
Yn 't gouden ljocht fen hertsgeniet  
En segen Gods syn wegen giet,  
Mei ierdelea en himelhert  
It stof yn tsjinst fen de livgé set,  
En wannelt mei in lichte trêd  
Nei Kanan en de gouden stêd, —  
O jublje den om 't lokkichst lot  
O jûch den om dy skoanste skat:  
Hjir bloeit de rêt for 't bern fen God.

A. M. WYBENGA.

## Harmonije.

Dêr haw 'k nei harke. Dat wier hearlik.

Stil wier de joun, en de rêt wier daujend oansweevjen kommen, en de skimer hie hjar heimenissen der troch hinne weve. Hwet stiene se bidestlik to harkjen nei de wûnderlûden fen 'e jountiidsfrede, de greatdwaende beammen om de forsprate pleatsen yn de wide lannen. Ut it Eastern wei dûnkre de nacht oan, en de ôfmêdde ierde joech yn blidens him del.

Der wier sa'n tear waes fen to binnenen bringen yn myn siele, en der wier langstme nei de fineindichheit, nei Gods sillichheit, nei himelfrede oer 't ierdeberen, en nei Him dy't de Ijochtens riizje en rane lit.

En al tearder woeks de stiltme.

Do hearde ik it. It kaem oer 'e fjilden yn syn unbihelpricens, yn syn weake ienfâld en skoarre fînsljuchten, yn syn unkrekte útbilding. Né, it wier gjin skientme, fen kinste hie it neat.

Mar it wier it liet, it wier *hjar* liet.

Ik wist it, *hja* song it. Ik hie it stal fen dat lûd yn myn siele opnomd, lyk men yens neiste ken oan gong en hâlding.

Mar de segen wier, det it wier wie'. It kaem út hjar siele, it wier ien mei hjar wêzen; hjasels wier it dy't hjar joech mei de djipte fen hjar longerjend moed.

Dû kritikus seiste, det it net suver wier, det it lûd net foldernôch klonk, det it timpo to rêd gong, det it mei de wize net doogde.

Mar dy't suver wit, kin suver forklearje, dy't alles wit, kin gâns forjaen.

Hwet hie hja in hearlike jeugd hawn yn 'e wâlden, dêr't hja blomkereau en toarnbeijen socht, yn 't sân omrôle en yn 't skaed laei. En do't hja opwoeks, hwet in wille by jountiidskuijer en 't mallepraet oer feinten en frijerij. Hie hja gjin kreaze krolderkes om hjar kroeskopke, en wier hja net in feardige en fleurige forskining?

Do wier hy yn hjar libben kommen, dryst en nimmend, en hja hie hjar tsjin him oanbûgd, yn wylde jeugdskatter en hja hie jown.

Nou wenje hje op 'e klaei, de kâlde klaei, de stive klaei, dêr't de minsken hird binne lyk de kluten en kâld as de neakene fjilden yn 'e winterhuver. En do wier de iensemens kommen yn hjar ljeavjend,

great herte, en it missen fen 'e jongfammeblidens koe net forgoede wirde troch hjar man en hjar jongkje, ho great hja dêr oars ek op wêze mocht. Dat wier dat wûndere fen it heimwé nei it mylde wâldlibben. Op 'e dei hie hja dêr it measte lêst net fen, — wirk docht bistivjen, — mar jouns den koe it opkomme, opkrûpe, slierkjenderwize, huverswart, mei mânske slinger. O dat earme herte!

Hwerom hie hja, sa jong yette, hjarsels weismiten?

Mocht se dat wol tinke? Wier Gerke den nou net hjar man? En wier 't nou gjin plicht fen hjar om hwet by'noar komd wier, stevigjend to bihâlden? Hjar libben en dat fen hjar man mei lok to foljen? Wier 't jonkje der net om him in rykdom fen memmeljeafde to jaen?

Mar o dy jountiid mei syn wêmoedige oantrûm ta fiere tinzen!

Dat wier de stoune fen de sielewaksel, fen it opstean oer 't forlerne, fen it witten det birêsting frege wirdt. Dat wier de striid, dy't hja yette nea woun hie.

Dochs is der yette genede. Dat is de ginst fen de ôflieding, de treast fen in ljeaflike skat yn 't sté fen dy't forlern is.

Do kaem it liet út hjar sieledijpten opwâljen. It wier in frjemd liet, in sang fen greate langstme en hja hie 't mar heal leard, de gatten moast hja oanfolje mei warden fen eigen útfining, it wier in sang fen baernende toarst en útdweste hope en it einige sa dûnker, mei sa'n frjemde gjalp, en dochs wier 't eft de dûnkerens yette hope joech.

Efter witige wolkens wei naem de moanne syn paed de himelhichten yn, stiigjend en sterke, en hjar laits wier oer 'e lûsterfjilden fen it glimkjende gea. De tsjoen fen 'e nachtloft sveve swietrokich om my hinne en ik tocht oan Gods Ingels. Do kamen dy klanken. De silveren siichjes forsuuren de sang en de snokkrjende frouljuesstim wier as in psalm fen frommens.

Waerd it net heard yn Gods himel? Hat de genede natûr net oerwoun?

It einige. It helle út for myn ear yn ien Ijochtens fen klank en mezyk, en — do wier 't dien. Ik stie mei de eagen ticht en lang gyng de wielde fen neiklank triljend oer myn siele.

O Heit yn 'e himel, ho fier binne wy ôfdwaeld. Moedwillens ha wy ússels út it wâld fen Jins ljeafde bijown nei de wrâld fen bigearste en ha wy krike de apels fen 'e forbeane beam. Mar hjar neismaek is

bittrens en skerpens en sieletosnijing, en de eangstme tohuvret en nettelt ús lea. O kom mei Jins geast en Jins amme yn ús sielen en bring op ús lippen de bea fen it liet. Wy scille it net sizze yn in suvrens fen klangen, wy kinne it net uteरje yn in lottrens fen dei, mar jow oer út wirden de wjuk fen genede, en wêz mei Jins ginsten ús, wrakselders nei. 't Scil nea fen ússels wêze as rythmen noch trilje yn ús ierdske melodije, allinnich Jins Geast jowt ús tins en ús liet it sêfte forkwikken fen himel en Ijocht, fen frede en rêt-harmonijje.

FETSE GREIDEMA.

---

## Te Deum.

---

Greate God! Jo priizgje wy,  
Bringe Jo de rom en d' eare;  
Komme, om 't krûs fen Christus vrij  
For Jo hillich antlit Heare!  
Bûgje djip ús del yn 't stof,  
En forkindigje Jins lof.

Det Jo Ryk fen Ijocht en krêft  
As in segen komm' oer d' ierde;  
En Jou hân sa great as sêft  
Mei de minske yn 't Ijochte liede.  
Lit de foltsen foar de troan  
Knibblje fen Gods ienge Soan.

Oan de Hill'ge Geast sij d' ear,  
Dy't ús laet op rjuchte wegen,  
't Each ús lottert Ijocht en klar  
Om to sjen Gods goed en segen;  
Yn Syn suvrjen leit ús treast:  
Eare aan Fader, Soan en Geast.

it faken om der lilk om to wirden! Der binne fen dy mynhearen, dy't, as hja in healjier yn Hollân west hawwe, sikerwier miene, det se it Frysk forleard binne. Ik kin sokke greate stankfetten min útstean. Hwet in oanstellerije, dy't der nedich wer ôfdweile wirde moat.

It scoe yens Fryske herte ek sa goed dwaen, as wy hwet mear meiwirkung hawwe mochten fen ljue, dy't nou spytgnyskjend op in ôfstân stean bliuwe, en dy't dochs troch hjar ynfloed sokke stipen for de Fryske saek wêze koene! Lit ús nea it opjaen, om dy ljue derfor to winnen. It mei sims lang oanhâlde, for't hjarren de eagen iepen gean, mar fortwivelje wij dochs nea. Do't ik forline jier op ús ûnderwizers-gearkomste in wurdmannich sein hie oer: „De wearde fen it Frysk for opfieding en ûnderwys”, kaem der ien fen 'e masters, dy — al wier der ek as Fries hikke en tein — ek al miende, dat er net Frysk prate moast, by my en sei: „Ik ha it oan't nou ta nea dwaen wollen om mei de bern Frysk to praten, mar ik scil der moarn daliks mei bigjinne.” Sjuch, sokke dingen jowe moed, om fierder to gean, De stille propagande ûnder de minsken dêr't men yn it deistige libben mei omgiet, kin tige fruchtber wêze.

Nea fortwivelje. Mei moed foartfarre. En God mei segenje ús Fryske folk, syn tael, syn aerd! Ta eare, ommers alderearst en aldermeast, fen Syn greate Namme!

De Knipe, Sept. '23.

J. HIEMINGA.

## BOEKETAFEL.

*De opstanning fen Fryslân* fen D. Kalma. Koarte ynhâld fen in rede op it Mienskips-gearwêzen ta in oantinken fen de Jierhûndert dei fen de Fryske striid op 7 July 1923. Priis f 0.25.

Kalma hat op de 7e July in foege rede hâlden, dêr't er it Ijocht út syn jongfrysk skynfet oer Gysbert Japiks gean lietten hat. Trije films draeit er foar. Earst, det it wirk fen G. J. krektlyk as dat fen de Jongfriezen woartelet yn heitelân en minskheit. Twad, det de minsken yn 1823 yn de opset fen hjar hildiging in grouwélich forsin makke ha, omdet it Regear, mei Aebinga van Humalda foaroan, dêr ek by wier. En trêd, det de jongfriezen yn 1923 safolle mânsk binne det se sizze kinne: Wy sjugge G. J., wy bigripe syn wearde, wy peilje de greate mûglicheden fen de dichter syn wirk; for Fryslân set de wiere Gysbert-tiid nou earst yn.

It is deselde wierek fen altiten: de selsforhearlikjende jongfryskerij stjonkt yen wer by gjalpen tomiette. Efkes de noas tichtknipe.

A. W.

## Selskipsnijjs.

---

Hjir en dêr bigjint ús Frysk libben him wer to ûntjaen. Sa op 'e Limmer, dêr't ûnder lieding fen ús jonge Dichter Fedde Schurer in Krite fen ús Selskip oprjuchte waerd. Ek to Inkhuzen is in Chr. Frysk Selskip oprjuchte, mei 34 leden. It bistjûr bistiet út D. v. d. Veen foarsitter; T. S. de Vries, skriuwer, adres van Linschotenstr.; F. de Jong, ponghâlder; J. Broeksma en D. Jorritsma. Beide Fryske formiddens tige wolkom! Ek yn Rotterdam dêr't it Christlik Frysk Selskip „Us memmetael” forskate jierren yn 'e slieplein hat, mar dêr't hja forline winter in kear mennich by inoar west hawwe, is it doel om dizze winter wer mei nije moed to biginnen.

„Faken scoe men sa graech sjen det der wer ris hwet mear aksje kaem. De herten binne sa kâld en it hillich fjûr liket wol yn mennich strider fen foarhinne dwêst to wêzen”, sa skriuwt de hear Joh. W. Buising út Rotterdam. Hwet hy oer Rotterdam skriuwt jildt faken oer 't hiele Fryske mêd. Wy stimme der den ek tige mei yn, as er skriuwt:

„Fen herten hoopje ik det wy der yn slagje meije, hjir wer mear bilangstelling to wekjen for de Fryske biweging. Mocht der mar mear „biweging” wêze, en den „foarút”, det it rjucht op it doel ðfgiet, opdet Fryslân ienris himsels wer wirde mei, alle healslachtigens weismitend, en ús folk ta himsels ynkearend forstean mei det it roppig is to libjen neffens eigen wêzen, om't it Godsels wier dy't ús dat wêzen joech.”

Dit binne ienfâldige en teffens tige wiere wirden.

As nou ús nije en fornijde kritten hjar mei iver to skrep sette om to bistudearjen ús Fryske skiednis, de skiednis fen ús letterkinde, ek de skriftekennisse fen ús tsjinwirdige tiid en net forgitte det it nochfolle net miskearde mei, mar yet minder de earnst fen ús fryske striid ta skea wêze moat, den is der hope det wy allinkende wei blierder takomst tomiette gean meije.

Ek yn Amsterdam bigjint it wer to libjen. De krite dêrre, dy't likernôch ifif jier bistiet, wier yn 't lêstoan al hwet yn 't forfal, mar nou hat de Selskipfoarsitter dêr in tiid- en propagandarede hâlden, dy't flink fortuten dien hat. Der binne nije leden woun, der komt mear aksje yn 'e krite, der wirde flinke gearkomsten hâlden, it

sjongkoar klandert alhiel by de wâl op en tinkt der al oer om yn 'e wintertiid in iepenbiere útfiering to jaen. Ek komt dêr de fraech wei: kin ek elts moanne yn it tiidskrift in ienfâldich leske yn fryske lêzen en skruwen jown wirde? Der binne tsjinwîrdich in hopen Friezen dy't de earste bigjinsels yet net witte, en dêrom kin soks fortutten dwaen.

Dit liket my net sa min ta en dêrom scil dêr mei Nijjier in bigjin mei makke wirde. My tinkt det it net allinne for de Amsterdamske Friezen fen nut wêze scil.

Us priissjongen hat wer in hearlike dei west. De fryske lieten trillen yn 'e seale, mar ek yn ús herten. Lit se fierder weagje, en trilje lyk it byld fen de boerepleats yn it wetter, as in twirke de weachjes forweget. Sa moatte se fierder libje op ús hiem en ús fjild.

For my persoanlik wier Woansdei 7 Novimber 1923 *de greate dei* yn myn Fryske libben.

It Psalmboek yn it ljocht!

Hwet ik tiden oanien net tinke doarst, is ta werkelikheit warden. It is my as in wûnder. De greate God dy't sa'n lyts ierdebern dêrta bikrêftige hat komt dêr de eare en tank for ta.

Fierders ek alle Fryske frjeonen tank, dy't ús holpen hawwe om de útjefte slagje toitten. In foege sauntich persoanen hawwe mei it nimmen fen in psalmboek for 10 goune it mûglik makke det ús Selskip de útjefte oandoarst.

Mei blidens wol ik hjir neame de namme fen Dr. Wumkes, dy't my, wylst ik mei de biriming dwaende wier, mei syn oanmoedigjende warden my ta it wirk oansette. En bysûnder tankje ik him for de trêftige warden dy't hy oer it *Himelsk harplûd* op ús Gearkomste spriek.

Tank ek oan ús Skriuwer, de hear G. Kamerling, for alle moeite dy't hy dien hat om de útjefte to bifoarderjen. Der is tige war op dien om, do't it wirk ré wier, it nei de printerij to krijen, en dêr wier Kamerling de man fen.

Bysûnder tank fortsjinje ek de Hearen J. J. Hof en A. H. de Vries for it neisjen fen de printklâdden. Hja hawwe mei hjar helder taelynsjuch forskate flaterkes de wrâld útholpen, en sa de wearde fen it wirk forhege.

Friezen en Friezinnen! oan jim sit it nou om jim eigen psalmen in plak to jaen yn jim eigen hert.

De Novimbermoanne is wer om. Hat elts Selskipslid syn plicht al forstien en minstens *ien* lid der by woun? As dat sa yette net is, den daliks to set. It is needsaek. Selskip en Tiidskrift *moatte* útwreide wirde.

Oan 't wirk!

A. M. WYBENGA.

## Dû bûgest' . . .

Dû bûgest' sa tear oer myn herte,  
Mei heimige trien yn dyn each;  
Dû dôvest' myn triljende smerte  
En diekst my mei silveren reach.

Dû joechst my de lieten to learen  
Fen moarntiids myld riizjende skyn;  
Dû sparklest oer weagjende tearen  
Forwege fen boartlike wyn.

En as ik sa iensum my fielde  
Mids ierdes oerhearrich gedrûs,  
Den wiern' my dyn teisters myn wielde,  
Yn lijte fen Ljeafdes myld hûs.

Den songst my dyn silveren sangen  
Sa deun oan myn longerjend boarst,  
Det ik mei myn baernende wangen  
Myn siken net uterje doarst.

Dat wieren de dagen fen eren;  
Dû makkest in doarmer sa ryk;  
Dû brochst my yn hegere sfearen,  
In Kening mids roazen allyk.

Ho giest nou sa fier en sa meijen  
Myn trystige wente foarby?  
En hast 't yn dat hompende lijen  
Gjin ljochtsjende ljeavens for my?

Forjow my: 'k bin 't paed fen 'e smerten  
 Forlaet fen bikoaringen gien;  
 'k Haw ropping en libben forgetten  
 Myn ljeafde yn dyn liet net forstien.

O búigje wer tear oer myn herte  
 En patsje myn eagen wer skien,  
 En hilligje djippens en smerte  
 Ta fûnk fen in ljeavjende trien.

Den sjong ik wer jubel en lieten,  
 Forearje ik wer klearder de Heit  
 Dy't dy mei dyn sjongende segen  
 My joech op myn kronkljende wegen,  
 Dy't ivige Wierheit my seit.

A. M. WYBENGA.

## OPTEINE.

Ik haw it as in lok forstien,  
 En stil is 't oer myn siele gien.

De nacht wier njûr fen hellekwea,  
 Fen bloed en fjûr de dage rea.

Yn 't herte lôge sûndebrân,  
 Weitarrend my ta ûnforstân.

Do kjirme ik, slein fen wrakselsûr:  
 Forlerne sûndaer jowt it oer.

Mar Himelmacht fen fredeboun  
 Hat fen dy tsjoede krêft it woun.

't Wier Heit dy't my in Jezus joech,  
 Nei mânske terp fen Heil my droech.

Ik, ûnforstân, hat 't Lok forstien,  
 En blank is 't oer myn siele gien.

W.

*Laus Deo'*, Dokkum. 258½ punt.

In kranige útfiering fen it forplichte nûmer. Goed fen bigryp en just fen foardracht. De tenoare klinkt by nou en by den net sa bjustre moai, b.g. „spant oer alles hinne”. De alten sjonge de *des yn „trilt lang”* net suver.

For de útfiering fen it swiere frije nûmer „In stim yn Rama” ha wy tige respekt, Inkelde lytse dinkjes net meirekkene, wier dit nouris in fortolking dy’t werkelik „op peil” stie. In moaije prestaesje!

„*Geeft Gode lof*”, Ljouwert. 219½ punt.

Men scoe hjir deselde opmerkings as by it Menamer koar meitsje kinne. Net in krekte útfiering fen de chromatyske passaezjes „letter”, „t slipt alles”, en ‘t byld trilt lang”, mar oars is de klank fen dit „ensemble” hwet glânzender.

It frije nûmer „Lofliet” wirdt tige goed úttierd. Lykwols kin it gehiel losser en liniger. En de forhâlding fen klank kin ienfâldiger.

Teffens út namme fen de beide oare Karmasters Jac. N. D. Hoogslag en P. C. Koerman,

de Rapporteur,

Ljouwert, Novimber '23.

R. BEINTEMA.

### De Utspraak.

Nou’t by it Priissjongan de Utspraak fen it Frysk stadichoan op heger peil komt, mei der ek heger easken steld wirde. Det for útspraak dit jier ûngefear deselde punten as it foarige jown wirde koene, mej dos as in foarútgong oanmirken wirde.

Forline jier waerd der al in bigjin makke mei it bioardieljen nei de algemiene yndruk, for dizz’ kear waerd dit yet hwet stranger tapast.

Sa wier op to merken det it útsprekken net sa helder en klar wier mei *Heech*, *Menaem* en *Ljouwert*, hwet better mar ek net suver mei *Feanwâldsterwâl*, en *Wâldsein*, det *Balk* en *Dokkum* net sa tige biskaeft fen útspraak wieren, det it mei *Sûwâlde* wol hwet dûdlicher kin, en det *Menaem* it mei de foarming fen de bylûden ek hwet sitte lit.

Mei de worden *ivichheit* en *majestetit* wier ’t gauris lijen. *Sleat* en *De Knipe* songen it sels sa det it net ienris rymde.

Allinne *De Knipe* song *Jehova* mei it Hollânske w-lûd, lyk it heart.

Dêr't fierders de flaterkes net sa tige fen bitsjutting for út tael  
achte wirde kinne, scil hjir folstien wirde mei de punten troch elkmes  
'e Koaren helle noch oan to jaen.

Boppe-oan stiet *De Knipe* mei 19 punten, den folget *De Wester-ein* mei 18½, den Feanwâldsterwâl, Wâldsein en Suwâlde mei 17,  
hjirop Dokkum mei 16½, forfolgens Sleat, Menaem en Ljouwert mei  
16, en einlings Heech en Balk mei 15 punten,

Oan to rieden is: sa helder en dûdlik mûglik de wirden to foarn-  
jen en út to sprekk'en.

jen en út to sprekk'en. Foaral ek der op passe det de iene sjonger it  
net in bytke oars útsprekt as de oare. As ik injir in gesichtsbyld op  
in gehoarbyld tapasse mei, den scoe ik sizze, det it oars yen sa  
bislein foarkomt eft in biwalme spegel is. Ienriedichheit is hjir *it*  
middel. As b.g. it wird greatens troch in part mei *ea*, en troch in oar  
part mei *eu* songen wirdt, lyk nou mei *Heech* it gefal wier den bidjert  
dat de dûdlikens tige.

Dat dit inkeld wirdke noch ta opskerpjen tsjinje mei, is de winsk  
fen de Karmaster

A. M. WYBENGA.

### KRYSTPSALM

Ho skynt út driigjend-dûnkre wolken  
In ivich Ljocht de himels lâns!  
Kom ta syn strieling, alle folken,  
En dû, myn siele, oanbid syn glâns  
It scil de skaden swiid oerskine  
De súmbre skaden fen de dea —  
De nacht fen sûnde scil fordwine,  
Genede spriedit hjar moarntiidsrea.

Hwet heil! Wy hawwe in Bern ûntfongan,  
In Soan joech God ús troch Syn kréft:  
't Biwâld is om Syn skouders hongen;  
Syn lêst is licht, Syn jok is sêft.  
Syn namme is Wûnderlik; Syn dieden  
Binn' Ijeafde-wünders, einleas ryk;  
Hy bringt ús wer, nei wreevlich skieden,  
Ta God, Syn reine bern allyk.

Oersetting.

S.

Gau is alles wer yn 'e stokken.

„Hâns, híjir lizze fiif sinten, Kin Hâns dêr wol trije by wei krije?”  
Hâns kriget trije sinten en stekt dy tige parmantich yn 'e bûse.

„Hofolle binne der nou noch oer, Hâns?”

„Twa, master.”

„Yn oarder hjer. Liz der nou ris wer twa sinten by. Moai! Nou binne der....?”

„Fjouwer, master!”

„Krekt! En hofolle moat Hâns der nou noch by dwaen, om in stûr to krijen?”

„Noch ien, master!” seit Hâns wylst de lêste sint út 'e bûse der by teld wirdt.

„Hawwe jimme thûs ek hinnen, Jeltsje?”

„Ja master, twa hinnen yn it keninehok.”

„Ho mannich poaten hat in hin, Jeltsje?”

„Twa master.”

„En dy twa hinnen fen jimme, Jel, hofolle hawwe dy togearre?”

„Fjouwer poaten, master.”

Sa giet it in foech heal-ûrke troch. De tiid is sa mar om. As 't dien is, wirde de laeijen wer kriegen. Nou moatte der streekjes en hoepkes en krûskes en stoeltsjes en sok spil mear ieikene wirde: ien, twa trije, fjouwer, fiif.

Skielk is 't wer tiid, om nei hûs to gean. Master tanket de Heare for de segen, dy't Hy jaen woe by it wirk.

Dan is 't: Dei, jonges en famkes!”

„Dei, master!”

Nov. '23.

MASTER KNYPSTRA.

### **Dû wêz wolkom berntsje.**

Dû wêz wolkom berntsje, Jesu, Treast en Tier.

Dû komst fen also hege fen also fier.

Nou wêz wolkom berntsje fen de hege himel blier

Dû kaemst op dizze ierde fen hjar wreed leed skier.

Lof aan de Hear.

Halleluja Heare, yn de nije tiid  
 Wy sjonge it bern ús lieten sa hertebliid.  
 Jezus kaem op ierden yn krysttiids hillge nacht  
 Heech moat wy Him priizje: Hy joech op súndaers acht.

Harders yn 'e fjilden hearden in nij liet,  
 Ut Inglemûlen kaem it sa wûnder swiet:  
 Gean nei jinse strijtte, jim scill him fine dêr,  
 Bethlem seach syn komste, 't ljocht fen de hege stjér.

Wize keengen kamen út fier Easterlân,  
 Hja sochten Him ús Heilân mei offerân,  
 Brochten mei hertswille hijar wijreek, myrrhe en goud  
 Earen dêrmei 't berntsje dat alle frede ús jowt.

Nei in âlde krystsang.

A. M. WYBENGA.

## Eksamens Frysk.

Lenkear yn 't jier kinne de ljue dy't hjar dêrta ré fiele, eksamen dwaen yn 't Frysk. Gewoanlik binne it skoalmasters dy't hjar dêrta opjowe; mar 't is dûdlik det ek oaren dat dwaen mieje.

Om in bytke oersjuch fen it wirk dêrre oan ús lêzers to jaen, nim ik hjir út it koarte forslach de haedsaken oer. Earst it skriftlike.

### DICTEE.

Noch in heal ûre arbeidzje en den ha 'k hjeljoun.  
 Hwet hawwe jy for dy fjirder bûter bard?  
 Men moat altyd fierder sjen as yens noas lang is.  
 Foar fiven kraeide de hoanne als for de trêdde kear.  
 Freegje gau efkes by bûrman hwet de súker gou.  
 Men koe him yn dat herberchje net herbergje; men koe him dêr net bêdzje om't der mar ien bedtsje wier.  
 Jow my jou mês efkes, ik scil it jo daliks werjaen.  
 De stoarm skoerde stikken út 'e diiken; greate stiennen waerden foartslingere en de peallen hienen it hird to fordürjen.  
 De Aldehou tsjinne de séljue eren ta beaken; dat wier lykwol de tsjinwirdige Aldehou net; dy is men earst yn 1529 bigoum to bouwen.

## Boeketafel

*Fryske lân en Fryske libben.* Fersen fen (Dr.) O. Postma. Twadde formeardere printinge. Priis f 1.50, yn linnen bân f 2.—.

Uitjowers: Brandenburgh, Boschma & Co., Snits 1923.

Det binnen it bistek fen' in jier ef fiif yn ús Fryslantsje fen in suver skriftekindige bondel in twade formeardere printinge forskynt, is by my in tige moedjaend teiken. Der libbet it Fryske herte yetris fen op. It is my great to sjen det it peil fen it Frysk-lêzende publyk út 'e hichte giet. Der komt fieling for it teare en skiene fen ús lân en ús widen.

Lyk de natûr in libbene wünderskilderij neamd wirde mei, sa is dit boekje in biwijs, ho't de dichter mei fieling en krektens de moaijens fen dizze wünderskilderij yn him opnommen hat en ús dy hearlikheden oanwiist, lyk wy se alle dagen sjugge, en faken libje eft wy der neat fen merke. Alles libbet hjir for de ljeavjende.

En in glimke boartet der oer.

En in twirke lit yen fieie: oer Fryske greiden waeit de wyn fen Fryslân.

Mar ek in trien fen wémoed fûnkelt der trochhinne. Ik sjuch dy trien hast by al dizze fersen, ek as 't yen yn 't earstoan oanliket det it allinne mar om in glimke to dwaen is. It is net tafallich det it hast mankelike *De boerinne fen Surch* foarenoan yn dizze samling stjet.

Hjir kom ik op myn bitinking tsjin dit boek: it jowt yen tsjin it wémoedige gijn inerlike forsterkng. Gjin hope op 'e goudene takomst fen Jezus Christus. It goudene sit yn 'e tiid „det men fen froeger dagen dreame kin.”

It moat yen oandeare.

Dêr scil wer mei gearhingje det de „fromme mannen fen Allingawier” in pripke krije det hija de Alde Tsjerke forlieten en in „keal flinterhûske” yn 'e greiden setten, om der de „wiere lear” to hearren.

Sa scil de Christen net foldien wêze, as er dizze bondel mei in sucht oer it moaije en om 't ûntbrekken fen noch suverder moais út hanner leit.

Hy mist fen it Fryske libben de goudene wierens fen it libjen yn God de Almachtige, it libben fen de fromme dy't dei oan dei yn 'e rykdommen fen 'e Natûr de Majesteit en hearlikheit fen de Ivige klearlik sjen kin.

Ik wol net eingje, sündar earst yet op in goede side yn dit wirk to wizen. Dr. Postma fielt for de greate mannen dy't foar him de Fryske pinne hantearren. Hy bitinkt master Salverda en Waling Dykstra, en ek de roerren Halbertsma hawwe in waerm plakje oan de Dichter syn herte. Hy seit fen de Rimen en Teltsjes:

Dyn tael is echt; sa hat ús pake spritsen,  
Mar opskreaun is 't mei dichters gouden pinne,  
Dy hearre ek hwet yn herten bliuwt biditsen  
En dy't it hege en sljuchte skiede kinne.

Om de tige moaijens en dichterlike teikeningen fen dit ienfäldeichkeine boekje hoopje ik det dizze twade printinge net minder gau útforkoft wêze mei as de earste.

A. W.

### Ev. Gesang 17.

Hwa't op Gods goedens wit to tiidzjen,  
Nei Him syn hoopjende eagen slacht,  
Dy wol Hy wunderlik forbliidzje  
Yn weagjend leed, yn neare nacht.  
Hwa't op de hege God bitrout  
Hat op gjin sân syn wensté boud.

Wêz stil, en swij dyn Ljeaven Heare,  
Rêst yn Syn rie mei dimmen moed.  
't Scil alles ta dyn seine keare;  
Syn hân is 't, dy't de wrâldgong stjûrt.  
Hy hat ús ta Syn bern forkard;  
Hy wit, hwet elts fenneden hat.

Syn ljeafde wit de rjuchte tiden,  
Syn each giet noedzjend oer Syn bern.  
Bifynt Hy ús mar trou yn 't striden,  
Den scill' wy Syn genede sjen.  
Hy komt, en hearlik, ûnbitocht  
Stean w' yn de sinne fen Syn ijocht.

Hwa't yn Gods krêft syn plicht bitrachtet  
Giet sjongend lâns de hjitte wei;  
Hwa't Himels rike seine wachtet  
Dy fyt him eltse moarntiid nij.  
Wol den bitroujend fierder gean:  
God lit ús nea allinne stean.